

# Froujinsambyt

R. R. van der Leest





Frouljusgambyt

FILMROMAN

R.R. van der Leest

# Frysk Ljouwert

ÚTJOUWERIJ  
FRYSK EN FRIJ  
Ljouwert  
2019

*Yn dit boek wurdt in swarte man oantsjut mei it n-wurd en op in stereotipe manier beskreaun. Wurden kinne nei in skoft fan gefoelswearde feroarje en machtsferhâldingen kinne ûnrjochtfeardich oer komme. Sadwaande kinne sokke passazjes út 'e tiid en pynlik wêze. Se jouwe net de fizy fan 'e útjouwerij wer, mar binne toch yn dizze werskreaune ferzy opnommen mei it doel en ûntken net dat sokke perspektiven bestien hawwe.*

Frouljusgambyt

© 2019 Stichting Utjouwerij Frysk en Frij, Ljouwert/  
Reinder R. van der Leest, Haren (NB)

Foarmjouwing: Jurgen Jasper, Wychen

Ut dizze útjefte mei neat fermannichfâldige wurde en/of iepenbier makke troch printsjen, mikrofilm of op hokker wize ek, sûnder skriftlik goedfinen yn 't foar fan de útjouwer.

No part of this book may be reproduced in any form, by print, photoprint, microfilm or any other means without written permission from the publisher.

NUR XXX

ISBN XXX

[www.frysk-en-frij.nl](http://www.frysk-en-frij.nl)

FROULJUSGAMBYT





- A1 In lâningsbaan by jûntiid. Troch rein en tsjuster takstyt in fleantúch frontaal op de glêzen koepel fan de oankomsthal ta. Boppe it foarrút fan de kokpit wurde ljochtjaande nammen sichtber. SPITSBERGEN - LJOUWERT. As it tastel sa nei is dat inkeld it wurd ERGE it sicht follet, stiet it dreunend stil.
  
- A2 Klibers reizgers komme mei har bagaazje de hal yn. Se wurde opwachte en ferwolkomme troch famylje en freonen. Ien span earmtakket dwers troch dat geskyt hinne. In ljochte frou mei in dûnkere man. Se reppe har nei de útgong. Bûtendoarren rydt de stedsbus krekt fuort. Se swaaie nei in taksy.
  
- A3 It hat in misreis west. Trije wike Spitsbergen foar lju dy't noch net fan earmoed de fakânsje yn eigen provinsje tabringe hoegden. In arktise simmer. Se hawwe de snietippe bergen fan Nij Fryslân sjoen, oan de froastferlitten kusten fan de Hynljippen Strjitte stien, oer de iisfrije wetters fan de Lomme Baai fierke. Dy nammen brochten har it heitelân yn 't sin. Dat hie it slimste net west. Mar om har hinne wiene ek de Westra's fan Tsjommearum, de Dykstra's fan Ketlik, de Postma's fan Sint Jansgea en de Boersma's fan Eastermar. Se hiene tûzenen kilometers flein, om wer midden tusken de Friezen te bedarjen. Dat wie de ôfknapper wurden.
  
- A4 Rein trommelt op it dak fan de taksy. De frou en de man sitte op de achterbank. Se sjogge oerside nei bûten, elk deselde kant út. Rûnom, mei glimmende petten, binne plysjes yn 'e wapens. De strjitterreur tjirget him. By de Frouljuspoartebrêge stiet in omkipere bestelwein yn ljochte lôge. Op de hoeke fan it Lyts Skavernek lizze acht âldmannen yninoar slein.

- A5 De taksy hâldt foar in swierbewekke parkeergaraazje, krekt bûten it sintrum fan de stêd. De frou en de man stappe út. Se sette op in kûgelfrij hokje neist de yngong ta. Har papieren wurde kontrolearre en se moatte betelje. In manachtige faam, mei in karabyn yn 'e oanslach, bringt har nei weinnûmer ZZ-ZZ-YZ.
  
- A6 Gjin auto, mar in automobyl. In Isotta Fraschini út de jierren tweintich. Doetiids it statussymboal fan Greta Garbo en Rudolph Valentino. Stoer en sierlik tagelyk. Mei in achtsilinder motor op rige, rejale swarte spatbuorden, ferbûn troch brede sulverkleurige tredplanken, dêr't de reserve speaktsjillen op steane, mei riemen fêstbûn; rûne net-ynboude koplampen, karmynread koetswurk, in mahoankehouten stjoer en ynstruminteboerd, juchtlearen banken ûnder in swartlinnense kape. Hjir hawwe de fandalen net taslaan kinnen. Alles sit der noch op en oan. Sels kentekenbewiis diel 14 achter it foarrút.
  
- A7 De frou en de man stappe yn. Se ride de parkeergaraazje út. In stielen punthikke swaait automatys iepen. De rutewisker faget fan links nei rjochts it stedsbyld út en fan rjochts nei links ferskynt:
  
- B1 It boerelân. De asfaltdyk spegelt yn it ljocht fan de koplampen. Oan wjerskanten streekje stammen foarby. Dan in rustyk rustich stek, dat in grutte ferwylde tún ôffredet. Twa pylders mei sittende stiennen liuwen derop. De pûleagen stoarje woest en de lippen fan de healiepen bekken binne oplutsen. De automobyl rydt tusken de pylders troch in oergroede opreed del, dy't omraak bochtet. It reint net mear, mar fan de beammen waaie slingerdrippen. Se petse tsjin it foarrút, dêr't de wisker no fan stilstiet.

■ B2 Oan de ein fan de reed ljochtet in wyt hearehûs op. Yn in wide rûnte dêromhinne lizze Fryske ruters: balken fan in pear meter lang, mei stikeltrie omwuolle en krúshouten oan de einen. De automobyl bliuwt mei in skok stean. Ferstuivere stappe de man en de frou út. As se wat ta it gesicht wend binne, jouwe se inoar in hân. Se besykje oer de ôfsetting te klimmen. Tusken de beammen wei komt in tinburdige plysje man tasjitten.

‘Wat sil dit?’

‘Wy wolle deryn.’

‘Dat mei net.’

‘t Is ús eigen hûs!’

‘Wa binne jim dan?’

‘Dynte Planteit en Nier Hinnebruer.’

‘Legitimaasjebewizen, asjebleaf.’

Nier lit de paspoarten sjen.

‘De j yn Hinnebruijer is trochskrast.’

‘Dat hat de staveringskommisje dien.’

‘Wêrom is de boel hjir tichtset?’ freget Dynte.

‘Ut eachpunt fan feiligens.’

‘Binne der fergiftige stoffen yn de grûn fûn?’

‘It hûs is beset. Kreake.’

‘Skop dy kreakers derút!’

‘Dat giet net sa maklik.’

‘Dêr binne jim toch foar?’

‘Ik sil de ynspekteur der even by roppe.’

‘Lit dy keardel yn in knoop waaie! ’t Is ús hûs! Derút mei dat soadsje!’

‘Jo moatte hjir wachtsje.’

‘Gjin sprake fan!’ Dynte bestoarmet op ’en nij de barrikaden. De plysje man kin har noch krekt by in ankel pakke. Se spinfuottet,

mar moat belies jaan. De lange earm fan it gesach is sterker. ‘Nier, sis do ek ris wat!’ himet se.

Nier lit it ferstân foar it gefoel sprekke. ‘Ik wol opheldering.’  
‘Dy sil de ynspekteur sels jaan.’ De plysjeman kriget in portofoan en ropt syn superieur op.

Nier nimt Dynte besiden, foar’t der ûngelokken fan komme.  
‘De ynspekteur is ûnderweis,’ fernijt de plysjeman. Se ferbite har ûngeduld en ergernis.

■ B3 Twa sielen, ien gedachte. Mar se sizze neat. Se sille wol wizer wêze. Dynte hat yn it frije berop fan ferdivedaasjefamke altyd roetswart wurke. It jild streamde har temjitte. Dat wiene gouden tiden. Dy binne foargoed foarby. Gelokkich hat se wat oerholden. Har hiele kaptaal, in moai dofke, leit no goed weistoppe yn har wente. Se hat it jild net mear op de bank of giro, want dan moat se it opjaan foar de belêsting. Dy klaut langer alles yn. It jild thús be-  
warje is folle foardieliger, sels it rinteferlies meirekkene. As de boel mar net oeral helle wurdt. Kreakers binne brekkers.

■ B4 Gûnzjen wurdt gnoarjen wurdt gieren. In auto giselt om de bocht en hâldt mei in skower oer it grint. It portier swaaait iepen. In man mei in skeve glimk yn it tsizich gesicht wrot him achter it stjoer wei. Hy stekt in giele kessentsjeshân út. ‘M.I. Slikma.’  
Se knikke him hertlau ta.  
‘Kollega fan ynspekteur A.A. Kliksma, jim wol bekend.’  
‘Ik miende dat it A.E. Kliksma wie,’ seit Nier.  
‘No net mear. Hy hat my dizze saak yn ’e hannen jûn. Ik haw, om it yn geef Frysk te sizzen, earder mei dit byltsje hakke.’  
‘Slaan dy kreakers der dan út!’ spat Dynte op.  
Hy lûkt wat út de bûse. Gjin byltsje. In opskriuwoekje, dat er

iepenslacht. Mei de tomme triuwt er de klep fan de pet in eintsje omheech. 'Jim hawwe ôfwêzich west fan 24 juny oant en mei 15 july. Trije wike dus. Strykt dat?'

'Ja.'

'Jim witte, dat elkenien dy't syn of har hûs langer as fjirtjin dagen ûnbewenne stean lit, dêrfan yn 't foar oanjefte dwaan moat by de pleatselike plysje yn syn of har wenplak?'

'Nee.'

'Spitich. Dêrmei hawwe jim sels om swierrichheden frege. As jim dy ferplichting neikommen wiene, hie it kreakjen fan jim hûs ûnwet-tich west. Dan hiene wy it sûnder omhaal ûntromje kinnen.'

'O.'

'Njoggen july, de fyftjinde dei fan de leechstân, is it beset. Tige tûk fan dy knapen. Se stiene yn har rjocht en wisten dat blikstienderse goed.'

'Mar ...'

'Om har te isolearjen en ek om konfrontaasje en eskalaasje foar te kommen, hawwe wy dizze ôffreding hjir delset. By nacht en by dei wurde se kontrolearre.'

'Soa.'

'Heel Fryslân hawwe wy ôfbelje moatten om út te finen wêr't jim taholden. Want in fakânsje-adres hiene jim fansels ek net achterlit-ten. Op 't lêst kamen wy by jim reisburo. Dat wie earjuster. Doe hie it gjin sin mear om jim te warskôgjen.'

'Soene wy teminsten in pear dingen út ús hûs helje meie?' freget Nier.

'Wat foar dingen?'

'Persoanlike besittingen.'

'Lyk as?'

'Poalissen, brieven, foto's.'

‘Ik sil myn bêst dwaan, mar ik beloovje neat.’

De ynspekteur nimt de portofoan fan syn ynferieur oer. ‘Hjir M.I. Sliksma, hjir M.I. Sliksma. Kin Jute Kei daliks even by it trefpunt komme? M.I. Sliksma fersiket Jute Kei by it trefpunt te kommen.’ In langhalige oprisping krôket út it apparaat. ‘Hy komt,’ seit de ynspekteur.

■ B5 De koplampen fan beide auto’s smite in gril ljocht op de gevel. Dêr giet de doar nei it bordes iepen. In hymphamphâldfêst fan mear as fyftich spûken stapt nei bûten ta. Se hawwe allegearre hege wite puntmûtsen op, wite lapen mei kykgatten foar en lange wite gewanten oan.

Nier en Dynte skuorre grutte eagen op.

‘De Ku Klux Klan!’ roppe se tagelyk út.

‘Nee,’ ferbettert de ynspekteur, ‘de Kreative Kreakers Kommune.’

Ien fan de spûken makket him út de rige los en swevet by de treppen del. Syn wanstaltich skaadbyld klimt tsjin de muorre op. In pear meter fan har ôf bliuwt er stean. Se kinne fan syn gesicht inkeld de koalljochte eagen ûnderskiede.

De ynspekteur makket de partijen oan inoar bekend. ‘Dit is Jute Kei, wurdfierder fan de K.K.K. Dit binne Dynte Planteit en Nier Hinnebruijer, eigners en oarspronklike bewenners fan it pân.’

‘Dat sil my in bolle rotsoarch wêze,’ grollet de kreaker. De toskan hâldt er opinoar. Hy is noch te beroerd om in bek iepen te dwaan. As it stikeltrie der net tusken west hie, wie Dynte him oanflein.

‘Se wolle graach wat persoanlike papieren ophelje,’ ferfettet de ynspekteur ûnfersteurber. ‘Mar dan moat ik al in skriftlike permisje fan jim hawwe. Soe dat kinne?’

‘Freegje oan ús fakbûn,’ is it tuskentoskse antwurd. ‘Wêr binne jim by oansletten?’

‘It B.B.B.’

‘B.B.B.?’

‘Boartlik Brekkers Bûn.’

‘Jim dogge neat op eigen manneboet?’

‘Sa is it.’

‘Dat betsjut dus nee?’

‘Hast it yn ’t snotsje?’

‘Burokraat!’ byt Nier him ta.

‘Kinst om my de pot op,’ ferklearret Jute Kei.

Dêrmei stapt er út it organisearre oerlis. Syn skaadbyld sakket by de muorre del. Hy waait by de treppen op, it bordes oer, it hûs yn. De kommune strûpt him as sân troch in oerglêsl achternei. De doar slacht ticht.

‘Jim hawwe it heard,’ ferbrekt de ynspekteur it swijen. ‘Se hâlde de poat noch stiif. Dat is yn it begjin by in besetting altyd sa. Mei de tiid wurdt har hâlding soepeler. Dan dogge ûnderhannelingen fertuten. As jim behearsking opbringe kinne, komt it grif ta in frijwillige ûntromming. Dêr hawwe beide partijen baat by.’

‘Brûk mar geweld,’ trunet Dynte oan. ‘Doch in ynfal. It kin ús neat skele as de boel koart en klier slein wurdt.’

Dêr harket de ynspekteur oerhinne.

Dynte docht noch gjin lichten. ‘Hongerje se út!’

De ynspekteur suchtet. ‘It is sels ús djoere plicht om har alle dagen iten en drinken te besoargjen. Inkeld by in misdie hawwe wy it rjocht om ús mei de wapens tagong te ferskaffen.’

Nier sjocht ferachtlik. ‘Is dit dan gjin misdie?’

‘Net iens in oertrêding. Dêrom is it sa’n toer jim hûs wer frij te krijen. It komt yn oarder, mar it kin wol even duorje.’

Hy strykt mei in hân de glimk wer oer it gesicht.

‘Hawar, jim sille foar in skoftsje earne oars ûnderdak sykje moatte.’

Mar lit ús witte wêr. Dan hâlde wy jim op 'e hichte. Dit is myn persoanlik nûmer.'

Hy langet Nier in kaartsje oer.

'In oprop foar jo,' komt de plysjean en rikt de portofoan oan. De ynspekteur harket nei it boadskip. Dynte en Nier wikselje gebaren út.

'Ik moat no daliks fuort!' ropt de ynspekteur, wylst er him ôfjout. It grint spat op en syn auto nimt de gait. De plysjean giet demonstratyf foar de ôfsetting stean. Skonken in bytsje útinoar, hannen op 'e rêch en it kin omheech. Nier en Dynte stappe foar oerlis yn de Isotta Fraschini.

- B6 It ovaalse achterrailsje yn de kape fan de automobyl omlistet de skaadbylden fan har hollen tsjin de wite muorre. Har trekken binne net te ûnderskieden, mar se petearje drok. Dynte brûkt de hannen derby. Ynienen stûket de redendrift. Se sjogge oerside, elk in oare kant út. Sa bliuwe se in set stil sitten. Mar by eintsjebeslút draaie se tagelyk it gesicht nei mekoar ta en harren lippen reitsje inoar. De koplampen dôvje, alles wurdt tsjuster.

- C1 Skier winterljocht strykt oer in keale muorre. Oan in spiker hinget in kladsje. Dêrop is in Persys kwatryn fan Omar Khayyam skreaun:

*'Wa't midden yn 'e wrâld by stille boarn'  
De frede fûn en net fan jild bedoarn  
De wurden slaaf en master mocht ferjitte,  
Hat mear as sultan Mahmoed op syn troan.'*

- C2 Achter de besleine rútsjes fan in krûp-yntsje op 'e romte



sit Dynte te sokstopjen. Sinteklaas is fan 't jier in echte sinteklaas wurden. Dêroan jild te spandearjen mei har net barre. En toch sil se Nier ferraskje. Se hat in pear Noarse sokken fan him fûn. By de gatten om ticht. In âlde wollen fûstwant fan harsels hat se ôffraffele om foar stopjern te brûken. Dat it safier mei harren komme moast. Se suchtet en sjocht wer nei de wize wurden op it kladsje.

- C3      Voice-over wylst Dynte sokstoppet. De ûnderhannelingen mei it fakbûn fan de kommune hawwe gjin fertuten dien. Se sitte oan reapsein. Salang't hûs en hiem te Ald-Appelskea op papier noch har eigendommen binne, keare de offisiële ynstânsjes har gjin stoer út. Se moatte earst har besit oan jild meitsje. Mar dat besit kinne se net oer beskikke, dêr húsmanje de kreakers yn. Se hiene in ûnbeset stik fan har grûngebiet ferkeapje kinnen. In bank makke dêr gading oan, om der in konferinsje-oarde del te setten. Se krigen gjin permisje fan de gemeente, want soks strykte net mei it bestimmingsplan. Dynte hie har âlde berop fan ferdivedaasjefamke wer útoefenje wollen. Dan soe se har ynskriuwe litte moatte by in kollektyf, want partikulier mocht it net mear. Sels dêrta wie se ree. Swart wurkjen wie diskear toch gjin tinken oan, de opspoaringstsjinst strúnde rûnom. Mar dat woe Nier net heal lije. Ferdivedaasjefamke wie langer net mear fertroud mei al dy kriminele rânefer-skynsels. Yn syn âlderwetse automobyl soe er wol trouride. Hy krige gjin fergunning. It wie ûnearlike konkurrinsje foar de behoefteige taksybedriuwen. Har rie te'n ein hiene se de Isotta Fraschini oan sa'n bedriuw ferkocht en har hjir op skreiershoek nei wenjen set. As se in hûs hierden, soene se ûnder de minsken moatte en dêr kinne se net bankje.

- C4      Dynte suchtet jitrís. Se libje no links en tinke rjochts.

It hat wolris krekt oarsom west. Se skrousket en wriuwet de boppe-earms. Dan pjukket se dapper fierder. Eefkes letter komt se oerein om in tredde trui oan te strûpen. Wylst se dêrmei dwaande is en earst de hân troch in gat yn de earmtakke stekt, rinkelt de telefoan. Grif de oansizzing dat se ôfsnien wurde. Ferline wike hawwe se de lêste moanbrief krigen om te beteljen. Se skytskoarret nei it tastel, nimt de hoarn fan de heak en seit har namme.

‘Regio útstjoerburo-ooo,’ sjongt in famke oan de oare kant fan de line. ‘Komst daliks? Wurk foar dy.’

Dynte stiet fersteld. Iuwen lyn hat se har by it buro ynskriuwe litten. Noait waarden har tsjinsten frege. ‘Watfoar wurk?’ Har stim trillet even.

‘Wit ik net, mar it driuwt. Kinst hjir om twa oere wêze?’

‘Wurk by wa?’

‘De klant wol anonym bliuwe. Om twa oere dus?’ It heart as út foarbije tiden. Op slach wurdt se saaklik. ‘Ik bin om fiif oere by jim.’

‘Net earder?’

‘Ik haw in oare ôfspraak, dy’t ik earst beslist neikomme moat.’

‘Ofpraat, fiif oere dan.’

Se stiet noch in setsje mei de hoarn yn ’e hân, nei’t de ferbining al ferbrutsen is. Starich leit se op. Yn har sprekt it ferline noch troch. Kom, se sil mei it tameitsjen fan it miel begjinne. Nier komt aanst thús.

Se set de nedichheden op it oanrjocht. Ierpels fan juster. Dy sil se opbakke. Ien frikadel, ek oersparre. Kin se opwaarmje. Fierders in sipel en in winterwoartel, in nustje earmtakkemakaroany, twa sobblokjes, in pak healfol healfolle molke en in âld stikje tsiis dat sa sterk is dat it út himsels nei har ta rint. Mear hat se net. Mar se makket it miel mei sin ta. De keuken follet him mei itenslucht. En

om't it foarútsjoch op wurk sa feestlik is, skept se út in buske noch in boaiemke Ingelse tee. Ien leppeltsjefol foar him en ien foar har. Gjint foar de pot, dat kin de brune net lûke.

- C5 Einlings stapt Nier it hûs en tagelyk de keamer yn. Hy lit in bosk brânprikken fan it skouder glide en blaast op syn krûme fingers. 'Ik haw myn wanten ferlern,' prottelt er.
- 'Al wer? Ik moat se dy mar oan in koardsje troch de mouwen hingje.'
- 'Raffelje dy stikkene Noarse sokken fan my mar ôf en breidzje dêr in pear wanten fan,' stelt er út.
- Dynte skept gau de ierpels op. 'Sil ik dy fuorje, of kinst it sels dwaan?'
- Under iten fernijt se him it bliid boadskip. 'Ik kin wurk krije.'
- Hy bliuwt mei de foarke healwei board en mûle sitten.
- 'By wa?'
- 'It Regio Utstjoerburo hat my niis belle.'
- 'Hiesto dy dêr ynskriuwe litten?'
- 'Jawis.'
- Hy wiist mei de foarke warskôgjend nei har. 'Net as ferdivedaasje-famke.'
- 'Nee.'
- 'As wat dan?'
- 'Fotomodel of soks.'
- 'Fotomodel of soks? Watfoar wurk is it?'
- 'Dat wit ik noch net.'
- 'O, dan wit ik it wol wer.' Hy hapt ta.
- 'Watfoar wurk dan?'
- 'Seks, fansels!'
- 'Bist net wiis? Dat net!'
- 'By wa moatst wurkje?'

‘Dat wit ik noch net. De klant woe anonym bliuwe.’

‘Sjochst wol: sok wurk. Do soest ommers net mear troch bêden dweilje.’

‘Wa seit dat dan?’

‘Ik.’

Se ite sûnder noch in wurd te sizzen. Nier set it transistorradiootsje oan, it iennichste lúkse artikel, dat se yn 'e hûs hawwe. Fan in raasbek fernimme se, dat *All of you* ynkommen is op it 836ste plak fan de Amerikaanse hitlisten. *Break up* hat in sprong makke fan 791 nei 475. En *Easy going* is foar de seisde wike by de Top-hûndert bleaun. It nijs yn it koart docht te witten, dat de kosten foar libbensûnderhâld wer net omheech gien binne. Bôle, suvelprodukten en griente jilde mear, mar brune sûker en bananen binne goedkeaper wurden. Hy set de radio út.

Se swije noch, as it miel beslikke is. Dynthe sjocht foardel en tekent ûnsjenbere patroanen op it tafelswilkje. Nier mimert, wylst er nei in skuor yn de itenspanne stoarret. ‘Net wer yn it fak,’ tinkt er lûdop.

‘Wat seist?’

‘Neat. Ik prate tsjin mysels.’

As er him fierder stilhâldt, komt sy fanwegen, sûnder him oan te sjen. ‘Hoefolle soe it opsmite?’

‘Wat seist?’

‘Ek neat. Ik frege it oan mysels. Dan krij ik teminsten in yntelligint antwurd.’

Hy hat gjin nocht oan hottefyljen en begiint oer wat oars.

‘Hoe soene dy kreakers der lucht fan krigen hawwe dat wy fuort wiene?’

‘Dat rosomos strúnt altyd oeral om.’

‘Ien fan dat túch moat it ferklapt hawwe.’

‘Dêr hast al withoefaak nei pinfiske. Gjinien wist fan ús fakânsje.’

‘Behalve it reisburo.’

‘Dat hat it allinnich oan de plysje sein.’

‘Us hûs is krekt op de fyftjinde dei fan ús fuortwêzen kreake. Fierste tafallich, ast my fregest.’

Dynte freget him neat. Se bestelt: ‘Ik moat fan ’e middei de fyts hawwe.’

Nier lit syn gedachtegong slûpe. ‘Ik moat him ek brûke.’

‘Do hast him fan ’e moarn by it priksykjen al hân.’

‘Wêr bisto him dan foar nedich?’

‘Foar myn wurk, fansels. Ik moat noch helendal nei Ljouwert ta.’

‘Dat rêdst hjoed noait mear.’

‘Maklik. Ik hoech pas om fiif oere by it útstjoerburo te wêzen.’

Hy brommet wat yn it burd, dat er, nettsjinsteande de jildpine, noch altiten net stean lit.

Se giet nei de kleankast dêr’t har nearzige garderobe yn hinget. Se hat noch wol in pear sa goed as nije slipkes. Gjin moaie bh mear, mar dy hoecht se ek net.

‘Wat jurk sil ik oanstrûpe?’

‘Ten dyst fluch wer útstrûpe kinst.’

Se linet op de earmtakken oer de tafel nei him ta.

‘Dêr is it net foar.’

Hy fingertipt har noaspunt. ‘Meitsje dy mar gau op. Ik moat ek nei Ljouwert.’

‘Moai, dan meisto traapje.’

- D1 It tsjustert oan as se de haadstêd yn skokke. Nier rydt de fyts tsjin de râne fan it trotwaar, rjocht foar it útstjoerburo. Dynte hipt fan de pakjedrager. Se draait de drompelleaze wurkwinkel yn en set op ien fan de milieufreonlike gesichten achter de baalje ta. Troch it rût sjocht Nier in stomme film, dy’t er sûnder ûndertiteling

wol neikomme kin. Dynte stapt bûtendoarren mei in kaartsje yn 'e hân. Se lit it him lêze. Der steane twa printe rigels op. Dêrboppe is in namme skreaun:

*WOLLEBRAND ROMMELFANGER. FOKTA.*

*WACHTJILDERSSTRJITTE 103-158. LJOUWERT.*

'Rommelfanger en Wachtjildersstrjitte,' prottelt Nier. 'Neat wurdich.'

'Mar oan de nûmers te sjen, is it in grut bedriuw,' hâldt Dynte út.

'Jaja, fok ta, krekt wat ik tocht hie.'

'It sil mei it Frysk stamboekfee te krijen hawwe.'

'Ik bring dy wol,' seit er.

Se strykt fan achteren de jurk glêd, teart de tippen oer de knibbels nei binnen, slacht de mantel dêr omhinne en giet sitten. Suchtsjend pompt er de trapers yn 'e rûnte.

- D2 In Ljouwerter bûtenwyk. Symmetrisse strjitten mei rychjes-huzen oan beide kanten. Deselde doarren, deselde finsters, deselde stoepkes. De iennichste ferbrekking fan dy lykfoarmigens binne de ferskillende parkearre auto's dy't oan wjerskanten rigelje.

Dêr't oan ien side de wenten ophâlde, stiet nûmer 103. In loads mei tichte rollûken, wytferve ruten en slachsinbespuite muorren. Fan wa't dit gebou is en hoe deryn te kommen, wurde se net gewaar.

Fierders binne der gjin ûneven nûmers mear. Wol even, rjocht fan de strjitte, en dy geane se doarke-bylâns, sûnder dêrop in teken fan de FOKTA te bespeuren.

Achterôf, oan de ein fan de modale streek, fine se kompleks 158. Se krije der gjin kompleks fan, mar it kin toch besjen lije. In skean ôf-rinnend dak, as in mûtse oer it glêzen gesicht lutsen. Yn it midden in stikker mei ljochtsjende reade letters: FERIENE OPRJOCHE KABEL TELEFYZJE AMATEURS. Foar it gebou stiet in

fontein, dy't in fine wetterwaaier iepenteart nei it sike natriumskynsel fan de hege lantearnen. Se rinne oer in plein tusken auto's troch op it gewimel achter de ruten ta.

'Ik gean mei deryn,' seit Nier.

'Om my by it hantsje te hâlden?'

'Miskien noch wol mear.'

'Wat is dyn boadskip yn 'e stêd eins?'

'Iishynder fan it reisburo nochris befreegje.'

'Soa, wie dat it. Meitsje mar oan, it is al healwei seizen. Kom hjir om sân oere wer. Ik wachtsje op dy, as ik earder klear bin. Wurdt it letter, dan meist my helje.' Se triuwt him mei de fingerseinen in tût op de lippen.

Hy eaget har nei. Se snjit op de flapdoarren fan de yngong ta. Ien foar besikers, ien foar meiwurkers en ien foar needgefallen. Se komme alle trije op itselde plak út. Dynte nimt de middelste en wurdt wei tusken de minsken, as in sljocht foarntsje yn in akwarium fol tropise fisken.

- D3 It lûkt nei slutingstiid as Nier op de Iewâl de fyts foar reisburo DE IENE PROVINSJE delset. Lampkes knypeagje oan de gevel en foarmje iderkear de flagge fan in oar lân. Hy giet de stille hege hal yn, dêr't in út de kluten sketten dinnebeam de souder rikt. Gjin klant te sjen. Syn fuotstappen klinke hol. Moarmeren nammeblokjes steane foar de loketten. Dêrachter is it leech. Mar Iishynder setelt noch op syn wenstige plak oan de fierste ein, sûnder nammeblokje. De man sit de fingers ien foar ien te knappen. Hy is gâns âlder wurden. De helm fan syn folslein keale plasse glimt net mear en boppeop begjint it fel te ronfeljen. Lykwols, syn bitsich gesicht hat tiids tosk noch net oan gnabbe. 'Hinnebruer,' makket Nier him bekend. 'Foar 't gefal it jo fergetten wie.'

‘Ik seach it al fan fierrens,’ telt Iishynder syn robotstim him de wurden ta. ‘Guon lju bliuwe jin altyd by.’

Nier hat gjin nocht oan complimenten. ‘Ik kom hjir nochris fanwegen ús reis nei Spitsbergen, fan 24 juny oant en mei 15 july. Jo witte, dat yn dy snuorje ús hûs kreake is. No, in healjier letter bin ik noch like fier. Ik bin it sa sêd as sûpe. Hat jo reisburo immen oangeande ús ôfwêzigens ynljochte?’

‘Inkeld de plysje, doe’t dy hjir kaam. Oaren jouwe wy noait ynformaasje oan. Us personiel hat swijplicht oer alle reizen dy’t boek wurde. Ek al yn ferban mei mooglike ynbraak en soks.’

‘Binne der oare buro’s dy’t deselde reis yn har oanbod hiene?’

‘De Spitsbergenreis wie troch ús organisearre en wy hiene de eksklusive boekingsrjochten.’

‘Binne doedestiids meiwurkers ûntslein, sadat se gjin swijplicht mear hiene?’

‘Tusken 30 maaie, jo boekingsdatum, en 1 septimber hat ús persoanielsbestân gjin feroaring ûndergien.’ Dat allegearre hat Nier de foarige kears ek frege. En Iishynder jout deselde antwurden. No komt wat nijs út it fraachleardersboekje. ‘En dêrnei?’

‘Us bedriuw is reorganisearre. Elkenien hat dien krigen, behalven ik. Mar doe wie jo hûs al kreake. Dus jo hoege it net by ús te sykjen.’

Nier smyt it oer in oare boech. Hy hat it fan ’e moarn optocht.

‘Diene oan dy reis lju mei dy’t út de omkriten fan Ald-Appelskea kamen?’

Iishynder hat in kop as in almenak, mar dit rint him oer de fûst.

‘Dat kinne wy opsykje,’ antwurdet er. Hy makket gjin oanstalten.

‘Soe ik de list fan dielnimmers ris sjen meie?’ bilet Nier troch.

Iishynder bekôget syn beskied. ‘Dy leit yn it argyf,’ seit er op ’t lêst. Nier feroaret der net fan. ‘Dêrom krekt.’



Lishynder halseaget in skoft nei de yngong. Der komt gjin klant foar in wintersportfakânsje, sadat er Nier net fuortskeine kin. Hy krikt himsels omheech en rint nei in doar achter him. Noch gjin menút letter bringt er in stikmannich bôgen papier mei werom. Formaat A4, kreas troch in nytsje yn de linker boppehoeke byinoar holden. Hy triuwet se Nier ta. ‘De echten, gjin fotokopyen. En kom net wer. Dan stiet myn grêfstientsje hjir ek.’ Hy leit de earmtakken op de richel, stoarret rjochting Mexico City en begjint te fingerknappen. Nier pûlemûlket in tanksizzing. Hy fâldet de papieren op en stekt se yn de binnenbûse fan syn swabber. Syn stappen klinke noch holler as by syn kommen. It is, oft er in mausoleum ferlit.

■ D4 Op de weromreis nei de FOKTA komt er by it beursgebou lâns. De lêsbiblioteek is iepen en hy kin dêr om ’e nocht warm en drûch sitte. Hy hat it ommers noch wol oan tiid. By in taffeltsje giet er de dielnimmerslist nei. De papieren binne wer sa healwiis modern nûmere. Side 3 boppe-oan is deselde as side 4 ûnderoan. Der steane mei-inoar 206 nammen op, dêrachter de adressen en telefoannûmers. In pear makket er in kanttekening by. Nei’t er alle rigels bylâns west hat, begjint er fan foaren oan. Kertier oer seizen is er ree. Hy ferlit syn plak en skarrelt tusken de boekerakken troch. Ut ien dêrfan kriget er in stripboek. In snotjonge fan alf, tolve pakt it him brutaalwei út ’e hannen en sil dermei fuort. Nier eigent him it boek wer ta. De jonge hellet syn mem derby. Dy komt mei opstutsen seil oanstevenjen. ‘Hawwe jo sels bern?’ Wat moat er dêr op sizze? It antwurd is altyd mis. By ‘ja’ sil se him foar in hústiran útmeitsje en by ‘nee’ sil se ornearje: ‘Dat hie ’k wol tocht.’ Dus seit er neat en lit har de hakken sjen. Yn in fierôfhoekje giet er sitten om it stripboek troch te blêdzjen. Dan set er it tusken de neislachwurken, dy’t net útliend wurde. Hy stapte bûtendoarren.

It begjint fûler te reinen.

- E1 De hal hat glêzen fliertegels, dêr't in molkich ljocht troch skynt. In flimmerjende bol fan trijekante spegelsjes draait starich oan it plafond. Dynte sigesaget har paad tusken de omstippers troch. Foar de meastepart grille oansjitske froulju, dy't letterlik (en figuerlik) alles dogge om foar de heitelânse kabeltelefyzje te kommen. It Fryske matras. Eagen folgje har. In frjemd sijke yn it bit. Foar in dûbele doar mei rûne finsters as patryspoarten hâldt in grutte neger wacht. Se lit him it kaartsje sjen. Syn brede mûle spjalt iepen en oardel geby't skittert har temjitte. Syn iene koalebats fiert de doar op, mei de oare skept er har suver oer de drompel. De doar swaa't achter har ticht. Ynienen is it folle stiller. Inkeld in domp stimrûzjen. It lûd fan har eigen stappen wurdt yn in heechpoalich tapyt smoard.

Oan de ein fan de gong riist in langramich frommes boppe in kompjûter út. Se steksjocht troch in ûlebril mei dûbele beglêzing. Dynte langet it kaartsje oer. It frommes bespilet de toetsen fan de kompjûter, it apparaat koarret in datastriepe út. Dan nimt se mei de ynterkom kontakt op.

'Hjir is Dynte Planteit foar jo.' Dêrnei ferfettet se har futuristise beuzichheden.

In prustich âldmoadrich mantsje stapt om de hoeke fan de sydgong en bliuwt mei in skok stean. Hy hat in knevel as de hoarnen fan in wetterbuffel. Syn holle is parfoarmich en syn liif ek. De wangen pûlje him oer de stive board, it dûbele kin hinget oer in flinterstrikje, de ûnderste knoopkes kinne it fest amperoar byinoar hâlde. Mar hy sjocht sa helder as in bij en it bûginkje dêr't er Dynte mei nûget is kwyk. 'Kom fierder.' Se giet nei him ta. Hy stiet mei de hannen op 'e rêch, de holle wat achteroer. Tusken de snorpunten troch

keurt er har. 'Soa, wiene jo dêr al?' Se is om wurden ferlegen. Mar it is ek in retoarise fraach.

Kwyk docht er in pear stappen en stekt har in foar syn postuer wûnder smelle hân ta. 'Rommelfanger.'

Se seit har namme.

'Ik bin der net!' ropt er by har lâns nei it ûlige frommes achter de kompjûter. Hy draait om Dyntaxe hinne, se draait mei. 'Sil ik even foargean?' Wer in retoarise fraach. Hy trippelt suver op 'e teannen de gong del, sy set de hakken yn it tapyt. Foar in nis mei in kapstok bliuwt er stean. 'Mantel even út?' Gjin retoarise fraach.

Se makket milbân en knopen los. Hy drapearret soarchfâldich it stik klean oer in stokje. Noch in hoannetrêd en hy triuwt in blau knopke yn. In doar skoot lûdleas fansiden. 'Hjir is it.' De ynrychting fan it fertrek foldocht net oan har ferwachtingspatroan.

Op in blomryk tapyt wachtet har âlderwets meubilêr. Balpoatige stuollen, in tafel mei ynlein blêd, in brúnlearen poef, in rintfear yn koperen pot, in laadkast, in dresswaar, in silinderburo, in smookstander, in tsjalskonkige kanapee mei pel. Tsjin de muorren tilt it fan gravueres. Parise strjitsênes fan hûndert jier lyn. Op de moarmere skoarstienmantel rigelje stelten. Yn it midden, ûnder in stolp, stiet in pindule. Dêrboppe in âld skilderij fan in wetterdraachster, de ferfhûd fol krakkelee. Barsten faam mei krukje. In kristallen ljochtkroan skittert yn eigen skynsel. It hout fan de dûnkere meubels flamt yn de gloede fan in iepen hurdfjoer. De noflike waarmte krûpt har mei lange fingers by de ferklomme lea op. Se draait har om. Rommelfanger is by de doar stean bleaun. Hy hâldt ien hân ûnder it kin, de oare ûnder in earmtakke, en stoarret har oan. 'Myn privee swite,' seit er, 'fal del.' Dat docht se yn in pakestoel, tichby it fjoer. Snuven komt achter in keamerskerm wei. In grutte slopfellige bloedhûn bochtet mei de noas oer de flier op har ta. Se giet mei de

rêch stief tsjin de lining sitten, krúst de skonken en nimt de hannen oer de knibbels gear. It bist hat weake hingelwangen en pûden ûnder de eagen. Se hat it net mear sa bot op hûnen stean, sûnt se op Spitsbergen troch in husky biten is.

‘Hy docht neat,’ stelt Rommelfanger har gerêst.

Se is net helendal oertsjûge.

‘Dat sizze alle lju, dy’t in hûn hawwe.’

‘Men moat him helpe om te blafkjen,’ hâldt er út. Mar hy ropt toch: ‘Koestdy, Doerak!’

De hûn draait seis kear om himsels hinne en ploft yn in rûngear protte kop oer poat del.

Rommelfanger set him ek yn in briedstoel, hast oan de oare ein fan de keamer. ‘Jo hawwe alris miss Fryslân west,’ begjint er.

‘Sa lang lyn. Dat wie noch foar jo tiid.’ No hat se gjin spinreach foar de mûle mear.

Hy glimket. ‘Jo hawwe ek ferdivedaasjefamke west.’

‘Yn myn wylde jierren, ja.’

‘Wy hawwe allegear ús wylde hierren hân.’

‘Ik sei jierren, net hierren mei in h. Mar ik soe al sa leaf witte, wat ik foar jo wêze moat.’

‘Dit,’ hy fisket wat út syn portefúlje en hâldt it tusken wiis- en middelste finger op earmlangte foar him. It is de pasfoto fan har dy’t it útstjoerburo hie.

‘Fotomodel?’

Hy swijt.

‘Of soks?’

Hy wachtet even. ‘Hawwe jo wolris toanielpile?’

‘As jo bedoele sabeareboartsje, dan fakernoch.’

‘Ik bedoel echt op ’e planken stien.’

‘Ten kear. In lyts roltsje. Dat mei gjin namme hawwe. It stik hie

trouwens ek gjin namme.’

‘Binne jo muzikaal?’

‘As in brontosaurus.’

‘Moai, moai!’ Hy hantsjeklapt net te lûd en tilt dêrby de fuotten in eintsje fan de flier. ‘Kinne jo dûnsje? Ik mien echt ballet.’

‘Krammele, nee.’

‘Kostlik!’

Se lûkt de wynbrauwen ta fraachtekens op. ‘Jo binne de haadrolspylster dy’t ik sykje.’

Se ferslokt har, as se wat sizze sil. Nei’t se úthoasse is, seit se: ‘Ik? Ik kin ommers net iens toanielspylje.’

‘Dêrom krekt. Ik haw der mei de regisseur striid om hân: in moaie frou, dy’t net aktearje, dûnsje en sjonge kin, of in lilkenien dy’t dat wol kin. Ik haw wûn.’

‘Ik snap der gjin miter fan.’

‘Dat kin ik my yntinke. Wel, by de FOKTA rûnen se al gâns in skoft mei it plan foar in koldersearje om. Mar omdat it ûnsin is, wurdt it fan hegerhan net subsidearre. Op ’t lêst kamen se by my foar de finânsjes. Ik bin de produsint. Se wisten dat ik in âld filmgek wie. Ik haw tasein op ien betingst. Dat ik in haadrolspylster útsykje mocht. It is my hast needlottich wurden. Want alles is al yn kalk en semint, mar ik koe net fine wat ik socht. Oaremoarn rint myn termyn ôf. Dan haw ik neat mear oer in haadrolspylster te sizzen.’

‘Wêrom hawwe jo krekt my foar kar naam?’

‘Dat sil ik jo sizze. De algemiene nivellearring hat ek op it úterlik taslein. Foarhinne wiene der mear ûnsjogge froulju as hjoed-de-dei, mei al dy make-up, middels en salons. Mar echte natuerlike moaikerts sjocht men hast net mear. Dy’t dêr tsjintwurdich foar geane, eage wol, mar net bûtenwenstich. Har gesichten binne leech, se

misse wat. Eigenheid is net helendal it krekte wurd, mar it komt der al it tichtste by.'

'Ik bin net pypjong mear.'

'Dat is ek in kompliment,' follet er mei in holleknikje oan. 'Seit de namme fan Pascal Mirage jo wat?'

'Gjin sprút.'

'Pascal Mirage is in topaktrise, dy't yn gâns telefyzjestikken spile hat. Sy stiet ûnder kontrakt foar de oare haadrol. Dêr binne wy tige wiis mei. De FOKTA stjoert mar in healoere wyk út, it is in omrop mei E-status. Dus de programma's moatte goed wêze. Gjin kwissen, aktualiteiten, fraachpetearen, krimys, popmuzyk, sport of famyljedrama's, mar wat pitertuerliks. Slapstick. Jo foarmje in tsjinstelling mei Pascal Mirage. Yn foarkommen en spyltrant.'

'Is dy Pascal Mirage dan net moai?'

'Wiswol, mar oars, folslein oars. Stêd en lân haw ik om in tsjin-spylster foar har ôfsocht. Fan 'e moarn op it útstjoerburo seach ik jo foto. Doe wist ik eins al genôch. No wit ik mear as genôch. Jo binne snien foar dy rol. Asjebleaf, lit my net sitte. It driuwt.'

'Watfoar in rol moat ik spylje?'

'Pascal Mirage is it snoade brûntsje,'

'En ik bin it stomme blûntsje.'

'Dat is de bedoeling.'

'Wêr giet it oer?'

'De ferhaaltsjes hawwe neat om 'e hakken. Dêr is it kolder foar. It giet om de wize fan útbyldzjen. Yn de trant fan sekstich jier lyn, doe't de films noch stomme moai wiene. Drok en oerdreaun. Jim binne tegearre it binende elemint. Mei jim twaën fytsend op in tandem troch Fryslân. It measte wurdt op lokaasje opnommen. Sûnder taskôgers, inkeld figuranten. Mei Bahama Bêzje en Billebout fansels.'

‘En ik bin Billebout.’

‘Dat is de namme.’

‘Komt der seks yn foar?’

‘Nee. Wol in kromke net-funksjoneel bleat. It is foar boppe de sechstjin.’

‘Hoe lang is dy telefyzjesearje?’

‘Acht ôfleveringen. Dizze moanne trije, de oare fiif begjin takom jier.’

‘Sa fluch kin ik net rolleare.’

‘Jo moatte neat leare, jo moatte ûnbehelpereich dwaan.’

‘Hoech ik dan neat te sizzen? Haw ik in dûbeld stomme rol?’

‘In pear wurden. As dy der in bytsje bryk útkomme, nammerste better.’

‘Hoe hjit it programma?’

‘SJIT BRIKER FREONEN!’

‘En wat is de gaazje?’

‘Tûzen gûne deis, frije wykeinen meirekkene.’

Hy giet nei it dresswaar en jit in likeurke yn. Mei twa glêsfollen komt er werom. Hy rikt har ien oan. ‘Hoe steane jo dêrûnder?’

Se briedt op har antwurd om. Dan kriget se it glês fan him oer, hâldt it foar ien each, sadat se krekt oer de râne kipet en seit: ‘Op Billebout.’

‘Jo dogge it! Dat stiet!’ Hy hevet syn eigen, nimt in swolchje, stekt it wer yn ’e hichte en set it op de tafel. ‘As jo even jo hân sette wolle?’ Hy skoot de flap fan it silinderburo omheech. Op it blêd leit it kontrakt al ree.

Se jout har oerein en lêst de oerienkomst. Lytse letterkes steane der net yn. Se kwattelt har hântekening. Dy wurdt mei-iens seisfâldich trochdrukt. De ûnderste kopy mei se hâlde. Se drinkt har glês út. De likeur gliert har swietkrûdich oer de tonge.

‘Noch ien ding,’ seit Rommelfanger. ‘Soene jo it net buorkundich meitsje wolle? De pers hat graach in primeur. Unbetroude nijsjagers strune rûnom. Dêrom ljochtsje wy sels de kranten yn. Dat is ek de reden wêrom’t jo pas op it útstjoerburo myn namme krigen. It moast noch ferdek spile wurde.’

‘Dat is fansels.’

‘Prachtich! Komme jo moarntemoarn dan om healwei njoggen yn de studio foar it proefopnimmen. As jo dit sjen litte, bringe se jo wol te plak.’ Hy langet har in paske mei kodenûmer oer. ‘No soe ik noch wat ferjitte. Hawwe jo ek reiskosten makke hjirhinne?’

‘My tinkt. Helendal út Sânhuzen wei.’

‘Mar dat is toch net sa fier. Sawnhuzen is in buorren by Aldtsjerk.’

‘Ik sei Sânhuzen, net Sawnhuzen mei in w.’

‘O, nim my net kwea ôf, ik ferstie it ferkeard. Wêr leit Sânhuzen dan?’

‘Tusken Noardwâlde en Aldeberkeap.’

‘Soa, yn dy kontreien. Ja, dat is fierder fuort.’

‘En ik moat jûn ek werom. En moarnier nochris.’

‘Dêr prate wy net oer. Strekt dit?’ Hy jout har trije bryfkes fan hûndert. ‘It muoit my, ik moat jo no fuortskikke.’ Hy stapt kwikker nei de doar en hâldt dy foar har iepen.

Mei flinters yn ’e holle giet se de keamer út.

Hy helpt har by it oanstrûpen fan de mantel.

‘Ik bin der wer!’ ropt er nei it kompjûterfrommes. By it ôffûstkJen betrou er Dynte ta: ‘Jo hawwe my út ’e prommen holpen.’

‘Jo my yn ’e beane brocht,’ ferklappet se him. Se rint allinnich de lange gong del nei de hal. Alles is noch itselde. Se giet troch deselde doar nei bûten. Mar it fielt oft se de wrâld earne oars yn komt as dêr’t se him ferlitten hat.



■ E2 It spjelt. Yn it wachthokje foar de lêste halte fan de steds-  
 bus stiet Nier mei de fyts. Achter him hinget in oanplakbiljet.  
 Dêrop in foto fan in jonge seehûn en it wurd WADDENZEE. Mar  
 Nier hat de holle derfoar, sadat inkeld WEE te lêzen is. Hy hâldt de  
 trije doarren yn 'e kuer. Se is al oer de ôfprate tiid. Noch even en hy  
 sil de needyngong nimme.  
 Dêr komt se! Foar it gebou bliuwt se stean, sjocht links en rjochts.  
 Har stal, dûnker tsjin de ferljochte ruten, soe er út tûzenen werken-  
 ne. Hy ropt en swaaait. Se strykt op him ta. 'Moai op 'e tiid,' seit er.  
 'Hoe wie 't?'  
 'Sa wiet.' Se triuwt him in trochplakte mouwe tsjin it wang.  
 'Hat it wat opsmiten?'  
 'Dit.' Se lit him de jildbrifkes sjen. 'Wat hast dêrfoar dwaan moat-  
 ten?'  
 'Neat.'  
 Hy sjocht wrâldfrjemd.  
 Optein fertelt se him it grutte nijs.  
 Dat oerfalt him al, mar hy bliuwt erchtinkend. 'Der is in ferkearde  
 lucht oan. Om net te sizzen it stjonkt.'  
 'Ja, nei jild!'  
 'Dus wy moatte no op 't fytske nei Sânhuzen en  
 moarnier werom?'  
 'Wy bliuwe fannacht hjir en sliepe yn in hotel.'  
 'Wat hotel?'  
 'Atlantis.'  
 'Hat it wol in fytsestalling?'  
 'Dat wit ik net mear. De oare kears hast my yn in begraffenisauto  
 dêrhinne brocht.'  
 'No't it seiste, dat wiene nochris tiden.'  
 'Lit ús mar gau gean, hjir fersûpe wy noch.'

Oer Skrans, Suderplein, Wurdumerdyk en Sint-Jacobstrjitte trapet er har nei hotel Atlantis ta. Dweiltrochwiet stappe se de hal yn. Foar de moaie harsenleaze wêzens fan eartiids sit dêr no in ûnsjoch mar effisjint rjocht-op-en-deltsje yn it plak. Se freegje nei de fytsestelling. Dy is der net. Se hawwe gjin nocht om fierder. Wylst Nier de fyts mei in ankerketting oan in lantearnepeal fêstleit, bestelt Dynte jûnsmiel, sliepplak en ombyt. Se moat alles fan te foaren betelje.

De resepsjoniste jout har de kaai. ‘Keamer 259. Tredde ferdjipping, earste gong rjochts.’

Dynte skuort in pear eagen op. Hoe is ’t mooglik. Deselde keamer as yn de bêste jierren fan har libben. Doe’t in Amerikaan wrâldkampioen skaken wurde soe. Bobby Angler, by syn libben al in leginde.

In lift sûzet har en Nier te plak. De keamer is op temperatuer. Alderearst smite se de wiete krous út. Tegearre geane se yn bad. Dat is enerzjybesparjend en hat ek noch in rekreative funksje.

■ F1 De oare moarns wurde se ferroaid wekker. It is al hast acht oere, mar se sjogge healwei sânen. Se betreurje no dat se sa máltyjige hawwe. *The mourning after the night before*. Se falle beide wer yn ’e sliep.

Ynienen sjit Nier oerein en stompt syn telefonearbonkje. Der is op de doar tikke. Hy stekt de holle om it hoekje. Op de gong stiet it rôlweintsje mei it ombyt. Hy skoot it nei it midden fan de keamer. Dynte sit op de bedsâne en makket rare minen. Se hat yn har hier slept en lûkt it út ’e tiis.

De moarnsbrogge wurdt gau ophimmele. Botte oansprekber binne se net. Mar Nier syn kriichsplan moat oereide wurde. Dat is justerjûn amper op ’t aljemint kaam.

‘Dus do giest hjoed werom?’

‘Ik sil dy Stoffer Biezembjinder ris tantsje. Fan alle dielnimmers op de list wennet hy it tichtste by ús. Faaks wist er wa’t wy wiene sûnder dat wy him kenne. Wy bemuoiden ús noait mei it doarpsfolk, mar rekkenje derop dat wy te Ald-Appelskea oer de tonge helle binne.’

‘Stoffer Biezembjinder makke ommers sels de reis ek mei?’

‘Presiis. Hy wist hoe lang it duorje soe. Doe’t er ús seach, hat er de kreakers opbelle.’

‘Ik fyn it fier socht.’

‘Net sa fier as Spitsbergen.’

‘Wêrom sa’n reis te meitsjen. Belje him.’

‘Neat wurdich. Beljen kostet sa’n soad en betsjut sa’n bytsje. As ik him sjoch, kin ik him folle better útkloarkje.’

‘Lit him gewurde. Ik fertsjinje no wer.’

‘Wylsto dy hjir omskrepst, wol ik net stilsitte. Ik kin myn bydrage ek leverje.’

Se leit de fingerseinen tsjin syn wang. ‘Bist jûn werom?’

‘It sil wol moatte. Ik haw gjin sint op myn melis.’ Se kriget har taske, hellet dêrút in bryfke fan fiifentweintich en skoot it him ta.

‘Alles wat noch oer is.’

‘Mar dan hast sels neat.’

‘Ik wurd elke dei útbetelle. Stiet yn it kontrakt.’

‘As ik it jild yn ús hûs benei kom, hoechsto net mear by de telefyzje te wurkjen.’

‘Ofpraat. Dan jou ik myn karriêre op, foar’t se begûn is.’

Hy giet stean. ‘Wy moatte no fuort. Ik bring dy wer nei de FOKTA.’

‘Net dwaan. Dan kom ik te let. Ik haw krekt genôch foar in taksy.’

‘Dan gean ik allinnich. Ik moat toch helendal nei Sânhuizen en Ald-Appelskea fytse.’

‘Wêrom? Ik haw dy jild foar de bus jûn!’

‘Dy nimt al tiden gjin fytsen mear mei. Ik moat in fyts brûke foar myn neisykjen. Wa wit, wêr’t ik bedarje.’

‘Mar jûn bist werom.’

De sosiale partners wurde it iens oer plak en tiid.

- F2 Nier strykt him om it kin. It burd stikelt him wer alle kanten út. Te honk hat er noch in rustich skearmeske mei hakkelige sneden. Hy moat net te rûch by Stoffer Biezembjinder delkomme. Syn klean bylkje al sa minnichjes. Mar even in pakje helje. Hjir is in supermerk.

Hy set de fyts op slot en stapt de winkel yn. **GEBRUIK VAN WAGENTJE IS VERPLICHT** warskôget in boerd neist it flap-hikje by de yngong. Dus skuort er in weintsje út de yninoar skode rige los en bochtet dêrmei troch de gongpaden. Ien swinktsjiltsje swabbert omraak, dat hy moat heelyd bystjoere. Hy kriget in pakje skearmeskes en leit dat yn it weintsje. Der is gjin bakje foar lyts-guod. Under it riden begjint it pakje te dûnsjen. It falt iderkear tusken de stankjes troch oer de flier. Geduldich kriget er it op en leit it wer te plak. By de kassa slút er him oan achter de wachtsjenden. De man foar him sjocht oer it skouder yn Nier syn weintsje. It duorret in skoft foar’t er it pakje skearmeskes bespeurt. ‘Geane jo mar earst,’ seit er, wylst er syn fracht in eintsje tebekrydt.

- F3 Trije oere letter komt Nier feilich op it plak fan bestimming. Wol wie by Aldhoarne in weiomlizzing fanwegen in bommelding yn in frachtauto mei dreage molkpoeier. En te Lúkswâld hiene protestearjende tomatetekwers de dyk tichtset. Kâld en beslingere stapt er ôf foar de peal, dy’t oan it begjin fan de reed nei har nearzige twadde wente stiet. Hy lichtet de klep fan de

griene postbus en gnúft troch de skreef. Der sit neat yn. In rynske postrinder hat al in pear koeponringen (foar Nier binne it gewoan elastiken) ûnder de peal struid.

Hy giet wer sitten en healrêget mei de fyts troch de blabze. Foarhûs is it noch peisker. Hy wâdet nei de doar, draait kaai en kruk, peazget op syn rampestampers de keamer yn.

Gau set er it fjoerduveltsje oan. Gelokkich hat er juster noch sa'n sjou brânprikken helle. Hy skylt alles ôf en hinget de plúnje oer it drûchrakje. Netto 15 kilo, útlekgewicht 6. Hy slacht in tekken om him hinne, krûpt it kacheltsje oan en sjocht troch de betrienne ruten. Syn eagen geane de folslein keale muorren bylâns. Wat is it hjir ûnwennich sûnder Dynte.

Hy giet nei de telefoan en nimt de hoarn op. De line is dea. Se binne ôfsletten. It soalt toch neat mear. Wa soe harren belje? Se hearre ta in kulturele minderheid. Mar net ien dêr't de hearen politisy har om bekroadzje.

As er genôch rustere is en syn klean strykdrûch binne, strûpt er se oan. Hy set de skeardoaze ree en sjippet syn warich spegelbyld yn. De glêde streek fan it nije meske fielt sa noflik, dat er him in pear kear snijt. Om it blieden te stjelpen, dipt er him mei in âlderwetsk stik alún.

Nei dy operaasje rommelt er de boel wat op. Se moasten juster ek sa skrepe om fuort. Oer de flier dingelje alderlei ferpakkingsmaterialen om. Hy kipert de brot yn in plestik túchsek, dy't daliks knapt as er him tichtbynt mei de slútstrip. En it papier rûtst finaal fan it izertriedsje ôf. Sels de slútstrips binne net mear wat se west hawwe. Foar't er ôfreizget, kriget er in bivakmûtse út de kast, in aktetas ûnder it bêd wei en set er in dûnkere bril op.

■ G1 Boppe it studio-kompleks fan de FOKTA oan de Wacht-

jildersstrjitte tuorket in mêst mei it moaiste fan heel Fryslân: de flagge. Dat prachtige doek fol ûnfryske sierlikheid en lichtens. As hie Matisse it tsjin de loft en mield.

Yn de hal in kommen en gean fan byldbuisminsken. En ek wer it omlongerjen fan bûtenstanders, dy't gouwerje op in figuranteroltsje.

Dynte lit oan de neger har studiopaske sjen. Under syn blikerjende gniis troch stapt se de gong yn. Oan wjerskanten goudnûmere doarren mei reade lampkes, dêr't guon fan oan en út floepe. It kompjûterfrommes wachtet har op. Se hat de ûlebril no oan in koardsje om 'e hals hingjen. Har molwrotseagen binne swarte spjeldeknoppen. As se de fok opset, wurde it teepantsjes. Nei it yntoetsen komt diskear gjin datastripe út it apparaat, mar in weiten pyk troch de doar. Dy lispet mei de tonge tusken de toskan: 'As jo sa goed wêze wolle, sille wy op studio seis ta stekke?' Dynte folget syn tin nekje en plat britske. Troch in glêzen sloarf berinne se in byggebou.

Neist de doar sit in útsmiter, dy't harren deryn lit. Oardel meter fierder noch in swiere doar. It liket wol in sikehûsôfdieling intensive care.

Se komme yn in romte, dêr't de grutte net iens fan te rûzen is. Fan alle kanten kronkelje slangen nei in gril ferljochte plak yn it midden. Dêr steane, as koartlopige kanonnen, kamera's op weintsjes ree en mikrofoans hingje as deade karpers oan angels. Der falt noch neat te sjitten of te fiskjen. De flier is ferlitten. Se stappe oer de kabels hinne. Under de skynwerpers ropt har begelieder: 'Ozzy, Ozzy, wêr biste?' Syn bedêste stim fynt gjin wjerklank yn de stillens. In glim skean foar har. Lûtleas rydt in dolly de ljochtsirkel yn. Op it weintsje sit in platnoas mei it gesicht fan in lekke strânbal. Hy lit him út syn stuoltsje sakje. Skoffeljend, yn in bearchtige gong,

komt er op Dynte ta, in hierrige poat útstutsen. ‘Ozzy Ozifant, kameraman,’ makket er him bekend. ‘Sis mar Ozzy.’ As betûft tak-sateur fan replik guod meunstert er har ûnbeskromme. Hy hâldt fan moaie froulju, grutte sylboaten en djoere auto’s, yn dy folchoarder. Dynte fernimt ynienen beweging om har hinne. Se stiet yn it midden fan in lytse rûnte. Ozzy en de weiten hin ken se al, de oaren binne nije gesichten.

Se stelle har foar. De juffers Sassefras en Dinneskearder, klaaiesters; Manje fan der Hummes, grimeur; Babby Dudave, skriptfamke; Minus Richels, hierstilist en flierlieder Eelko Beunhazze.

Nei it hantsjeaan moat Dynte meikomme nei in ferklaaierskeammerke. Dat is folslein saaklik ynrjochte. Buislampen, in spiegel, in stoel en in rak op tsjillen. Dêroan bylkje wylde kreaasjes. In lange rêchleaze jurk mei in split oant de earmsholten ta. In streekjesbermuda, in glitterlyfke en in pearse baret. In knibbelbroek mei brânwachtgalgen. Heechhakkige skuon, allinnich foar teangongers. Sûnder omhaal helpt de dinneskearder har út en yn de klean. In wyt bloeske fan iepen wurk, dat de skouders bleat lit, wurdt har oanstrûpt. De tippen knoopt it minske op ’e hichte fan de mage oaninoar. Fier ûnder de nâle begjint in feale spikerbroek mei beltsjes oan ’e boksen. Op ’e holle kriget se in raffelige striehoed. Dinneskearder trollet mei har om en seit gjin wurd. As se klear is, spjalt har tútmûltsje yn in brede glimk. ‘No nei de grimeur.’

Bleatfoets ferlit Dynte it keammerke. Oer de flier is ûnderwilens de foardrokte losbrutsen. Beljochters heisterje mei armatueren om, lûdtechnisy angelje omraak mei mikrofoans. Kameramannen binne oan it proefsjitten en dollybestjoerders ride har weintsjes yn. Har iennichst beaken yn dit tsjok farwetter is Eelko Beunhazze, de flierlieder. Se koertst op him ta. ‘Wêr is de grimeur?’ Hy ljochtet har oan en andert net. Se moat har fraach wersizze. Dan loadset er

har nei de winkel fan Manje fan der Hummes ta.

Dêr giet se yn in toskedoktersstoel sitten. Allinnich de boar ûntbrekt. Manje kliemt mei har gesicht om, as wie it daai foar in bof-fert. Dat gemier hat se it mier oan. Se wurdt der mâl fan. Gelokkich duorret it opschmyngen net lang. Se stapt út de stoel en sil werom nei de flier. Mar Minus Richels heint har op, hy moat oer har hier te set. Dêrby brûkt er inkeld de fingers om it noch mear te ferheis-terjen en in pear spuitbussen om it yn dusoarder te hâlden. Se is ree foar it earste opkommen.

‘Wel haw ik fan myn libben! Hoe makkesto it?’

Al hat er no gjin bryk briltsje mear op en hinget it hier him yn lan-ge dûnkere frisseltsjes del, krekt fiterdrop, syn taaltsje ken se út alle spraken wer. Chick Anus! Skytskoarjend beantwurdet se de lange útstutsen hân. ‘Tige nei ’t sin,’ slokt se.

Foar’t se fierder yn ’e pypsek sakket, komt in langbonkige man fan-wegen. Hy hat griizjend strak achteroer kjimd hier, in flinke noas en fûle flugge eachjes. ‘Sjef Vandenoudemeulemakerbroecke,’ makket er him bekend. ‘Ik bin de regisseur. Madammeke, folgje my, doch eksakt wat ik sis. Uterlik knipt foar Billebout. No de mimyk noch.’ Hy kriget har by de hân en set har foar in kamera. Dêrachter sit Ozzy sjitklear. De regisseur stelt him sels foar it front fan in rige monitors op en kommandearret Dynte. ‘Bliid sjen! Lilk sjen! Bang sjen! Fiis sjen! Dom sjen!’

Dêrnei moat se yn oantreklike hâldings stean gean. 1) De hakken justjes fan ’e flier, skonken in bytsje útinoar, hannen op de ach-terkant fan de boppebillen, tommen nei foaren. 2) Steune op ien skonk, de oare rjochtút sydlings draaid, teannen de flier tippend, in hân op ’e heup, de oare yn ’e nekke. 3) Op ien rjochte skonk stean, fan de oare de knibbel nei foaren bûgd en de foet justjes nei binnen, de boppe-earms sydlings en de hannen omheech oan ’e



râne fan de hoed.

Se stalt de opdrachten foarbyldich. It is krekt beferzen grûngymnastyk.

■ F4 Oan dizze sintelreed moat it wêze, dêr is gjin mis op. Nier makket de fyts oan in achterôfbeam fêst. Dy lêste pear hûndert meter sil er mar rinne. Syn ferfiermiddel hoecht er net te keap mei te riden. Hy set de bivakmûtse op, de kraach omheech en de bril rjocht. It byntou makket er los fan de pakjedrager. Mei de aktetas ûnder de earm giet er op 'e siik nei Stoffer Biezembjinder syn wente. It is in frijsteand holderhúske. By it grintpaad tusken bleek en túntsje lâns reade bakstiennen, dy't skean op 'e kant steane. Se stekke as trijehoekjes boppe de grûn út. Achter it finsterke yn de foardoar spant in haakt gerdyntsje. Nier skellet oan.

Hy hat de knop noch net loslitten, oft in âld dûkelhalzich wyfke mei in skronfelich apegesichtsje docht iepen. 'Goemiddei, mefroutsje.' Hy moat him bedimje om fierder net yn ferlytsingswurden te praten. 'Bin ik hjir by Biezembjinder?'

'Dat binne jo,' kraait it wyfke.

'Soe ik jo soan even te wurd krije kinne?'

'Ik haw gjin soan.'

'My tocht, Stoffer is de namme.'

'Se is myn iennichste dochter.'

'Mei ik har wat freegje?'

'Wêr is it foar?'

Hy klikt de aktetas iepen, hellet it dokumint derút en hâldt it har op besjen foar. Se wriuwet de hannen oan har mouskelk ôf, pakt de list beet. De krûme fûgelpoatsjes trilje hast net, wylst se by it lêzen de wurden mei de noas oanwiist.

'Wy binne dwaande mei in enkête yn opdracht fan reisburo

DE IENE PROVINSJE te Ljouwert,' ljochtet er ta. 'Wy geane alle dielnimmers oan de Spitsbergenreis bylâns. It is al in skoft lyn, mar foar de tarieding fan in nije flecht moatte eardere befinings nochris evaluearre wurde. Dat sadwaande. Wy sykje de minsken thús op, want neffens in resint wittenskiplik ûndersyk wize de statistiken út, dat de peilingen fan telefoanise enkêtes foar fjouwerensechstich persint ûnbetrouber binne.'

'Ja, dan hat opbeljen gjin doel,' knikt it wyfke. 'Mar Stoffer is hjir net.'

'Wêr kin ik har fine?'

Se jout him de list werom, stekt de holle even bûtendoar, sjocht links en rjochts, winkt. 'Kom deryn.' Se slofket it gonkje del. In brune rôl fan in hûntsje skeuvelt op stive tsjalpoatsjes foar har út. Yn de keamer stiet in rûne tafel mei in haakt kleed deroer, de stuollen hawwe haakte antimakassars oer de rêch en haakte spriederkes oer de earmleunings.

As Nier sitten giet, wâlet ûnder him in konsert fan springfearren op. It wyfke pakt in portretfoto fan it telefyzjetastel. Se skikt in stoel neist sines. 'Dit is Stoffer.'

Nier sjocht in frommes fan goed fjirtich jier mei in regelmjittich mar ûnbeslipe gesicht. De noasbrêge tusken de grille eagen is breed en it koarte ljochte hier sit gjin slach yn. It stiet him by, dat er har earder sjoen hat.

'Nei't se fan dy reis weromkaam, is se helendal feroare. Alle jûnen fuort, faak nachts ek noch. Op 't lêst wie se hjir inkeld sneins even. Se hie in man troffen, mear sei se net. Ik haw him noait sjoen. No komt se hjir noait mear. In fearnsjier lang hat se hjir net west. Ik krij gjin brief, neat.' Se skodhollet.

'Wa is dy man?' freget er foarsichtich.

'Ik wit syn namme net iens. Se hat noait earder in fêste freon hân,

mar sa raar hoecht it toch net, no?’

‘Wie Stoffer allinnich, of gyng se mei in ploechje nei Spitsbergen?’

‘Se hie in freondinne by har. Byfke Annille út De Lytse Jouwer. Fan dy haw ik sûnttiid ek neat mear fernommen.’ Se kriget him by de earm. ‘Jo besykje alle dielnimmers. Soene jo ris freegje wolle wa’t wat oer Stoffer wit? Faaks is se dêr op Spitsbergen mei dy man yn ’e kunde rekke.’

‘Ik sil myn bêst dwaan.’

‘Op kantoar wisten se ek neat. Se hat dien krigen om’t se der noait wie. En se hie sa’n bêste baan.’

‘Wat die se dan?’

‘Buffetjuffrou by de gemeente.’ In trien dript op it portret en de stuołtsjeklok ûnder it haakte kleedsje slacht ien kear.

- G2 ‘De byldekes wiene tiptop,’ seit regisseur Sjef Vandenoude-meulemakerbroecke. ‘Wolle jo dêr tusken kamera trije en fjouwer stean gean? It gesicht diskant út. Dan stjoer ik Pascal Mirage op jo ôf.’ Yn it midden fan de flier is romte frijmakke. Dynte stelt har op. Yn ôfwachtsjen, fan rûnom bestrúnd. Mei de hannen is se ferlegen. Se begiint benei op twa wiisfingers tagelyk te neilbiten. ‘Pascal Mirage, Dynte Planteit!’ ropt de regisseur. Ut it healtsjuster stapt in slank kofje-mei-molke-kleurich famke yn it ljocht. Kups en slipke binne dofswarte trijekantsjes tsjin de glânzjende hûd. Se is hast plat fan foaren, mar hat in pear kante skonken. Mei lange wisse trêden komt se op Dynte ta. It swarte glêde ponyhier draait oer de wangen yn in punt nei foaren. De eagen binne brânde omber en de folle lippen kraplakread. Se bliuwt stean, set in hân yn ’e side, bûcht in bytsje achteroer, lûkt ien wynbrau omheech, krollet de ûnderlippe en sjocht heechhertich op Dynte har foarkommen del. ‘Dach leave,’ swietmûlket Pascal, en mei in hollekniikje nei it bolle

bloeske: ‘Hoefolle silikonen hast dêryn?’

Dynte stiet ferstuivere. Is dat in begroeting? Mar se sil har net foarbyprate litte. ‘Twa,’ andert se snedich. Sisa, dat is ûnnoazel en ad rem tagelyk. Se is wiis mei har lytse sels.

‘Ho, safier!’ kreaket it út in lûdsprekker. ‘Formidabel, yn ien klap slagge. Meitsje de spullekes ree foar de twadde sêne. Dit wurdt de yntro.’

- F5 ‘Bliuw mar sitten, ik kin my sels wol útlitte,’ seit Nier tsjin frou Biezembjinder. Hy fûstket ôf. ‘Ik sil myn bêst dwaan.’ ûnthjit er har nochris.

Bûtendoarren sjocht er op it polshorloazje. In echte mouwefretter en syn trui is al sa raffelich. Hy hat noch in oseaan fan tiid. De mage jokket him. Hy fyttst de kant fan de buorren op. De snekbar is iepen. Hy nimt in slaadsje en kroketten. Dy binne sa drûch as in platsleine motflinter en smeitsje navenant. Foar kofje kriget er in bekerke tabaksflibe mei sûker en molke. Nei’t er dêrmei ferjûn is, kin er it net litte en sjoch even oft har kaptale hearehûs der noch stiet.

Tusken de liuwbekroane pylders troch trapet er de oprydleanne del. Fryske ruters damje noch altyd it paad. Sa âld as de Berlynse Muorre. By sjekpoint Sjaarly sitte yn in keet in pear plysjes te kaartspyljen.

Hy stoarret longerjend nei de monumintale gevel. It docht sear te witten dat dêrachter alles wat er mei Dynte dield had, troch frjemden ferrinnewearre wurdt. Net inkeld de stoflike dingen, mar ek de sfear. En hy moat wurkeleas tasjen, al in healjier. De bûtenkant fan it hûs mankearret oars neat oan. Gjin brutsen rût, gjin losse stien. Sels de abstrakte aluminium plastyk fan Tokonari stiet ûnbekladde op it gersfjild. En de fiver is net tichtsmiten. As se no it jild mar

net fûn hawwe. Oars binne Dylte en hy oant yn it tredde geslacht earmelytse. Dat by de telefyzje duorret fansels mar in blaumoandei. Om de hoeke fan in sydmuorre komme in stikmannich kreative-lingen yn Ku Klux Klan-klaad. Se skowe in oerfolle kontainer foar har út. It skaait der nuver hinne, mar se krije de ridende túchbak toch by de stikeltriebarrikade. Underwilens is in plysjeman út de keet stapt en har temjitte gien.

‘As de gemeente dissent daliks ophellet en in legenien bringt,’ ropt in kreaker. ‘Ik sil it oan Easterwâlde trochjaan,’ knikt de plysje.

‘En as se moarnmiddei nochris komme wolle. Wy hawwe in soad rotsoai en dy moat foar it wykein fuort,’ bestelt de kreaker fierder.

‘It komt yn oarder,’ seit de plysje. ‘Hoe let?’

‘Sis mar ien oere.’ De kreakers jouwe har ôf. De spûkhimden flodderje har om it lichem en de stive puntmûtsen dûnsje. In wrâld wizer stapt Nier op.

- F6 Hy stâlet de fyts yn it krûp-yntsje te Sânhuzen. De aktetas lit er achter, mar hy stekt wat ridskip by him. Dan set er de stap nei de strjitwei Noardwâlde - Aldeberkeap. Dêr wachtet er foar waar en wyn op it streekferfier. Gelokkich hoecht er net sa lang geduld te dwaan.

Omdat er de provinsiale stripenkaart yn de bus keapet, moat er dûbeld betelje. It besteegber ynkommen dat er fan Dylte krigen hat, is noch krekt in kwartsje fan oer.

Koartby De Kompenije stjoert de sjaffeur nei de kant fan de dyk, set de motor ôf en slacht de earms oerinoar.

‘Wat sille wy no ha?’ wol in passagier witte. ‘Staking?’ ynformearret in oarenien. ‘Stiptensaksje?’ freget in treddenien.

‘Nee, wurkûnderbrekking,’ jout de sjaffeur beskied. Yn de bus brekt hast in opstân út.

‘Kalm bliuwe!’ raast in fint oerstjoer. ‘Opdracht fan it fakbûn!’  
De passagiers bedimje har, it wurdt in stilswijend protest. Se sjogge  
noardwestich nei it ferreinde gea. In kertier letter start de sjaffeur  
de motor, de bus set gong.

Op De Gerdyk moat Nier oerstappe en tweintich foar seizen rydt er  
Ljouwert yn.

- G3 Boareilân-knipper-temperatuer-roeiskou-deiblêd-ferrekke-  
ling-warehús-yntegraasje-toskboarstel-ierappel-skile-refrein-kearn-  
bewapening-hynstebloom-spatlape. De holle swimt har. Se kin net  
mear rjochtstrekich tinke. Mar Dynte hat de put derút.  
Artysten en technisy romje de flier foar de ynterieurfersoarchsters  
(dat binne de himmelsters). Se wynt har troch de neidrokte.  
Vandenoudemeulemakerbroecke folget har. Neist de doar fan de  
kabine, dêr’t se ôfschmynt wurde sil, stiet Rommelfanger. Dy hat  
se de hele dei net sjoen.  
‘Dêr is ús debutante,’ ferwolkomet er. ‘En?’  
‘Se hat de stjerrekes fan de himel spile,’ andert de regisseur foar har.  
‘Moai, moai!’ Rommelfanger klapt ien kear súntsjes yn ’e hannen  
en hâldt dy opinoar. ‘Ik bin grutsk op myn ûntdekking.’  
Dynte lit har net mei komplimenten betelje. ‘Kin ik myn gaazje foar  
hjoed no krije?’  
‘Wis en wrachtich. Mei alle soarten fan fernoegen. Jo hawwe it  
fertsjinne. Ik wachtsje oant jo klear binne. Dan bring ik jo persoan-  
lik nei de kassiêre.’  
As se skjinfage en ferklaaid is, giet Rommelfanger har feardich op ’e  
gong foar nei in stielen sel. Achter in traaljefinster sit in kreas Sjineesk  
famke. ‘Kwi Tan Sje, dit is ús nije stjer Dynte Planteit,’ makket er  
bekend. It famke knikt manearlik op easterse wize. Hy hellel in  
sjekboekje út de binnenbûse, follet it bedrach yn, set syn hân, stekt

it papierke tusken de traaljes troch. Kwi pikt it op. ‘Twatûzen gûne,’ lêst se. ‘Yn watfoar koepueres wolle jo it hawwe?’

Hy sjocht Dynte oan. ‘Sis it mar.’

Se lit har ferrassing net skine. ‘Gjin koepueres. Gewoan twa bryfkes.’

- F7 Underweis nei de lêsbiblioteek komt Nier by de toanielkleanferhierderij fan Kobus en Kompanjon lâns. Romrofter dagen siliger neitins. As er lykwols in slûch skynsel troch de tichte gerdinen bespeurt, giet by him in ljocht op. In ynjouwing dêr’t er him troch meiskuorre lit. Hy fiert de brike doar iepen. It beltsje klingelt noch in kertier nei, bliid dat it út ’e sliep skodde is.

Kobus en Ko sitte tsjininoar oer, elk op in stoel mei de bekling foar har en dêrop in tekstboekje. Se lêze om bar lûdop út *Jan Klaas oan of Understelde Tsjinstfaam fan Thomas Asselijn* en hawwe stille wille.

It duorret even foar’t se út har rollen stappe kinne. Dan komme se oerein en fersûpe yn har galgebroeken. Fol ferwachting kypje se oer de râne.

‘Sa let noch te set mei de pret?’ rymt Nier.

‘t Is keapjûn,’ andert Kobus.

‘Wy geane mei ús tiid mei,’ follet Ko oan.

‘Wat sil it wêze?’ ferfettet Kobus.

‘Ik kom om wat oars as oars,’ seit Nier.

‘Dat hie ’k al sketten,’ knikt Kobus.

Ko sjocht Nier op-en-del oan. ‘Is it foar jo sels?’

‘Jawis, mar ik bin bang, dat it net út foarrie te leverjen is.’

‘Wy ferhiere gjin nee,’ glimket Kobus.

‘It sil in toer wurde,’ warskôget Nier.

‘Gjin toer sa heech, of der sit in punt op,’ ornearret Ko wiis.

‘Ik moat Ku Klux Klan-klean hawwe.’

De broekemantsjes skronfelje sjenber yninoar. ‘Ku Klux Klan-klean hie ’k tocht,’ suchtsje se tagelyk. ‘Hoefolle pakken?’ Kobus doar it hast net te freegjen. ‘Ien.’

Dy mannichte moedicht harren in bytsje op. Ko klaut it earst út de lytse loege. Hy steekt in triomfearjend fingerke omheech. ‘*De Dea fan Pierlala!*’

Kobus skodhollet. ‘Dy is swart mei wite bonken.’ Ko jout gjin belies. ‘It deahimd fan Redbad!’ Kobus bliuwt kritys. ‘Hat gjin mouwen.’

Syn kompanjon harsensstoarmet mar troch. ‘It koarklaad fan Bonifasius!’

‘Hat gjin kape.’

Ko is net mear te hâlden. ‘*It Spûk fan de Opera!*’

‘Nimst my de wurden út ’e mûle,’ falt Kobus him by. ‘*It Spûk fan de Opera*’. En dy wite hennin út de fyftjinde iuw! Kom!’

Nier folget de mantsjes. Se bringe him nei in stander, dêr’t in heal dozyn nuveraardige twatsjillige rykraksjes yn steane. ‘Wat binne dat foar dingen?’ freget er.

‘Jo sille it wol stepkes neame,’ andert Kobus, ‘mar wy sizze noch fan autopetsjes.’

‘Wy binne net mear sa goed op ’e gong, sjoch,’ ferklearret Ko.

Nier kriget it grutste en achterinoar stowe se tusken de stellingen mei toanielklean troch. Hy kin de foarriders hast net bybliuwe. Op in T-splitsing giselt Kobus nei rjochts en Ko nei links. Hy wit sa gau net, wa’t er folgje sil, begjint te slingerjen, skampt in rige kimono’s en trûzelt hals oer de kop tusken in nust Skotse rokken. Wylst er him út dy lange lapen wynt, stiet Ko al mei *It Spûk fan de Opera* ree. Even letter komt Kobus oan riden. Hy hat de hennin by him. In hege stive puntmûtse mei in lange wâle. Dy makket er foarsichtich los.



Nier ferstrûpt him. It gewant hat in wide momkape. De kykgatten sitte op de goeie hichte. En de hennin past him presiiis om de plasse. Klear! De kompanjons steane der fernoege by.

‘Jo binne wer út ’e noed,’ blierket Kobus. ‘Wat is der fierder noch fan jins boadskip?’

‘Neat,’ moat Nier him teloarstelle. As er it gewant útstrûpt hat, autosteppe se trijeresom nei de toanbank. Dêr wurde de klean netsjes ynpakt. De rekken komt derboppe-op.

Ko lêst him foar. ‘Waarboarchsomme hûndert achtenfyftich gûne fifentachtich by foarútbetelling te foldwaan. Utlientaryf njoggentweintich gûne deis, ynklusyf administraasjekosten. Wolle jo even de hân op it resu sette?’

‘Och hearken,’ seit Nier, ‘ik haw net mear as in kwartsje by my. Mar ik bin in fêste klant. Ik kaam hjir jierren lyn al. En jim hawwe fyftjin jier lyn ek op in feest te uzes west.’

Ko knypt de eachjes healticht. ‘No’t jo it sizze, der skimert my wat.’ ‘Fuort mar, om’t jo it binne,’ beslút Kobus. ‘Trettjin persint kredyt-beheining komt der dan fansels al by.’

- G4 Dynte kriget ynienen hunger. Tusken in karslachter en in edelslachter yn sjocht se in suvelwinkeltsje. Sa’n sabeare âlderwets boerebont saakje. It is noch iepen. Der binne gjin oare klanten, dat se is daliks oan bar. Krekt as se sizze sil wat se hawwe wol, rinkelt de telefoan. ‘Kinne jo even geduld dwaan?’ seit de winkelman, wylst er al opnimt. Hy notearret wiidweidich in grutte bestelling. It duorret tsien minuten. Se stiet har ûnderwilens te ferbiten. De macht fan it apparaat. Sy hat war dien om hjir persoanlik te kommen. Ien dy’t dêr gjin muoite foar docht en troch de telefoan praat giet foar. It soe krekt oarsom wêze moatte. Einlings is it petear ofrûn. Se wiist op in belegere Edammer. ‘In

healpûn. In stikje.’

De winkelman set in grut healmoannefoarmich mes mei twa hânfetten op de tsiis, snijt dêr in fiks plak ôf en waacht it. Hast trije ûns. ‘Mei it in bytsje mear wêze?’ freget er freonlik.

‘Nee,’ andert se. ‘Ik haw om in healpûn frege en ik wol in healpûn hawwe.’

De winkelman sjocht har dûnker oan. Hy fiket in timpe fan it plak ôf en kwakt it wer op de digitale snelweger. Amper twa ûns. ‘Mei it in bytsje minder wêze?’ gnaut er.

Se bliuwt op har stikje stean. ‘Dêr haw ik net om frege.’

Poer snijt er in nij plak fan de tsiis en skaaft dat salang by, oant it presiiis in healpûn waacht. ‘Trije fjouwerentachtich,’ pûst er har ta. Se betellet mei in bryfke fan tûzen.

‘Hawwe jo it net lytser?’

‘Nee, sjoch mar.’ Se lit him har beurs mei it oare bryfke sjen en hat nocht oan ûnnocht.

- F8 Nier dangelt wer yn de lêsbiblioteek om. Hy sjocht geduerich op it horloazje. Dynthe hâldt lang oan. Yn it foarbygean docht er in taast nei in grou stúdzjeboek. -*De Soarch foar de Ferbreiding fan de Soarchbreedte fan it Wolwêzenwurk yn de Stellingwerwen*- Dêrmei sil er krekt nei in tafel ta, as se him temjitte komt. De wurgens stiet har yn it gesicht etst. Mar se liket op moed te wêzen. Hy leit it boek del. Se kriemt as se by him is, stekt de earm troch sines en fiert him nei de útgong. ‘Foar de bakker,’ glimket se. ‘Alles. En do?’
- Hy fertelt oer Stoffer Biezembjinder en har mem. ‘Mar it moaiste komt noch. Dat wie in tafalstreffer.’
- Hy ûnderbrekt, om har reaksje te fernimmen.
- De treffer rekket har net, se jout gjin kik.

Hy ferfolget: 'Ik haw noch even nei ús kreakpân west. No wit ik, hoe't ik dêr ynslûpe kin. Tafallich waard ik in regeling mei de gemeente gewaar. Moarnier bringe se in kontainer en moarnmiddei helje se dy wer op. Dêr krûp ik yn.'

'Doch it net,' riedt se. 'It rint op in katastrofe út.'

'Doemtinken is dûm tinken,' seit er wiis.

'Om de sinten hoechst it net te dwaan. Ik haw hjoed twatûzen gûne fertsjinne.'

'Moai, mar wy hawwe tûzen kear mear. Ik wol yn eigen hûs ynbreke en eigen jild stelle. Gjûn wet dy't dat ferbiedt.'

'As se dy snippe, kinne wy alles wol ferjitte.'

'Wêr geane wy eins hinne?' slacht er yn oar praat. Se binne ûnwillekeurich fierder de stêd yn set.

'Nei ús hotel.' No pas sjocht se it pak, dat er by him hat. 'Wat sit dêryn?'

'Myn nachthimd.'

- G5 De resepsioniste fan Atlantis ken harren werom en docht diskear net ferfelend. Gjûn betelling yn 't foar. Deselde keamer, in oar jûnsmiel. Nei't se dat opfnaske hawwe, slept it hert har. Se hie-ne noch oan beslútfoarming dwaan wollen, mar se geane op bêd. En se jouwe har del, sûnder inoar in oankrûper te jaan.
  
- G6 Midden yn de nacht wurdt Nier wakker. It tek is fan him ôfgliden. Hy knipt it bêdlampke oan. Neist him leit Dynte ek bleat. Sy slept noch. Hy komt op 'e earmtakken en sjocht har lichem ris oer. Ryp, net oerryt. Gjûn foarmferlies nei al dy jierren. Heechstens in bytsje mûtelers wurden. Dêr is se net minder om. Sels har teannen binne moai. Fan hoefolle froulju kin dat sein wurde?

- H1 De oare moarns stiet Nier stiif yn 'e skuon. En hy bliuwt stânfêst, al springt Dylte heech en leech.  
 'Dan moast it sels mar witte,' pûst se op 't lêst, wylst se achter it ombyt delploft. 'Ik mei lije, dat dy kreakers dy yn eigen hûs gizelje.' Mar tusken in frânsbroadsje en in stik switsersbrea yn skaait se ûnferwachts en pakt him stiif by de pols beet. 'Sneons en sneins bin ik frij. Lit ús der in sierlik wykein fan meitsje. Wannear bist werom?' 'Hjoed, hoopje ik.' 'Dan is it goed.'  
 Hy besiket de lechpuzzel fan syn brutsen bak yninoar te passen.
- H2 De bus hâldt by elke halte. Opslûpen jonges en famkes dy't nei skoalle geane, stappe yn. It wurdt sittend fol. Twa fammen mei swiere boeketassen moatte der ek noch by. 'Neuk it dêr mar del,' ropt de achterste tsjin de foarste, dy't har mei de bagaazje troch it gongpaad wrot.  
 'Gjin plak mear,' ropt de sjouster werom.  
 'Dat neukt neat,' seit de oare, wylst se noch altyd mei har kaart by de sjauffeur stiet. Einlings mei se trochrinne. 'Sa'n geneuk fan dy rotfint,' prottelt se. 'Ik mocht earst net iens meiride. Mar ik lit my net ferneuke.'  
 De foarste kin noch op de achterbank sitte. It fanke dat sa graach neuke seit, falt skean oer Nier del.  
 Oan de petearen om him hinne fernimt er de emansipaasje. De jeugd dy't it eartiids kloaten fûn, fynt it no kut.
- H3 Te Easterwâlde rint de bus leech. Nier wit wêr't de reinigingsjinst setelt. Hy giet by it gemeentehûs lâns, slacht de hoeke om, stekt in pleintsje tusken twa byggebouwen oer, folget in heech galvanisearre stek en komt foar in stil kantoarke. Hy fielt oan de

doar. Noch op slot. Dat moat ek. De amtners binne noch net mei it tommedraaien begûn. Mar as de tsjinst troch in ferrassingsaksje hjoed no ris plat leit? Dan hat it in ferlerne reis west en kin er syn snoad plan foargoed ferjitte.

Hy sjocht tusken de spilen fan it stek troch. Dêr stiet in frachtauto mei in takel derop en tweintich meter fierder in rige kontainers. Ien dêrfan is fleurich opskildere yn heldere kleuren. Tusken de fersiering fan koppoatige popkes en hoannepoatige opskriften kin er de letters K.K.K. ûntsiferje. Nei alle gedachten hawwe de kreakers har kreative lusten op dy kontainer bodjûn. Dan sille se foar 't neist dat ding wol wer taskikt krije. Wêrom te wachtsjen oant it transport begjint, om dan stikem op de útridende auto te springen? No moat er syn trekken waarnimme!

Hy skoot it pak mei syn ferklaaiing ûnder it stek troch, hâldt de siken yn en klaut der búklings oer de grûn achteroan. Healwei bliuwt er mei de brits stykjen, mar nei in hoart is er los. Him dûkjend sjit er op de kontainer ta, wrakselt ien fan de flappen iepen, smyt it pak de plak en strûpt sels oer de râne de bak yn. Dan komt er oerein, set him te skrep mei it skouder tsjin in hoeke, kriget de flap mei beide hannen beet en skuort. Hy kokhalzet fan ynspanning, mar it deksel swaait him oer de holle ticht. Hy giet der stevich by sitten, de rêch tsjin de iene lange sydkant en de fuotten tsjin de oare.

Op in heel tinne ljochtstreek tusken de flappen nei is it folslein tsjuster om him hinne. De triennen springe him yn 'e eagen. It stjonkt hjir oan de hege himel ta. In grûzemoes fan bedoarne itensluchtsjes en fersuorre drankstanken. Syn broek plakt al troch fan de wiete oergroede op de boaiem.

Stappen komme tichterby. Hy stekt de earen op. It heart nei mear as ien man. In klap tsjin de kontainer. It beart him as skuorde klokken troch de holle. 'Dizze?' raspet in stim.

'Ja, dy,' grommelt in twadde.

'As wy in oarenien bringe, fervje se dy miskien ek op,' stelt de rasper út.

'Lit se har rotsoai sels hâlde,' kitst de grommelsek ôf.

In hân slacht oer de flappen, de ljochtstreek wurdt ûnderbrutsen.

De kontainer kriget in dûst en begjint te rôljen. Nier skoddet omraak, hy lilwanget deroer.

'Wat is dat kring ferrekte swier,' raast ien fan de mannen boppe it spektakel fan de tsjillen út.

Nier kriget in deaskrik. Hy fielt him Hugo de Groot yn de boeke-kiste. Anst sizze se noch, lyk as Maurits syn soldaten: 'Hy koe der sels wol yn sitte.' Safier komt it net en neffens it histoarise foarbyld meitsje se de kontainer net iepen foar ynspeksje. Nei in skoftsje stiet it rôljend gefaarte stil.

Wylst lyk boppe him fingers op in flap tromje, heart er motorlûd, heelyd heftiger. Dan it rinkinkjen fan in ketting. Ynienen giet er omheech, starich draaiend, swevend. Dêr sakket er, klabats, de kontainer stiet wer. Blokken wurde tsjin de tsjillen skopt. Hy skodkoppet, de holle rinkelt him as in kasregister. In sprong op 'e grûn, tichtslaan fan in doar, de motor set oan, in skok, de auto rydt.

Wat ferromme mei Nier stank opsnuve. Troch it oanhâldende hossebosjen kin er him min op de bochten oriëntearje. Mar as de auto in kertier letter ôfremt en sunichoan skerp nei rjochts swaait, om dan slingerjend mei in bytsje mear faasje fierder te riden, wit er wêr't er is. Noch noait hat de oprydeane nei eigen hûs sa lang west. Der komt gjin ein oan.

- H4 Op 't lêst hâldt de auto. Wer it fêstmeitsjen, it ratteljen fan de kraan, sweven, diskear folle langer, de klap op 'e grûn, it ôfnimmen fan de ketting.

‘Om ien oere hjir wer,’ ropt in stim dy’t net fan ien fan de beide mannen is. En op itselde stuit begjint de kontainer te rôljen. Nier soe wol ‘hoera’ roppe wolle. Hy is oer de barrikade, oan de oare kant fan it stikeltrie! Mar tagelyk knypt faalangst him de kiel ticht. As se daliks de flappen iepenje en mei it ynladen begjinne is it mis. De kontainer kriget in optuiter fan komsa, de foarste tsjillen batse omheech en jompe even letter del. De achterste tsjillen meitsje deselde klap. Sjitte se oer in drompel? It riden giet minder skokkend en kriezjend. Noch in hoart oerside, stilstân. ‘Dat wie dat,’ himet de stim fan niis. ‘Kom mei, wy hawwe wol in bakje kofje fertsjinne.’

It lûd fan fuotstappen ferstilllet. Foarsichtich komt Nier oerein. Hy krommet de rêch en triuwt mei de skouders ien flap in bytsje omheech. De holle sydlings hâldend, gloereaget er tusken deksel en râne troch. Gjin kreaker te sjen. Hy is yn de bykeuken. De kontainer stiet yn in hoeke. Foarsichtich triuwt er de flap safier omheech, dat dy skean achteroer tsjin de muorre steunt. Hy djippet it pak op en wringt him troch de iepening. O, einlings wer in foet op eigen flier te setten. Hy swaait de flap ticht, dûkt achter de keukenkast. Dêr makket er it toutsje om it pak los en ferstrûpt him yn sân hasten. It ridskip moffelt er ûnder it spûkklaad wei, it papier troppet er yn de pûntmûtse.

Foar’t er mei de operaasje begjint, sjocht er op it horloazje. Tsien oere fjirtjin. Hy moat net letter as healwei ienen hjir werom wêze. Oars hat er gjin tiid genôch om him yn de kontainer te wrotten. Sisa, alles feilich. Hy slûpt achter de kast wei en sil fierder mar betinkt him. Hy moat fansels gewoan rjochtop gean, oars rint er krekt yn ‘e kikert. Sa natuerlik as er kin, set er op de binnendoar ta. ‘Heula, stek even in poat út!’

Achter him, foar de iepen bûtendoar, steane twa spûkkreakers. Se tögje tegearre in grutte doaze mei waardeleas materiaal. Sa waardeleas, dat sels kreativelingen der neat mei wurde kinne. Nier moat wol byspringe. Hy skoarret de útbrûkjende boaiem, helpt mei om de flappen fan de

kontainer iepen te lûken en de doaze ûnderstboppest dêryn te kiperjen. Dan is de bak al healfol.

'De sekken noch,' seit deselde kreaker dy't him ta oparbeidzjen presse. Nier kin der net foar wei en helje, lyk as syn kommunematen, in sjou sekken út de garaazje. Dy stouwe se ek te plak. Se klappe de flappe deroerhinne. Klear, no kin er mei goed fatsoen útwine.

'Wy sette it spul daliks ree, hawwe wy der gjin omsjen mear nei,' bestelt de ferfelende kroade. Fergemy, dy fint wit fan gjin ophâlden. Tsjin heuch en meuch triuwt Nier ek de kontainer mei bûtendoar nei de ôffreding foarhûs. Wat in tsjinslach. Hoe komt er aanst ûnbemurken yn dat ding? Mar hy kriget gjin gelegenheid om dêroer te hollebrekken want de kreakers sette op it bordes ta. Hy giet mei it hûs yn, triljend fan spanning.

### **SJIT BRIKER FREONEN! ôflevering 1, sêne 5, lokaasje: Ljouwert, Nijstêd.**

Bahama Bêzje foar en Billebout achter komme op in tandem oanfytsen. Foar in ferfwinkel stappe se ôf. Dêr steane al mear fytsen. 'Op slot sette,' seit Bahama Bêzje oer it skouder, wylst se de winkel yn giet. Billebout ferjit it finaal en folget har. In frou komt út de winkel. Se kin net by har fyts, want de tandem is dertsjinoan set. Dy rydt se lilck in eintsje fierder foar in bakkerij, dêr't ek fytsen steane. Se kriget harres en set ôf. Ut de bakkerij komt in man. Foar syn fyts stiet in tandem. Hy set him lilck foar in boetyk by oare fytsen del. Dan stapt er op sines en rydt fuort. Ut de boetyk komt in fanke. Se fynt har fyts achter de tandem. De tandem skoot se mei in soad misbaar troch nei in klokkewinkel, dêr't allyksa in stikmannich fytsen foar steane. Se springt op har eigen en set ôf. Ut de klokkewinkel komt in hear. Syn fyts kin er net by komme fanwegen de tandem. Dy set er, lilck om't de klokkewinkel op in hoeke stiet en om't it by de boetyk en de bakkerij al sa fol is, in ein werom foar de ferfwinkel del. Hy giet op syn fyts sitten en rydt skodholjend fuort. Bahama Bêzje en Billebout komme



út de ferfwinkel. De tandem stiet op it plak dêr't se him achterlitten hawwe. Se stappe op en sette ôf, krekt oft der neat foarfallen is.

De grutte hal sjocht der fleurich út. Skean fan hoeke nei hoeke hinget in spandoek mei de wurden: KREATIVE KREAKERS KOMMUNE KLEURE-KUBUS KAMPSLACH. Op in diske yn it midden steane alderlei ûnnutte húshâldlike foarwerpen útstalle. Karút foar de winners. In kreaker is dwaande mei de prizen fan de prizen ôf te heljen. Hjir en dêr sitte dielnimmers by taffeltsjes en litte alfêst in kubus troch de hannen gean. Se oefenje om de spieren los te draaien. Ut lûdsprekkers knalt stienhurd achtergrûnmuzyk.

Gjinien dy't Nier wat op it lichem plakt. Se litte him gewurde. Hy falt fan de iene ferbazing yn de oare. It ynterieur is gjin pûnbult, sa't er ferwachte hie. Feitliks sjocht it der kreas út. Gjinn ferknippt tapyt oer de flier, gjin meubels koart en klien hakke, gjin tefike skilderijen oan de muorren. In goed foarteken. No't hjir neat fernield is, sit it der dik op dat de kreakers boppe ek net oan it slopen west ha.

Hy rint de treppen op. Twa, trije wythimden komme him temjitte en strike by him lâns sûnder him steande te hâlden. Mar syn doel is noch heger. De sparsinten lizze op 'e fljirring. Dêr sil er sûnder potkikers it kerwei klearspylje moatte. En it lûk fan de skotrep is yn it berchkeammerke. Hy moat noch troch in pear oare fertrekken.

Yn it earste dêrfan is ien oan it aerobik-dûnsjen. Net yn spûkklean, gewoan yn polo-shirt en knibbelbroek. By elke hip knikt de puntmûtse heftiger en it swittruchplakte broekje floddert om hierrige manljusskonken. De grouwe stút krúsket de earms, set ôfwikseljend rjochts en links ôf mei beide fuotten tagelyk of stekt kop en skouders in tsjinoerstelde kant út. 'Hoefier binne se ûnder?' smûcht er.

'Noch net begûn,' andert Nier toanleas.

'Dan oefenje ik noch even troch,' oefent de keardel. Hy springt op, spraat

earms en skonken en tipt mei de fingerseinen de teannen oan. Dêrnei bûcht er yn spriedstân foardel en skoot mei it kin hinne en wer oer de flier.

Rêchlings tsjin de muorre, bôget Nier by him lâns.

'Dochst ek mei?' snúft de fanatikeling.

'Oare kear,' seit Nier, wylst er fluch fierder giet.

It folgjende fertrek slacht gjinien yn om. It rûkt der nei froulju. Wer falt it him op dat neat ferrinnwearre is, al steane de meubels op in oar plak.

Hy kin it net litte en lûk it laadsje fan in âlde kaptafel iepen. Dêryn leit in trochinoar fan potsjes, fleskes en tuben, dy't him bekend foarkomme.

Mar it hat altiten in rommellaadsje fan Dynte west.

Yn de tredde keamer dammet in foelspyljend grutfanke syn paad. It giet alheel yn de kadens op. De holle heacket skean oer it ynstrumint, djip bûcht it liif mei yn it ritme, de wide mouwen fan it bloeske slingerje om tinne bleke earms. Ynienen stûket de strykstok op de snaren, se ferstivet, grutte kikkers stoarje him oan. 'Wa bisto?' freget se.

'In leafhawwer fan klassyk,' tinkt er yn in swym op.

It duorret even, foar't se lûd jout. 'Dat wist ik net.' Har wurden binne noch tinder as reek.

'Dan witst it no.'

Se lûkt in sucht. 'Wat sil ik foar dy spylje?'

'It adagio út it earste fioelkonsert yn g lyts, opus 26, fan Max Bruch,' sjit him yn 't sin. Sisa, dêr sil se grif mei oan wêze.

Se stiet yndie sprakeleas. Hy sil al trochstappe. Se keart him op mei de fioele yn de iene hân en de strykstok yn de oare. 'Einlings, einlings en te'n lêsten gjin Beethoven of Bach. O, Max Bruch, dy leit my noch neier,' dweept se.

'Bliid ta,' seit er.

'Bliuw hjir en harkje.'

'It hoecht net hear,' merkt er beskieden op.

'Ik spylje foar dy it adagio út it earste foelkonsert fan Max Bruch.'

'Sûnder blêdmuzyk?'

'Alle muzyk sit hjir.' Se leit in hân op it hert. Dan set se har yn postuer. 'Fal del.'

Wjermoedich lit er him op in krukje sakje. Dit is ferfelender as poep ûnder proflearre soallen. Mar hy sil dizze besiking útsitte moatte.

Se spilet wurklik prachtich. Fol oerjefte en technys perfekt. Sels de slimme dûbelgrepen binne mar in hântaast foar har. En wat in djip klankgefoel. As it him net sa oanfleach, soe it him meislepe. Hy ferjit dat der gjin orkest by is. De tiid ferjit er net. It krukje brânt him ûnder de brits. Einlings ferklinkt de lêste toan. Hy springt op en bringt har in steande ovaasje. Mar hy ropt net 'bys, bys.'

'Sil ik it allegro molto vivace ek noch foar dy spylje?' stelt se út.

'Moarnier kom ik hjir wer,' ûnthjit er har en rint gau fierder.

Op it wenstige plak yn it berchkeammerke fynt er de stok mei de heak. Foarsichtich stekt er dy troch it each fan it lûk, starich makket er it iepen. Hy triuwt de knip los en lit de skotrep heel súntsjes delglide. Dan klimt er op de flierring, bûcht him oer it trepsgat, heakket de stok achter de ûnderste treed, hellet it spul omheech en draait it lûk ticht. Under syn himd wei kriget er in bûslampe. By it skynsel dêrfan krûpt er nei in bak mei âlde rôlen behang. As er dy optilt, sjocht er dat de flierplanken dêrûnder noch sûnder wryt of slyt binne. Dit wurdt him! Hy hellet it ynbrekkersridskip út de bûsen en begjint och sa foarsichtich de houten jildklûs te forsearjen. It swit brekt him út.

### **SJIT BRIKER FREONEN! ôflevering 1, sêne 8, lokaasje: Ljouwert, Saailân.**

De merke-attraksjes stean der ferlitten by. Skafttiid foar de spullebazen. De man fan de Kop fan Jut giet derby sitten en set syn breatrompke neist him. Bahama Bêzje en Billebout komme oanfytsen. Se sette de tandem

tsjin in tillefoanpeal en kuierje oer it terrein. Foar de kop fan Jut bliuwt Bahama Bêzje stean. Se betellet oan de man acht kwartsjes en kriget de lange houten hammer. Sûnder ynspanning jout se in mep op de pin. It lead sjit by de latte lâns omheech. Boppe-oan pafit in gruzich wolcentsje tsjin de blijblauwe loft. 'No do,' seit se. Billebout nimt de hammer fan har oer. RONDSLAG VERBODEN stiet op it boerd foar it blok. Billebout giselt de hammer ysbaarlik, kin him net mear hâlde en klapt dermei op it breatrompke. De bôle kwitst de man yn 'e gesicht. Hy fljocht oerein en set har nei. Bahama Bêzje springt op de tandem, hellet Billebout fan achteren yn. Dy wrot har rinnendewei búklings oer de pakjedrager, spinfuotsjend, it seal mei beide hannen omklammerjend. De driftich swaaiende man kin it net byhâlde en sjocht de tandem wat langer wat lytser wurden. Hy smyt de pet midden oer de dyk en wâdet dêr op om.

■ H5 Mei de skroevendraaier wipt Nier it losmakke plankstik op. Hy pakt it beet en leit it neist him del. De hannen trilje him fan hoop en freze. Hy lit de bûslampe yn it gat skine. De ljochtstriel teistert oer syn fynst. Hy byt op 'e tonge om it net út te razen. In frou, it gesicht ferwongen ta in grousum masker. De wiidiepen skrikeagen sjogge neat. It lichem leit der krampich by, as yn in stûpe. Oer it boarst in laach healstjurre bloed, hast swart. Se is tige dea.

It wimert him foar de eagen, mar dit bespeurt er ek: it stielen jildkiste is fuort. Mei in skok komt er ta besinning. Hjir wei! Daliks! Hastich klaut er it ynbrekkersridskip byinoar, troppet it ûnder syn klaad, faget dêrmei mooglike fingerprinten ôf, krûpt nei it lûk, fiert dat iepen, lit de skotrep sakje, knoffelt by de trimen del, dompt it lûk mei de stok ticht, hinget dy te plak, sjit nei de doar, stiet even stil. It fielt oft de knibbels him nei achteren knikke en net nei foaren. Steunend mei de foarholle tsjin it hout, lûkt er de mouwe oer

in hân, triuwt de kruk omleech, de doar in bytsje iepen. Gjin frommes mear yn it muzykkeammerke. Hy skrept nei de folgjende doar. It oanswettende fertrek is ek leech, lyk as it dûnskeammerke achter. Gjinien hat him murken. Sa gewoan as er kin, giet er nei ûnderen. De kleurekubuskampslach is yn alle fûlens losbrutsen.

Wythimden ringje en kringje om de striders. Dy moatte ider de ûnderdielen fan fjouwer blokken sa draaie, dat elke side ien kleur kriget. Fingers flitsje. Mei in klap wurde de klearkommen kubussen delset. Tiidwaarnimmers hâlde stopwotsjes ree en de haadskiedsrjochter lit him neat misgean. De achterste taskôgers steane op stuollen om alles te sjen.

Sûnder each te jaan strykt Nier elkenien foarby op de bykeuken ta. Dêr seit it horloazje him de tiid fan de dei. Tolf oere twaentritich. Hy moat opsjitte om foar ienen yn de kontainer te wêzen. Dat ferrekte ding stiet gâpsk foarhûs. Hy sjocht neist de keukenkast in grutte stevige doaze mei inkeld in pear stikjes pypskom deryn. Dy sil er dêrhinne bringe. De died op it tinken. Hy pakt de doaze beet en stapt bûtendoarren. De sjou is licht, mar de gong is swier. As ien fan de kreakers him bespeurt, is de kaart ferjûn. Dan komt er noait út dit lykhûs. Hy sjocht op noch om, hâldt inkeld de kontainer yn 'e kuer.

As er neist de tûchbak stiet, wrakselt er de flappen skean omheech, wrikket de doaze dêrtusken. No hat er in skyld, dêr't er achter operearje kin, sûnder dat it út de plysjekeet wei te bespeuren is. Hy stout de sekken noch soarchfâldiger, troppet se noch tichter opinoar en beskrept sa in nearzich sitplakje. Foar kessen brûkt er de platsleine puntmûtse. Mei in koprol springt er foardel yn de kontainer, bûkt him, lûkt de doaze oer him hinne. De flappen falle beneistebyticht. Hy sit yn folslein tsjuster ûnder de doaze en wachtet ôf. Op 't lêst, it is al fier oer ienen, fernimt er it oanwakkerjende lûd

fan in automotor. En it duorret noch in kertier foar't nei in soad ge-  
heister de kontainer goed en wol op de takelwein te plak stiet. Mar  
dan giet it ek hurd. De auto sukkelt de reed del en Nier wraamt him  
ûnder de doaze en de flappen wei. Noch noait hat de oprydleane  
fan eigen hûs sa koart west. Krekt foar't de wein de dyk op swaait  
en de guit kriget, gliert er fan de laadbak en rôlet yn de houtwâl.  
Hy skuort it spûkklaad út, foddet it mei de puntmûtse yn it pakpa-  
pier en nimt de hakken op.

- H6 Fier fan hûs komt er by in publike telefoansel lâns. Hy stiet  
stil, tinkt djip nei, keart op syn stappen werom en giet it hokje yn.  
Ut 'e bûse fisket er in kaartsje mei in nûmer derop. Hy lichtet de  
hoarn fan de heak, smyt in gûne yn de skreef en draait de njoggen  
sifers.

De stim oan de oare kant fan de line ferwisset him dat er net mis-  
taast hat. 'Buro Unreplike Saken fan ynspekteur M.I. Sliksma.'

'Ik moat Sliksma sels ha,' seit Nier. Hy prebearret de stim fan Jute  
Kei nei te dwaan sa't er dy him te binnen bringe kin.

'De ynspekteur sit yn in gearkomste,' klinkt it fan de oare kant.

'Dan komt er dêr mar út. De hege pyf sels,' foeget Nier ta mei in  
wurdkar dêr't er fan tinkt dat dy wol by Jute Kei past.

'Kin ik it boadskip oan him trochjaan?'

'Opsâltsje en helje!'

'Mei wa is it?'

'Jute Kei fan de Kreatieve Kreakers Kommune.'

De hoarn wurdt rommeljend dellein en even letter grommeljend  
opkrigen.

'Hjir Sliksma.'

'It lyk fan in wiif op de fljirring'

In momint swijen. Dan gebiedend. 'Lit alles sa't it is!' klinkt it fan

de oare kant.

‘Haw ik dien. Allinnich it lúk sletten. Ik hâld myn freet. Gjinien wit derfan.’

‘Goed. Wy komme daliks. Lit ús deryn. Dat is dyn saak.’

Nier klappt de hoarn del en makket skonken. Wat soe er graach sjen wolle hoe’t dat túch út it hûs reage wurdt. Mar it is better dat de plysje him net yn dizze krite merkt. Dêrom rint er noch fierder fan it takomstige striidtoaniel en set de earste sydwei yn. Gjin tsien minuten letter heart er sirenes. Tusken de beammen oan de haad-dyk stoot in kolonne oerfalweinen foarby. Hy is net mislik mear. De wraak smakket swiet.

- I1 Koarte ynhâld fan it folgjende. Neijier is nijier wurden. De kreakers binne út it hûs slein. Dynte en Nier sitte der wer yn. Mar har twa miljoen is poater. Se hawwe der gjin wurd tsjin de plysje fan rept. Op belêsting-ûntdûking stiet noch swierder straf as op moard. Trouwens, earne lúsangels binne se net mear. Dynte fertsjinnet jild as wetter by de telefyzje. Nei de earste ôflevering fan SJIT BRIKER FREONEN! is se fan de iene dei op de oare ferneamd wurden. Doe ferrûn alles mei in sniebal-effekt. Se hat yn it pennul fan in kwis sitten, oan in pommeranteslach tusken artysten en steateleden meidien, op in singeltsje in suchtmelodij songen, te gast west yn in tôksjo en oan in bûnt programma foar in goed doel meiwurke. De kyktichtens wie trochinoar 84 persint en it wurdearringssifer 9, 1. De FOKTA is yn twa moanne fan in E-omrop in B-omrop wurden en in oanfraach foar de A-status leit by de minister. Boppedat wurdt no net mear fia de kabel, mar op kanaal Fryslân I útstjoerd. Alle wiken stiet in rynsk yllustrearre artikel oer Dynte yn it oersichtlike programmablêd, dêr’t elkenien dy’t der him as lid-abonnee foar opjout jild op ta kriget. Keunst- en

boekwinkels ferkeapje grutte posters fan har. Trije ferskillende. Fan deselde hâldingen dy't by har earste kamera-sessy makke binne. Se fleane by tûzenen oer de toanbank. Yn de amper opkrolle mûlshoeken fan Dynte sit mear oantrekkingskrêft as yn de fjouwerread oanstifte lippen fan al dy oaren.

Mar se wol fierder gjin karriêre meitsje. Noch de lêste ôflevering fan SJIT BRIKER FREONEN! en dan hoecht it net mear. Se moat har te folle ferbrekke foar sa'n jachterich bestean, dêr't inkeld uterlikheden yn telle. Mei de tiid is se op dat stik gefoeliger wurden. Se hat ien hûd te min. En foarhinne wie se eigen baas, no wurdt se kikkertsjejage.

Nier hat ûnderwilens it hûs op oarder brocht. By de striid tusken plysje en kreakers is in soad fernield. Hy hat in bealchfol wurk hân oan it opkalfaterjen. It krûp-yntsje te Sânhuzen stiet leech. As er dêr in keaper foar fynt, kin er mei de opbringst in royalere auto oanskaffe as de miny dy't er fan Dynte krige hat.

■ J1 'Jim binne mar wer moai te stoel en te bank,' seit ynspekteur M.I. Slikma. Hy hat fan te foaren syn besyk oankundige. 'Ja,' falt Nier him by, 'Wy hiene earst wol wat oanpassingsswierichheden, mar dy binne wy sûnder maatskiplike begelieding oerkommen.'

Slikma jout gjin kommentaar op sok lef praat. Hy falt as in sek mei ierappelwurgens op de bank del.

Dynte biedt him in plakje hotelkeek oan.

'As ik sa frij wêze mei.' Hij taast ta.

'Smoke jo ek?' Nier hâldt him in doaske karriderssigaren foar. Dêr nimt er gjint fan. De skeve glimk driuwt al oan en al wei oer syn gesicht.

'Ik bin hjir kommen om jim te fernijen hoe't it lân derhinne leit,'



begjint er. 'De saak is noch lang net útiten. Wy hawwe de kreakers it fjoer nei oan de teannen lein, mar wy kinne de kommune net ivich fêsthâlde en ûnderfreesje. Se binne no yn frijheid steld. De ferhoaren hawwe in benaud bytsje opsmiten.

Safolle stiet fêst: Jute Kei fan de K.K.K. hat it lyk fûn. Hy hat ús doe daliks belle. De oaren wisten fan neat. En hy hat ús sûnder ferset yn jim hûs litten. Gjiniën hat ús trouwens tsjinkeard. Dat wie ek de ôfspraak.

Ik hie de lêste tiid gjin kontakt mear mei him, want wy ûnderhanelen rjochtstreeks mei it Boartlik Brekkers Bûn.

As dy moard net bedreaun wie, hiene jim fjirtjin dagen earder jim hûs werom hân. Wy hiene yn it akkoart kommen en in ûntwerperdrach lei ree. De frijwillige ûntromming hie in kwestje fan op syn heechst in pear dagen west. Dat mei ik no wol ferklapje. Fanwegen de moard moasten wy hjir alles trochsykje en it lyk skôgje. Dêrom duorre it folle langer.' Hy nimt in hap hotelkeek, faget de krommen fan de lippen en giet fierder.

'Wy hawwe gjin fingerprinten en fuotprinten fûn, dy't ús wat wizer meitsje. Der is al in kreakster, dy't de nachts foar't de moard ûntdutsen waard, in stim heard hat fan in foar har ûnbekende. En de namme fan it slachtoffer witte wy ek. Lyn Pin, in wurkleaze aktrise út Waskemar. Se hearde net ta de kommune. Twa desimber is se noch yn Dokkum sjoen. In dei letter lei se hjir fermoarde.'

'Dus sy is yn ús hûs slagge sûnder dat ien it murk?' ropt Dynte ferbaasd.

'Dêr hat it de skyn wol fan. Se moat trouwens de deastek al earder as op 'e fljirring krigen hawwe. It hert is twaris trochpriemme. Doe't se in set dea wie, hat se nochris in mes tusken de ribben krige. Der wie net folle bloed. Liken bliede net sa bot. Wy hawwe it moardwapen noch net fine kinnen.'

Sliksma poattert mei in autokaaike yn it ear om en jout him oerein. 'Goed, dat wie it. Jim sjogge, noch fraachtekens by de rûs. Ik hie graach mei de oplossing fan it riedsel komme wollen. Dat is spiti-gernôch net it gefal.

Hy skonket nei de doar. As er de kruk al beet hat, kriemt er. Hy docht in taast yn de reinjasbûse en hellel in fûstfol knûkels foar it ljocht. Hy iepent de hân en it is in tin dûnkerblau sjaaltsje mei ljochtblauwe fokskes. It sit ûnder de bloedfegen.

Nier en Dynte bestjerre it suver. Se hat it op Spitsbergen fan him krigen.

'Dit fûnen wy al,' seit de ynspekteur. 'Sa te sjen is der in mes mei ôffage. Lyn Pin har bloed hawwe wy fêststeld. Mar it sjaaltsje is net fan de kreakers, hâlde se út. Hawwe jo it earder sjoen?' freget er oan Dynte.

No kloek wêze, flitst troch har hinne. As ik de wierheid fertel, mient er noch dat wy de moard bedreaun hawwe om de kreakers út ús hûs te krijen. Mar as ik sis, dat ik der neat fan wit, leaut er my faaks net. 'Ja,' andert se, 'it is mines.'

'Wêr hiene jo it?'

'Hjir yn 'e hûs.'

'Wêr presiis?'

'Dat wit ik net mear. It is al salang lyn en ik bin net botte oarderlik.'

'Dus jo hiene it al, foar't de kreakers kamen?'

'Jawis.'

'Jo hawwe it ek net mist, no't jim hjir al wer in skoft wenje?'

'Myn kasten hingje fol mei klean en oar guod. As der wat fuort is, falt my dat net daliks op.'

'Ik kin my yntinke, dat jim alles bylâns west hawwe om te sjen oft der neat mist.'

'Fansels, mar sa'n nearzich sjaaltsje kin ús trochgien wêze.'

‘Binne der oare dingen, dy’t jim net weromfûn hawwe?’  
‘Foarsafier’t wy it ús te binnen bringe kinne net, hen Nier?’  
‘Nee, wy binne neat kwytrekke,’ stimt dy har mei.  
‘Witte jo noch, wannear’t en wêr’t jo dit sjaaltsje kocht hawwe?’  
‘Dêr freegje jo my wat. It soe wêze kinne yn in boetykje te Ljouwert. Hoe wie de namme ek wer? *It Belderke* stiet my foar. Dêr kocht ik doetiids geregeld sok guod. Mar it is al in pear jier lyn.’  
De ynspekteur slút de hân. ‘Jo fine it wol goed dat ik it noch even hâld.’ Hy triuwt it yn ’e bûse. ‘It bêste! Ik kom wolris wer, as ik mear wit.’ Tegearre konfoaie se him út.

■ J2        Se hearre syn auto fuortriden. Dynte lûkt de foardoar achter har ticht. ‘Oef!’ Se sacket troch de knibbels en giet mei de rêch tsjin de doar sitten. ‘Hast it der prachtich ôfrêden,’ seit Nier bewûnderjend. Hy fielt him ek wat wippelich en sacket neist har oer de flier.  
‘Wêrom woest mei alle geweld ynbrekke?’ smyt se him foar de fuotten. ‘Ik haw dy noch sa warskôge. No sjochst it sels.’  
‘Koe ik derfoar wêze? Earst mei it lyk en no mei it sjaaltsje. Wêrom hast de namme fan dat boetykje te Ljouwert sein? Soks wurdt neigien fansels.’  
‘Jonge, ik wit tafallich dat *It Belderke* sûnt in pear moanne net mear bestiet. Fallyt.’  
‘Geweldich!’ Hy sil har in wolfertsjinne smok jaan. ‘Wachtsje!’ ropt se.  
Hy wachtet, mar der komt neat. Se is yn ’e stúdzje wei.  
‘Wurdt it noch wat?’ freget er op ’t lêst ûngeduldich. ‘No wit ik wêr’t ik dat sjaaltsje hie. Yn de bûse fan myn mantel. Witst wol, dy’t ik mei nei Spitsbergen hie en dêr’t ik te Sânhuzen in healjier mei ta moast.’

‘Dan moat it dêrut stellen wêze. Hiest noch mear yn dy mantel?’

‘In bûsdoek dy’t ik noait brûkte. Ik haw altyd papieren.’

‘Sit dy der noch yn?’

‘Dat sil wol.’

‘Wy kinne it neigean.’

Se komme oerein. It duorret even foar’t Dynte, yn de fjirde hingelkast dy’t se trochriert, de bedoelde mantel fynt. Ien fan de bûsen sit inkeld in ferfrommele bûsdoek mei in stikje kaugom yn.

- J3 De binnenstêd fan Ljouwert is wer gjin trochkommensein oan. Protest tsjin it belied fan de provinsje. Grou tsientûzen demonstranten. De autoriteiten sizze dat it twahûndertfyftich binne. Nier hat Dynte by de studio ôfset. Hy sil ris sjen oft er erges in telefyzjetastel opskarelje kin. Twaddehâns en swartwyt. Mear is oan harren net bestege. Se sieten hast noait foar de buis. Hy mocht noch wolris nei sport, benammen nei boksen sjen, mar dat is er sa njonkenlytsen ûntgroeid. Har eigen djoere kleuretastel hat by de ynfal fan de plysjes in opdonder krigen. Dat koe er sels net mear meitsje. En de fersekering fergoede neat, om’t dit gefal ûnder de útsûnderlike kalamiteiten foel. De antenne hat er noch wat yn ’t fatsoen bringe kinnen. Dy wie mei in kreaker, dy’t him yn in goate ferskânze hie, troch it wetterkanon fan it dak ôf spuite. Aanst sil er it spul wer te plak sette. Want hy wol jûn de foarlêste ôflevering fan SJIT BRIKER FREONEN! sjen. It wurdt heech tiid dat er teminsten ien kear sels oer de kwaliteit oardielet. It bearen fan de kranten hat er op in pypfol. Om Dynte hoecht er it net te dwaan. It leit har flak. As se thús is, bestiet foar har it telefyzjewurk net mear. Hy fynt wat er siket, mar it begruttet him suver. Twaddehâns swartwytastellen binne djoerder wurden, want de koers fan de dollar is wer omheech gien.

■ J4 Sisa, de antenne stiet. Ferklomme klattert Nier fan it dak ôf. It is fiis kâld dêrboppe. Hy stapt fan de ljedder op 'e grûn, rint nei it rûne gersfjild foarhûs, set de hannen yn 'e side en eaget omheech.

De antenne steekt triljend de teisters yn de tinne wyn.

It stêfke fan Nederlân I, de peperklip fan Nederlân II, de hearharke fan Dútslân I, de pannerakje fan Dútslân II en de mantelprikke fan Fryslân I. Is it gjin pracht?

Foar itselde kin er no even de post út de brievebus oan de dyk helje. Dat docht er meast mei de auto, mar hy is al hast healwei.

Werom fan de jogging, noflik by kofje en koeke, skiftet er de rispinge. In foarheffing fan de ûnreplikguodbelêsting, in foarriedige fermogensoanslach, in preemjeferheging fan de syktekostenfersekering en in oanfolling op in taslach fan de fêste lêsten. Fierders de wenstige fersiken om in hântekening fan Dynte, in kultureel tydskrift mei in moai omslachfamke derop, inkeld klaaid yn it adresbantsje. En in brief fan ien dy't belang hat by it krûp-yntsje te Sânhuzen. Hy soe it graach ris besjen wolle en freget as dat moarntemoarn alf oere kin. As er telefoanys gjin ôfberjocht kriget, tidicht er dêrop.

By al dy mâle jildoanslaggen toch noch in posityf berjocht. De earste gadingmakker oppenearret him. Wa wit wurdt er in keaper. Nier hat syn moed wol.

En dan ynienen sjit him wat yn 't sin. In âlde skuld dy't er noch lykmeitsje moat. Net mei sinten mar mei dieden. Hy hat frou Biezembjinder ûnthjitten om oer har dochter Stoffer nei te freegjen. As er no earst ris by dy har freondinne Byfke Annille yn De Lytse Jouwer oangiet. Dat leit krekt boppe Dokkum. Dan kin er yn de weromreis moai oer Ljouwert ride en Dynte ôfhelje.

■ K1 Hastich giet Dynte nei har kabine. Yn in hânomdraai

is se ferstrûpt. De klean dy't se diskear oan hawwe moat, binne sljochtwei. In bloeske mei op it krekte plak gjin fiterke. In gatterich rokje en sokken op 'e slomp. Aanst kriget se noch pipekrollen. Mar earst moat se nei de grimeur. Dy is Pascal oan it opstriken. Yn it healtsjuster platfuottet se neist de schmynkteamer om. Dynthe hat altyd wjirms yn 'e mage, foar't it opnimmen begjint. As se foar de kamera's stiet, is se net senuwachtich mear. Wat se dan ferfoant, liket in spultsje fan neat, mar bylket op it skerm prachtich. Se is in natuertalint.

'Wat bist wer oan 't iisbearjen. Meitsje dy net tsjok. Ik bedoel, meitsje dy net grou.'

Noch foar't se oer it skouder sjocht, wit se wa't dat is. Chick Anus komt oansnitten. Hy hat in kroesprúk op en in rôs balletjurkje oan. 'Goeie. Wy sitte al sa lang yn itselde skûtsje en hawwe noch noait in wurd sje wiksele.'

Dy fint is noait te fertrouwen. 'Hoe bisto hjir by de telefyzje kaam?' freget se.

'Dat sil ik dy sizze. Wy hoege inoar gjin Mytsje te neamen. Yn 1975 bin ik feroardiele, dat witste. Ik krige tolve jier, dus ik haw trije jier sitten. Dêrnei haw ik as lytse selsstânnige wurke, mar dat wie gûlen mei de pet op.'

'Binne dyn maten dan net frijkommen?'

'Do wolst ek it naadsje fan de hoas witte. Mar goed, wy wiene mei ús sânen. Yn 'e bak echt jonges ûnder mekoar. Doe't wy der tagelyk út kamen, klikte it ynienen net mear tusken ús. Om de hjouwerklap wie it bargebiten. Mûs en It Bonkerak hawwe by in sjitpartij it leadsje lein. Rûtsjeshimd is troch in fûstslach de pipe út gien. Doe tocht ik: no is it woltsjes. Dêrom bin ik foar mysels begûn. Mar ik koe op 't lêst gjin drûge bûterskinke mear fertsjinje. Krekt yn dy snoarje hiene se hjir in skriemend tekoart oan dûnsers. Sadwaande

bin ik by de FOKTA fersyld rekke. Mei in skjinne laai en ûnder in oare keunstnersnamme.'

'Foar my bliuwst altyd deselde,' lit se har ûntfalle.

Dêr harket er oerhinne. 'Wat hasto de leste jierren by de hân hân?'

'Neat.'

'Meitsje dat de kat wiis.'

'Nee, wier, neat.'

'Lit my net laitsje.'

'Ik haw inkeld yn de midsiuwen omspaand.'

Op dat pas strykt Vandenoudenmeulemakersbroecke har foarby. Yn de flecht wei jout er oan Dynte in stik papier.

'Dyn rolleke foar aanst.'

As de regysseur him net mear hearre kin, fertrout Chick har ta:

'Wat in otter, hen?'

'In otter?'

'Ja, in klier. Ik bin it hjir flibesêd. As it net hoegde, hold ik der daliks mei op. Do hast altyd goed yn 'e slappe wask sitten. As ik dy wie, wist ik it wol. Wat dochsto yn dizze heksetsjettel?'

It anwurd wurdt har besparre. Kameraman Ozzy Ozifant stoatskaaft by har lâns. Yn it foarbygean stekt er in kloer troch in gat fan Dynte har rokje en plakt har in tût ûnder de hals.

'Dat is in ûnwize ikel,' mient Chick hertgrûnich, as de bear him ôfjûn hat. 'Wêrom litst dy sa kowenearje? Wiest foarhinne gjin brijberntsje.'

'Rommelfanger hat my hjirhinne helle,' seit se ûntwikend.

'Ja, bist moai mei de noas yn 'e bûter fallen. In haadrol. Omdat se Lyn Pin net fine koene.'

Se skrillet op. 'Wa?'

'Ik praat toch Frysk? Lyn Pin.'

'Wa is dat?'

‘No mem, wat makkest my no? Dat silsto net witte. Lyn Pin soe earst dyn rol fan Billebout spylje.’

Se tinkt oan it lyk op de fljirring. ‘Ik ken har net.’

‘Wol Dynte Planteit by de grimeur komme?’ galmet de stim fan flierlieder Eelko Beunhazze.

‘Spuit alve jout dridze,’ seit Chick. ‘En wy moatte bealgje. Meitsje it boarst mar wiet.’

Dat is it al, fernimt Dynte swittend, wylst se yn de schmynkkeamer giet.

Pascal, heechlearske en leechdékolletearre, stapt derút. Kapper Minus Richels sil har it hier yn in palmbeamke op ’e holle sette.

- K2      Klaas de Vries wit net, wêr’t Byfke Annille wennet, mar Ruffer Broekedoaze wit it al. Nier folget it oanwiisde paad. De huzen steane wat langer wat fierder fan inoar ôf. Even foarby it boerd Hiaure/De Lytse Jouwer is er dêr’t er wêze moat. In rige ûnwosken grinttegels skoskerint nei in skilferige doar. Dêrfoar sit in suterich stoppelkatsje te earmoedzjen. De meast meilydsume miauk fan ’e wrâld. It sjocht by de doar op at dy fansels iepengiet. Mar dat gebeurt net. Ek net as Nier de klep fan de brievebus klappert, om’t er gjin bel fine kin. It hûs bliuwt stil. In keale tûke rûtsjetikket yn ’e winterwyn. Hy rint werom nei de foarkant en gnúft tusken de healtichte gerdinen troch. De beljochting is min. Hy skulpet de hannen om ’e eagen. Dan kin er in frou ûnderskiede. Se sit achteroer op in bank, de rêchlining yn ’e nekke en de sprieden skonken stiif rjochtút. Hy kloppet tsjin it glês. Se beweecht net. Hy giet nei de doar en fiert dy iepen. It katsje slûpt him by de fuotten lâns in portaaltsje yn. It rikt by in doar op en slacht mei in poatsje nei de kruk. Nier triuwt it hantein del.



De lucht yn de keamer is om te seagjen. De frou slept en snoarket. Hy kin net sizze oft se by it selskip op Spitsbergen wie. Har blastich gesicht hat bettere dagen hân. De drankkegel stiet har rjochtoerein yn de iepen mûle mei blau ferkleure tosken. De hannen hingje slop oer de sitting en de neils hawwe rourânen. Under de smûsterige jurk wei stekke ballonkûten, tsjokke ankels en knobbelteannige fuotten. Foar har, op it begriemde blêd fan in tafel, steane in jeneverflesse en in glês mei in stealtsje oer de boaiem.

Nier kriget har by it skouder en skoddet. Se lit in gnoar as in baarch, mar slept troch. Nochris hutselt er har. De holle knikt foardel, in besleine blaaï gliert as in neakene slak oer de ûnderlippe en sljурket werom. Har eagen bliuwe ticht. 'Bist dêr?' seit se mei in slach yn 'e tonge.

'Ja, ik bin der,' andert Nier.

Se skuort earst ien eachslid op, dan it oare en dan beide tagelyk. 'Do bist it net,' wauwelt se, wylst se him oangappet. It wyt fan har eagen sitte giele spikkels yn. Se skaait nei de drankflesse en mist op in earmlangte. 'Jou my noch in flutske,' flaaiket se.

Hy jit yn en langet har it glês oer. Se pakt it mei beide hannen beet en bringt it nei de lippen. Har tosken klikkerje tsjin de râne. Yn ien swolch drinkt se it út. Trilderich stekt se him de romer ta. 'Jou my noch in flutske.'

'Nee,' seit er, wylst er it glês op 'e tafel set, 'wy moatte earst prate.'

'Jou my noch in tût,' tiemt se troch.

Hy kin der net foar wei en dêrom bûcht er mar oer de drankkegel hinne en tutet har op de foarholle tusken it kleverige mûsbonte hier. 'Hasto mei Stoffer Biezembjinder op fakânsje nei Spitsbergen west?' freget er.

Se ferstivet. 'Dat kring.' Har lûd heart net loen mear.

'Wêr is Stoffer no?'

‘Se hat my stikke litten. Foar in fint!’ Har stim slacht oer.  
 ‘Hoe hjit er?’  
 ‘Mans Koop Koopmans.’  
 ‘Wêr wennet dy?’  
 ‘Dat soalt my neat.’  
 ‘My wol. Frou Biezembjinder, de mem freget nei har dochter, fan wa’t se al in heal jier neat heard hat.’  
 ‘Ik haw Stoffer nei de fakânsje noait wer sjoen.’  
 ‘Is se dêr op Spitsbergen mei dy fint yn ’e kunde rekke?’  
 ‘Nee, op Skylge, is ’t no goed?’ gjalpt se. Ynienen fersloppet se en krûpt him op ’e lije side oan. ‘Jou my noch in flutske.’  
 ‘Wêrom hast frou Biezembjinder neat ferteld?’  
 Se jout him in fette knypeach. ‘Dat âldminske kin ferrekke.’  
 Hy jit har in romerfol yn. Se skuort him it glês suver út ’e hannen. Dan giet er nei de gerdinen en skoot dy fierder iepen. Se hâldt in hân foar it gesicht. ‘Net dwaan, ju. Dat is my fierstente gril oan ’e eagen. Jou my noch in tút fan dy.’  
 Hy lûkt de gerdinen wer healticht. As er by har komt, slept se sa’t er har fûn hat. Allinnich leit no ien hân mei in finger yn it glês tusken har skonken. Hy sil de keamer út. Foar de doar bliuwt er even stean en sjocht oer it skouder. Byfke snoarket al wer. It katsje kopkestrykt en draait achten om har fuotten.

- K3 ‘Dat hie nochal wat fuottekens yn ‘e grûn,’ seit Sjef Vandendemeulemakerbroecke. ‘Koest de tinzekes der net by hâlde?’  
 ‘It woe net,’ seit Dynte. Se beseft mar al te goed, wêr’t har gedachten wiene en wêrom’t it spyljen har net linich ôf gyng. Mar dêr hat er neat mei te krijen. Se is bliid dat se foar hjoed de put derút hat. Noch ien grutte sêne en dan kin se har mei Nier op har bûtenpleats weromlûke.

Der sil in koart besprek yn de haadkontrôlekeamer wêze. Flierlieder Eelko Beunhazze, Sjef en sy binne al oanwêzich. De doar giet iepen en Pascal Mirage speaket nei in draaistoel, dêr't se sydlings yn sitten giet, de skonken oer in earmlining. No is it wachtsjen noch op Rommelfanger, dy't har hjirhinne komme litten hat.

Mei in reafallich gesicht stapt er even letter de keamer yn. 'Nim my net kwea ôf,' ûntskuldicht er him, 'mar ik moat noch sa'n soad regelje. Dinant Dunant, in freon fan my, hat ús útnûge, om in wykein te sinent ta te bringen. Hy wennet yn in âld kleaster op Flylân, healwei tusken it doarp en it Posthûs. It Hûs Healwei, sa hjit it ek.

In prachtige lokaasje foar it slútstik fan ús produksje. As wy dat foar kar nimme yn pleats fan de studio, hoege wy hjir net alles op te bouwen. It skeelt ús twa, trije dagen. En as jim boppedat ree binne om sneon te arbeidzjen, is fan 'e wike alles beslikke. Fansels kin Dinant net elkenien herbergje. Mar hy soe graach in pear meiwurkers yngastje wolle fan de artysten, de technisy en it administratyf persoaniel. Myn útstel is dit: moarntemoarn draaie wy noch yn de studio, moarntemiddei geane wy nei Flylân. De waarsferwachting is masterlik. Sneon komme de oaren mei de apparatuer. Dan wurdt it lêste part opnommen. Jûns binne wy wer te gast by Dinant. Sjef en Eelko hawwe har fiat al jûn. Trouwens, elkenien stimt dermei yn. Dy wissichheid woe ik earst hawwe. No freegie ik: hoe steane jim dêrunder?'

'Wa binne dy wy?' seit Pascal mei in stim dêr't altyd in skerp tried-sje op sit.

'Ik hie tocht ús fiven, Ozzy Ozifant, Minus Richels, himkoalle, hoe hjit er ek wer. Manje fan der Hummes, Babby Dudave, Kwi Tan Sje en Multiple Joyce. Dan is elke ôfdieling sa'n bytsje fertsjintwurdige.'

'Wannear komme wy werom?' freget Dynte.

'Sneins fart de boat moarns betiid en middeis let. Dat moat ider sels

witte.’

Pascal drapearret har yn in oare hâlding. ‘Moatte wy oer oeroeren oerlizze, of krije wy sûnder bidden en smeken dûbel útbetelle?’

‘As it sneon dien is trijedûbel.’

Dynte en Pascal sjogge inoar oan en knypeagje tagelyk.

‘Wy dogge it.’ Dêrmei is it besprek ôfrûn.

‘Wêr hellet Rommelfanger it jild allegear wei,’ seit Dynte tsjin Pascal, as se twaresom troch de gong rinne. ‘Hy is fabrikant, mar dan noch. Wat makket er eins?’

‘Strikken.’

‘Strikken? Smyt dat sa’n soad op?’

‘De iene wurdt ryk oan elastykjes, de oare giet fallyt oan mammoet-tankers,’ seit Pascal wiis.

Se stappe by Multiple Joyce, de kompjûterfrou lâns. Dy set krekt in koptelefoan op en slacht in akkoard op it toetsenboerd oan.

‘Dat stik potiten sit ek yn ús ploechje,’ gibelt Pascal.

- K4 Nier wachtet yn de miny op it parkearterrein foar de studio. Hy hat de namme Mans Koop Koopmans ûnder de dielnimmers oan de reis nei Spitsbergen fûn. It adres stiet derby. Moarn sil er dêr de hichte ris helje. Hy fâldet de list op en stekt dy yn ’e binnenbûse. Dynte komt oanstowen. ‘Fluch! Ik moat noch nei de bank!’

Hy bliuwt kalm. ‘Dy is al ticht. Hoe let is it no?’

‘Wit ik net. Myn horloazje stiet. Ik haw net iens tiid om it op te winnen.’ Se jout him in pomp yn ’e ribben. ‘Sjit op!’

De miny nimt de guit. Yn in gûns giet it nei it sintrum fan de stêd. In klok oan de Tynjedyk wiist 17 oere 5, yn de Skrâns is it 17 oere 1, op it Suderplein 17 oere 4 en op it Saailân 16 oere 59. It kin noch krekt. Dynte fljocht de bank yn. Thús bewarret se gjin jild mear.

Se sil wol wizer wêze.

- K5      Tegearre sitte se noflik foar de buis. Nier wol it winterjûne-  
nocht net bedjerre troch it tryste ferhaal fan Byfke Annille en Dynte  
hâldt wat Chick Anus har fernijd hat foar har. Wol hat se fan Flylân  
rept. Se fine beide de tydlike skieding fan tafel en bêd net sa'n moai  
foarútsjoch, mar dêrnei is de weriening ek definityf.  
Nei de Fryske aktualiteiterubryk Dêr en Doe en in ferslach fan it  
achterút-reedriden op Thialf begjint einlings it foarlêste diel fan SJIT  
BRIKER FREONEN! Earst ferskynt in lange lange rige nammen en  
funksjes op it skerm. Fan de assistint mikrofoanmankemintemonteur  
oant en mei de klaaiadvizen fan Dinneskearder en Sassefras.  
'Jonge noch ta,' fernuvert Nier him, 'wat in smak folk foar in healoerke  
telefyzje. In soad deselde achternammen. It liket wol in famyljebedriuw.  
Dat is mei rjocht en reden in FOKTA!'  
'En freonepolityk,' follet Dynte oan. 'As frjemd komst der hast net  
tusken.'  
Mar dan sjogge se in byld fan it Fryske gea yn syn hele hear en fear.

It is simmer, sinneskyndei op it boerelân, sûnder skieppesmoar, en  
himelsblau, de drokke diken en de nau besette barmen dogge it har  
oan tiid nei de grommelige, blakke, grûnige, goarswarte, boatstille  
mar te winen. De huzen hawwe sinneblinen foar, of spegeljende fin-  
sterbrillen op, dy't it grille ljocht flikkerje litte oer de keatene earm fan  
de doarpspomp en de roekbeskiten hoed fan it klokhûs, de winkels op  
har sljocht sneinsk, it kafeetaria yn feestdracht. En alle lju op en yn har  
snoarkjende ferfiermiddels jouwe spul út. Sjut! Wês stil no! De lytse  
poppen oan de iggen dûzje, de memmen, de fiskers, de skipkesilers  
en skûteboeren, roeier, wrikker, paddeler en kloeter, de swimster en de  
sintsjer, sikebroer, straaljagerpiloat, wetterplysje, de grodzemodzige

tutten en de skytskjinne trutten. Fammen lizze sêftsinnich, of glide dreamend in kastielroman yn, mei kroanljochters as breidsjonkers yn de pyldergongen fan it stereofaanise lûdsprekkerswrâld. Jongkeardels dreame jachtich, of fan bokkige krosmotors, of ielglêde reesweinen. En in stoffige merje stiet deastil oer it eigen skaad, dêr't se har net yn delflije kin, en it beamtegreiensnakkend hoarnfee muddet yn de mieden en de hûn en de trochfuorre poeskes mei har búkjes as tennisballen dodzje tusken de blikjes knyn, mongen fûgel en mûs.

Elkenien kin it gers groeien hearre en it ferkear smûgen hearre, mar inkeld jo kamera-each sjocht alles fan de trek nei it wetter, dat gjin weach te weech slacht. En jo allinnich kinne de ljochtfal hearre en it wjerlûd sjen, djip yn dy tsjustere durken fan marre boaten op de boartige mar, dêr't lizze en longerje: Poppij, Tarzan, Donalduk, Flintstien, Kalimero, Skoebidoe, Fibelmintsje en De Hulk.

Harkje. Gliere lúnske simmerdei. Gjûn sigentsje dat de oeren ferweecht, de tiid is sjerpich, plakt mjitsk oan de rydstaasje dy't rôlje wol, brêge op, brêge ôf, oan bannen, stjoer, pedalen. Harkje. Gliere lúnske simmerdei. It is kleverich yn it brêgehúske; de wachter kleeft tusken syn stoel en syn pet, Hilversum Trije kleeft oan in piraat, de pin-up gurls kleve by de muorren op en it brêgejild kleeft yn it klompke. Sjoch! Nee, net dwelmje. Harkje! Net ôfdwelmje. Kom tichteby no. Jo allinnich kinne de dûzers smûzjen hearre yn har mearskûmen slûmer. Jo allinnich kinne alles tagelyk en om bar sjen: de glêdskearde earmsholten fan de hingelmattefroulju en de krolhierrige skouderblêden fan de luchtbedmanlju, de kiezen en kroanen, it snúfdoaske mei de kontaktlinzen en it piid yn it gatsje fan it earlapke. Harkje! Sjoch! Harkje! Jo allinnich kinne hearre en sjen achter de eagen ûnder de hollekrún fan de útflechters, dy't op de mar ta strike, har meneuvels en argewaasjes en tûkelteammen en faksen en laberinten en nederklitsen en opsternaten en fertuten en ornarissen en leaflytsens en grutnidi-

gens en risselwaasjes en de kontininten fan har winskjen en ferwinskjen. Fan wêr't jo binne, kinne jo har tinken sjen.

Bahama Bêzje, prinsessehearlik mei de fuotten op it stjoer fan de tandem: 'O, hoars fan stiel, ryd my de jeugd temjitte.' Billebout achter har, traapjend en reddeljend: 'Myn elastyk is knapt.'

Sjoch! Gliere lúnске simmerdei, gapsk gapjend foar de slappe psegel naf iegen mamelnadigens, popeldrukendek pomstiper, diichdrinren, jonkerst fnal saaien, tienne stimofnasme kyPsulsujknydd'dte

Steuring. De regionale byldferbining is ferbrutsen.  
Even geduld, as jo wolle.

gapsk gapjend foar de slappe spegel fan eigen lammenadigens, popeldrukkende omstipper, liddichrinner, stjonker fan loaiens, net iens om it mes fan Paulus sykjend dy't de houten hammer slipet.

Kwalslop, as in grauwe flij mei in sleef út de molke fiske, sa bongelt de Fryske flagge by de mêst del. In mouwe wurdt oan de earmtakke ta opstrûpt, in rimmetikige pistolhân kreaket omheech en út de krûme bonkige knapperige loop fan de wiisfinger sjit in aaiswammich stripferhaalwolkentsje it startskot de himelkoepel yn. Mei-iens teart it flabberige doek majesteitlik iepen, wappert keninklik út en suver tagelyk sette koar en orkest it Flaggeliet keizerlik yn; wylst oan de wettersich Bahama Bêzje, goudbrún yn har fjoerread slipke, foar de pûstpelswyn ôf in grutte handoek spraat en fluch sitten giet, mei de brits in pompeblêd ôfprintsjend op dy skeane sjoch sjoch banen fan weagjend wyt en blau; ûnderwilens Billebout, dat âlde byld fan trou, switglinsterich, it slompige bikynslipke geduerich oplûkend, mei de tendum oer it skouder oer de daamhikke fan in hikkedaam klattert, sjoch, sjoch se blinken, sinken, allinken siicht se derhinne, mar foar in skoft, want, sjoch, sjoch, se komt wer oerein, wiuwend mei beide

earms nei Bahama Bêzje, dy't har jongesfiguer, lang, tin en lekker, oer de handoek stjerket, earms en skonken spraak; en sy, Billebout, kliuwend út falkûlen ûnder it hege snylgers, it stielen dûbelhynder oer hulten en bulten driuwend, de noas omheech, wynhappjend yn 'e loft. Dat, komma, dat is ús Fryske flagge, útropteken, dan omheech, komma, dan omleech, en noch op en del mei wyn en weagen, komma, dan wer omheech en omleech mei al dy komma's dy't har om 'e teannen rinne, boppedat wiuwend kliuwe, komma, of kliuwend wiuwe, komma, steech en dreech, sûnder komma, sisa, punt. Billebout kwakt de tandem fansiden en ploft neist Bahama Bêzje del.

De hingelmattefroulju sette de swannehals mei it krêmige antlit rjochtoerein op it langute langoereuze lichem, de luchtbedmanlju flappe it liif healslach om en gnuve oer de skolperjende bierbúk, jongkeardels litte har krosmotors en reesweinen út 'e bocht fleane, en fammen loere feninich troch de kykgatten fan har romankastieltsjes.

Bahama Bêzje beakert har yn de sinne, de earswangen elk mei in eilantsje fan fochtich skier sân bepoeiere, en Billebout, ljochter mar dekadinter fan hûd, speaket har rêchlings de sjongsume lea, in kobbelt glierket ûnder it fiterke tusken de kups troch, oer sêft lân by it saad fan de nâle lâns nei it strypke mei de waskfoarskriften en sljurket dêr by it slipe yn; deun neist it begjin fan in smelle gaal dy't oan de sneed fan in blinetermoperaasje liket, mar de groede fan de japs is, dy't har mei in heafoarke tabocht waard troch postgiroman T.G.L te L., dat wol sizze Th. G. Lucassen, Stasjonstrjitte 33, 8913 HA Lowâld, dy't dêrfoar in jier terbeskikkingstelling fan it regear krigen hat, wêrfan tolve moanne op betingst.

Harkje, net dwelmje of ôfdwelme no, harkje!

Want koar en orkest helje machtich, grutmachtich, mear as grutmachtich, oermachtich, alderoermachtichst it oarde koeplet fan it Flageliet op. Sopranen lylje liljend, de hûch slacht har yn 'e kalkoenske kiel as in



lammesturtsje, alten heve de bûterberch fan har foarkommen en parse jubeljend in string klankjuwielen út it mulruft wei, tenoaren sette har tsjalskonkich te skrep, de hannen foar it balgeliif gearnaam en toetsje it sunige mûltsje troch it hoepeltsje fan de o, bassen lûke it kin yn, lizze de holle bryk en sjogge skean by de noas lâns nei de fuotten fan buorman, noch leger holderjend as de bûkdelling fan in Wolga-boatsman, klanken hippelje troch slakkehuzen fan tuba's, tepdûnsje op de heechspanningskabels fan kontrabassen, govertsje oer de ierdkoddings fan pauken, útskroevenheid springt de wurden achternei, de hele mar rûsdoddet, rydwjirmet, rabbelskûtet, as middenyn it spektakel in sweevjend hynsterblomplúske har njummel spoar fan stillens lûkt en delstrykt op it stútsje fan Bahama Bêzje.

'Wa is dy dûnser toch?' Nier komt oerein en wiist.

'Dy bedoel ik. Syn gesicht haw ik earder sjoen.'

'Dat komt, omdat it in bekend gesicht is,' andert Dyntaxe. 'Sokke gesichten sjochst faak.'

'Net wier. It is in apart gesicht. Dêrom komt it my bekend foar.'

'Praat der no net trochhinne.'

De opteinens is oer, it skom fan berûzing ferwaait, it grom fan berêsting klontert, de simmerdei falt yn 'e lijte en 't Flaggeliet swijt tusken Ave Maria en 't Slavenkoar yn it tichtklapte sangboek. Ferfeelsumens leit dêr ien lang en twa breed, mei lange toskten gnabbeljend oan de iggen en starich sobjend it wetter, dat de mar der hast mislik fan wurdt. Neven, machtich as miggen, piizje ienlûdich heechnûnderjend oer de stillens fan útspeake lea, ien makket hetsich in needlâning op it ûnbespuite lân fan Billebout har platte búkje, stekt in buis yn it sme-dige fleis en sûcht it mûlwaarme bloed, om dronken fan blastigens brykflaanend de flecht te ferfetsjen. Billebout kribelklaut har omraak,

it knettert as in Meksikaanse hûn yn dûnkerst Afrika, mar Bahama Bêzje doljoaret oerein út Karibise fierten, draait it strânachtich okeren lichem op 'e smoute side, wiuwt in palmbeamearm, labbert subtropys: 'Sa moatst dat dwaan,' en neilkrúsket de miggebult.

Billebout streket in fochte finger oer de moudige hûd en omringet de nâle, 'No do,' mar Bahama Bêzje is al wer tûzenen seemilen weislomme en net mear te beroppen en Billebout, mei de loaits op ûneinich, liddelt: 'Krúske en nultsje, wa wol meidwaan?' en de jongkeardels hingje krosmotors en reesweinen yn de stobbewylgen en stoarte fan alle kanten jûchheind oer har hinne, besprongen troch de mei iispylken fan wangeunst omgurde kastielromanfammen, bysprongen fan de luchtbêdmânju, dy't leechrinne en oerfallen troch de hingelmattefroulju, dy't it net mear hingjende hâlde kinne. Twa rugbyballen by in skrum, sa krûpe Bahama Bêzje en Billebout tusken fuotten troch ûnder de hymphamp wei, ritse frontaal bleat nei de tandem en jakkerje sûnder omsjen dêrfandinne.

SJIT BRIKER FREONEN! was live-performed for a tape audience.

'Ik miende, datsto net yn it neaken soest.' seit Nier.

'Dit is funksjoneel bleat,' seit se.

Dat moat er tajaan.

'Hoe fûnst it?' freget se.

'In bytsje flau en ûnnatuerlik,' andert er earlik. Hy strykt har starich ien kear mei de tomme oer it wang. 'Ik fyn dy sa folle echter en pittiger.'

Se slaan de lea dy't se hawwe om inoar hinne en frije, dat de teannen der har fan krolje.

- L1 De ferkearsynformaasjtsjinst meldt files op de folgjende

wegen: E10 tusken Quatrebras en Noardbergum yn beide rjochtings 4 kilometer, N90 by de oprin fan de brêge oer it Prinses Margrytkanaal 3 kilometer, F71 Warfstermole rjochting Koatstertille 6 kilometer, F18 by de pont oer de Flakke Brekken 5 kilometer en F45 tusken Burdaard en Wanswert oan de Streek 10 kilometer. Fierders starich ridend en stilsteand ferkear op de ôfslach fan de N91 nei Skettens en Longerhou. Op de F36 tusken Nijetrine en Skerpensyl is in spûkrider sinjalearre.

Nier set de autoradio út en in petear op. ‘Dus do nimst snein de moarnsboat fan sân oere. Is dat net te betiid?’

‘Foar my net,’ pûlemûlket Dynte amper fersteanber.

Se is net botte praatsk. It fielen koe better. It skiere deiljocht is gril oan ’e eagen.

‘Dêr hâlde wy it dan op. Fan Flylân nei Harns is oardel oere farren. Healwei njoggenen stean ik op de kade.’

Op it spagetty-knooppunt oer de Drachtster brêge is it ferkear alheel yn ’e bulten jage. ‘Ik stap hjir út en rin wol,’ seit Dynte, ‘oars kom ik noch te let.’

Se jout him in hinnepikje op it wang. Hy jout har in hoannepikje werom.

Se sjit út de miny op in flechtheuvel ta, foar’t de auto’s wer in meter opskowe. Dan stekt se skean oer nei it trottwaar tusken de beplanting, rjocht oer de sebra duorret folle langer. Se moat lyk yn de stive wyn op, dy’t skuorrich waait. Gelokkich kin se hjir binnentoch oer it Utkearingsdykje. Dêr is it in bytsje smouter. Se strûst by in heech sket mei grutte letters lâns. ДЕОМИÛ Se snapt der neat fan. Netsjinsteande har hastigens hâldt se de stap yn, sjocht oer it skouder en lêst it wurd no fan de oare kant ôf. O, is it dat. Wat betekent dat eins? Se snjit fierder.

Al rint Dynte der helendal net útwrydsk by, party lju kenne har

wer. Guon bliuwe stean, wize, eagje har nei. Se wurdt der hjit noch kâld fan. Mar se tinkt har al bliid as se yn de Wachtjildersstrjitte op it FOKTA-kompleks ta strykt. Dit wurdt de lêste kear.

- L2 Nier swaait de oprydeane fan eigen hûs yn, draait it rût del, stekt de earm út, makket it slotsje iepen, slacht de klep omleech en docht in taast nei de post yn de bus. It is in hele rik, mar hy klaut toch in hânfol byinoar. Mei in steapeltsje op de stoel neist him rydt er fierder. Binnendoarren trochnoasket er de slugen. Diskear gjin fiskale jildklopperij. Hy pypskoftet even en lêst wat yn 'e krante om. Dy stiet wer stiiffoel komme en kwel. Hy giet nei boppen, om him om te strûpen foar syn ôfspraak te Sânhuzen.

- L3 Wat liket it al wer lang lyn, dat er hjir mei Dynte wenne. It komt him suver frjemd oan. Yn seis wike hat it alle spoaren fan har ferbliuw ferlern. Sels de eigen luchtsjes hingje der net mear. In siich-nêst hat it altyd west, mar sa kâld en fijânnich as no wie it noait. It húsrie is stean bleaun, dêr koene se te Ald-Appelskea toch neat mei wurde. Boppedat wie it yntrekje dan foar it each bewenne en dat woe wolris helpe om fernieling foar te kommen. Sa te sjen is dat slagge, der is net iens glêsskea. Nier set it fjoerduveltsje oan. Hy hat foar dizze gelegenheid wat houtblokken fan hûs meinommen. Earms oer inoar wachtet er op Joustra. Dy man moat er, as it heal kin, fan gadingmakker keaper meitsje. Hy sil alle war dwaan om it spultsje te ferpatsen, oars sit er noch langer sûnder fatsoenlik ferfiermiddel. Op 'e kop ôf alf oere sjocht er troch it finster in Porsche fan de dyk draaien en it reedsje del spatten. Hy rint nei de foardoar, lûkt dy iepen en de bumper skoot hast de keamer yn.

Ut de wein stapt in ein keardel mei in losse pijjekker oan. Op syn dof grûnich gesicht spegelt in ferfelle hurdreade noas. Hy hat in pear earen as fleugelmoeren en boppe op 'e plasse leit in panne-spûnske fan skroeid hier.

'Laitsje net,' knaut er, 'myn bûtenboardmotor is ûntploft.'

'Mei ik wol glimkje?' freget Nier ûnwillekeurich.

'As ik der net by bin.'

Sûnder te fûstkjen, batst de flodear by him lâns it hûs yn. Hy fiert de doarren fan it keukentsje en it sliepkeammerke op, gnúft om in hoekje, poatet werom en giet noardwestich midden oer de flier stean. In stik ûnfrede mei de besteande tastân.

Syn noas ljochtet him by.

'Dus dit is it?'

Nier ferbyt him. Hy kin it net helpe. 'Fei dy gniis fan dyn fret, oars reagje ik him derôf.'

Dat is tinktaal. Gjin bargebiten. Nier set de buffel in stoel. 'Fal del, Joustra.'

De keardel is dôfhûdich. Hy docht twa wiidskonke stappen nei Nier ta. 'Ik bin Joustra net.'

Nier lûkt ien paske tebek. 'Wa dan?'

De oar stekt de tommen achter de revêrs.

'Mans Koop Koopmans.'

Folle aardichheid hat Nier der net mear oan. Mar hy lit him gjin earen oan 'e kop naaie. Hy hat dizze seldsume postsegel fan syn libben noait earder sjoen. 'Dêr leau ik neat fan. Do wiest der op Spitsbergen net by.' De rûchhouwer knikt. 'Dat is wier. Dêrom bin ik Mans Koop Koopmans al. Mar ik kom net foar dizze hut.'

'Wêrfoar dan?'

'De moard op Lyn Pin fan Waskemar.'

'Hasto dat dien?' freget Nier plan-út.

In trewinkel fan Mans syn slaaien koe het hurder oankomme. Nier sûzebollet, mar hâldt him steande.

Mans fisket út syn pijjekker in brieveslúf. Dy hâldt er in eintsje foar him út.

‘Sjoch!’

Nier pakt de slúf oan, besjocht foar- en achterkant. Der stiet neat op. De slúf is net tichtplakt. Hy fimelt in foto foar it ljocht.

It lyk fan in frou mei in gesicht ferwongen ta in grousum masker.

It lichem leit der krampich by. Oer it boarst in laach healstjurre bloed, hast swart. Lyn Pin. Mar ek in stik fan de bak mei rôlen behang en it kleeed om it gat yn de flier hinne. En dêryn neist it lyk, it stielen jildkistje.

‘Meist de foto wol hâlde,’ snaut Mans. ‘Ik ha genôch kopyen.’

Hy rôlet mei ien hân in sjekje. Beslikket it floeike, plakt it ticht en set de brân deryn foar’t er fierder giet: ‘Ik kin dermei nei de plysje gean, ik kin it ek net dwaan. As ik it al doch, bin ik in bêste jonge, mar ik bespin der neat mei. As ik it net doch, bin ik in sjanteur, mar ik kin jild meitsje. Lyn Pin is dea, dêr feroaret neat oan. Allinnich de plysje bekroadet him noch om har.’

‘Hoe witsto dat?’ falt Nier him heas yn ’e bek.

Mans stekt de tommen wer achter de revêrs. ‘Ik haw myn ynformaasje. Mar no myn bod. Wy dele it jild. Elk de helte.’

‘Rin hinne!’

‘Goed. In strop foar my, mar folle grutter foar jim. Ik stean foar de gefolchen net yn.’

‘Wannear moatst it hild ha?’

‘Moarntemoarn, dizze tiid.’

‘Wêr?’

‘Hjir, op dit plak.’

‘Ik moat it earst fan ’e bank helje.’

‘Dat is dyn saak. Komst allinnich hjirhinne en joust my no de kaaïen.’

‘Wa hat dizze foto nommen?’

‘Dat is it geheim fan ’e smid.’

Nier stekt de foto by him.

‘Ik de kaaïen fan dizze hut,’ graut Mans.

Hy lûkt ien hân achter de revêrs wei en winkt mei in grouwe wiisfinger.

‘Wêr is dat foar nedich?’

Mans seit neat, mar winkt troch.

Nier jout de twa húskaaïen oan it rinkje dat er altyd yn ’e bûse hat.

Ien fan ’e foardoar en ien fan it achterút. Mear doarren binne der net.

Mans skuort se him suver út ’e hân en siemt nei de foardoar.

Nier kin it net litte en jou him noch in útsetter mei. ‘Groetnis oan Stoffër Biezembjinder.’

Mans komt werom. ‘Dat sil ik dwaan.’

Foar’t Nier derop fertocht is, kriget er in optuter, dy’t him bûten westen slacht.

- L4 It daget noch net yn it easten, mar al yn Nier syn holle. Tagelyk begjint it dompen fan in masine yn syn harsens. Hy jout him útinoar. It fielt, as moat er himsels út ’e knoop lûke. Ankelslop kin er it op de knibbels hâlde. Hy krûpt om de tafel hinne, foar’t er de beroaïing rjochtút nei de doar kriget. Komt oerein. Op slot. Dat fernuvert him earst tige. Mar wylst er oan de kruk stiet te hoarten, skoddet it neitinken wekker. Fansels, hy sit hjir opsluten yn syn eigen holderhúske. Hat er de foto noch? Ja, yn ’e jasbûse. Jitris lêst er it skriuwen. Der is wat geande bûten him om. It hat mei de moard te krijen. Hy moat

mear wiiswurde. En Dynte ynljochtsje. Hoe let is it? Kertier oer twaën. Ferdomme, se sit al op 'e boat. Dy fart om healwei trijen ôf. Harns hellet er lang ende lang net mear op 'e tiid. Alderearst op nei hûs ta. Hy slacht mei in houtblok in finsterke oan barrels, klattert bûtenrut en rint nei syn miny.

■ L5 Te Ald-Appelskea pakt er it telefoanboek derby. Earst bellet er noch nei de FOKTA. Hy kriget it beskje dat er ferwachte. Dynte is al lang ôfreizge. Dan siket er ûnder Flylân nei de namme Dunant. Dy fynt er net. Hy draait it nûmer foar ynljochtingen. It giet flot, want hy is de njoggende wachtsjende. Hy fernimt, dat gjin Dunant op Flylân oansluting hat. Nuver, sa'n man sûnder telefoan. Hat er dan gjin geheim nûmer? De telefoniste mei dat net jaan. Nier leit op. Hy stiet yn berie. Wat no? In telegram oan Dinant Dunant stjoere, mei it fersyk dat Dynte daliks nei har oankommen him hjir opbellet? Of sil er har sels achternei gean? Fart hjoed noch in boat? Hy siket it op yn in toeristys boekje. Jawis, freedts om kertier oer sân. Dat duorret noch in skoft. Mar it is helte better dat er Dynte net oer de telefoan ynljochtet. En moarnier kin er om sân oere werom, dan is er noch op 'e tiid foar syn ôfspraak mei Mans. Dat liket de baas. As er oer Ljouwert nei Harns rydt, sil er ûnderweis even by de FOKTA oansjen. Lichtwol dat er dêr wat mear wiis wurdt. Nier is risselwearre. Bûtendoarren waaie him drippen yn 't gesicht. Hy slikket se fan de lippen ôf. Soere rein. In minske wurdt fan alle kanten bedrige.

■ L6 It is bjuster waar. De wyn blaast him suver tebek yn de miny, as er útstapt. De waarsferwachting roait wer nerges nei. Dy jildt inkeld foar de Rânestêd. De regio telt net. Hy hie foar Fryslân nei it Deense waarberjocht harkje moatten.



Nier betrêdet de hillige hal fan de kabeltelefyzje. Dêr slaan risten artistikelingen yn hope om. Geiten fan de keunstakademys en sok hakmak. Hy wol gewoan wat omstrune. Dat is noch altyd de bêste wei om de hichte te heljen. Mar dit egosintrys gedoch hat er gjin miter oan. Hy moat fierder. Dy doarren dêr yn.

In mânske neger keart him. ‘Jo hawwe kaartsje?’

‘Wêr moat ik dat keapje?’

De neger syn tosken blikkerje as rigen ivoaren beitelts. ‘Net te keap.

Gjin kaartsje, gjin permisje.’

‘Hoe krij ik dan in kaartsje?’

‘Fan meiwurkers.’

‘Wel, ik bin de freon fan Dylte Planteit en ik soe de studio fan binnen ris besjen.’

‘Sorry, gjin kaartsje, gjin permisje.’

Nier beseft wol dat biddeljen hjir neat jout, likemin as in grutte bek.

Dêrom drost er ôf. Mar hy lit it net sitte. Hy rint om it gebou hinne op 'e siik nei in oare yngong.

Oan de achterkant is it in geheister fan komsa. Foar in rollûk stiet in truk mei oplizzer. Sa'n lang fehikel. Dêryn wurde alderlei skynwerpers riden. Beljochters, foarbeljochters, neibeljochters, bybeljochters, oerbeljochters en ûnderbeljochters. It ekspedysjefolk is der mar drok mei. Jaja, foar it opnimmen fan in healoerke telefyzje is in soad te berêden.

Hy stallet him tebek en sjocht nei it skreppen. As op in stuit de hele technise ploech yn de oplizzer omavensearret, nimt er syn trekken waar. Hy stekt ûnder it rollûk troch it gebou yn. Weisnappend achter dekors en setstikken, berint er in doar mei in fear. Dy fiert er op 'e dollle rûs iepen. Hy komt yn in portaal, gnûft om 'e hoeke. In ferlitten gong. Hy wachtet, oant de fear de doar helendal tichtlutsen hat. Dan stapt er foar it ljocht en slacht links ôf. Syn fuotten

sakje djip wei yn in dik tapyt. Hy heart himsels net iens, wylst er by nûmere doarren mei flikkerjende reade lampkes lâns giet. At it mar gjin alarm om him is.

Oan de ein fan de gong kin er twa kanten út. Rjochts is in útsprong. Dêr stiet op in ferheging kompjûter-apparatuer. Foar it betsjinningspaniel wachtet in lege stoel. Gjinn skerm dat opljochtet, gjin letters en sifers dy't knipperje. Sels de automatise piloat is útskeakele.

Tsjin de muorre in boerd mei nûmers, nammen en kaaien. Hy sjocht Dyntax harres, mar net de kaai. Goed dat se dy meinommen hat no't se fuort is. Nûmer 21, Rommelfanger syn kaai, hinget der al. Grif fergetten, want dy soe hjoed ek mei nei Flylân. Dat komt moai út. No kin er foar itselde ris sjen at hjir noch wat oer dy Dignant op Flylân wiis te wurden is. Gjinnien dy't him sjocht. Hy kriget de kaai fan it heakje en folget de nûmers op de doarren.

Nei in nis mei in kapstok sûnder klean stiet er foar nûmer 21. De doar hat gjin kruk. Hy draait de kaai yn it slot. It klikt twaris. Dan triuwt er in blau knopke yn. De doar skoot iepen. It skynsel fan de gonglampen falt oer it ynterieur. Hy fernuvert him. It is in âlderwetske ryk-oanklaaide húskeamer yn pleats fan in modern djoersaaklik fertrek sa't er ferwachte hie. Hy stapt oer de drompel, triuwt op in giel knopke oan de binnenkant en de doar skoot achter him ticht. Noch krekt foar't it folslein tsjuster om him hinne is, knipt er in ljocht oan. De keamer hat net ien finster, hy kin syn gong gean. Om't er nerges papierboel bespeurt, begjint er mei it trochnoaskjen fan in silinderburo. Under de klep, achter de doarke, yn de laadsjes, oeral kin er by komme, mar hy fynt allinnich saaklike epistels, rekkeningen, kontrakten en bankoersjoggen. De nammen sizze him neat. Soarchfâldich docht er it spul wer ticht.

Folle fidúsje hat er net mear yn syn ûndernimmen. Toch giet er nei de laadkast en lûkt dy iepen. De ynhâld ferbaast him. Yn alle laden allinnich mar strikken. Allegear yn in kreaze knoop lutsen en op in langwerpich karton fêstpind. Oan elke strik in tin goudkleurich koardsje mei in rûn dopke. En op it karton yn sierlike letters de namme fan kleur en model. *Jennesse Grise, Blue Naughtie, Rote Seiten-sprung*. Wat in healwize samling hâldt dy Rommelfanger der op nei. Nei de laadkast sneupt er fergees yn in dresswaar om. Foar it lêst docht er in omgong troch de keamer. Korrespondinsje tusken Rommelfanger en Dinant Dunant fynt er net.

Hy triuwt it knopke neist de doar yn en knipt it ljocht út. Dan bûcht er it boppeliif in bytsje nei foaren en eaget de gong del. Noch altyd gjin ien te sjen. Hy lit de doar tichtskowe, draait de kaai twaris en jout him ôf.

As er de hoeke om slacht, rint er in âlde kunde lyk yn 'e bek. Weromgean hoecht net mear, dat mispunt hat him al murken. Nier docht alle war om him net skine te litten hoe't dizze tref him min útkomt.

'Wat haw ik no oan myn fyts hingjen? Ik mei in bean wêze asto Nier Hinnebruier net bist!'

It sjit Nier yn 't sin wa't dy dûnser mei dat bekende gesicht foar de telefyzje wie. Dat hat Dynte foar har holden. Dy siket it altyd yn obskure fermiddens.

'Wurkest do hjir?'

'Al in moai skoftsje. Mar ik sjoch it net mear sitten. In spultsje fan slikje myn festje.' Chick slacht de earms oerinoar en sjocht him rjocht-op-en-del oan. 'Soa, dus ek werom fan fuort west. Wat dochsto hjir eins?'

'Dynte hie wat fergetten. Dat moast ik even ophelje.'

'Ja, dêr hat se in hantsje fan. Mar se is oars in tongerstien. Se

makket it helendal. Wat se prestearret, is gjin kattermiich. Dêr kin elkenien in puntsje oan sobje.’

‘Prate jim geregeld mei-inoar?’

‘Gjin tiid man. Alles giet hjir as de smarde bliksem. Hast dyn boadskip dien?’

‘Ja, ik soe krekt fuort.’

‘Nei hûs? Ald-Appelskea?’

Earlik bliuwe, tinkt Nier, hy is by steat om my te folgjen.

‘Nee.’

‘Wêr dan hinne?’

Nier jout gjin antwurd en stapt fierder. Chick hâldt him op in sukkeldrafke by.

‘Soe ik in eintsje meiride kinne? Ik haw myn eigen auto yn it sop riden en hingje fan it streekferfier ôf. Dan bist it haske mei al dy stakingen.’

‘Ik nim noait lifters mei!’

Chick docht gjinlichten. Hy fitert neist Nier de gong del nei de hal. De mânske neger hat inkeld each foar it ynkommende folk. Troch in dûbele doar mei rûne finsters stappe se yn de hal en dan nei bûten.

By de auto’s op it winige parkearterrein lâns rinne se nei Nier syn miny. Hy iepent it portier heal en giet sels oan de binnenkant sitten. Chick lûkt de wynbrauwen op en lit de eagen oer it weintsje gean.

‘Dit is oare kofje,’ seit er. ‘Ik miende datsto in Lagonda Drophead Coupé hiest.’

‘Ek yn it sop riden,’ seit Nier, stapt fluch yn, slacht it portier ticht en jout gas.

Chick sjocht him nei, stekt de earms omheech en lit se dan falle.

■ L7 Nier set op Harns ta. By Marsum moat er tanke en by Dronryp is in wei-omlizzing. Hy wurdt earst de kant fan Peins opstjoerd. De dyk wurdt smeller en stiller. De koplampen skine folút, dimme hoecht net, gjinien rydt him temjitte. Oer in brêge giet it fierder, lyk yn de wyn op. It hellet en skuort om it weintsje, de pûsten fluitsje boppe it motorronkjen út. Wat in útoarde. Wa't hjir wennet moat himsels wol tsjinkomme. Wer in brêge. Oare kant de feart, op in twasprong, is in frachtauto oan it swaaïen. Nier kin der net by lâns, moat remme en wachtsje.

Dan komt út it tsjuster achter him in bestelwein sûnder ljocht taskowen. Dy rydt him klem. Noch foar't er útstappe kin, stiet in kearel mei in gewear yn 'e oanslach neist it portier. In oare kearel mei it hele Canal Grande fan Venetië oer syn shirt, mar ek in revolver yn 'e hân, skuort it rjochterportier iepen. Hy dúkt yn 'e kabine en eigent him it autokaaïke ta, slacht it portier ticht. De mannen sette ôf, de frachtauto rydt fierder en de bestelwein skoot werom yn it tsjuster.

Nier stapt út, rint om de miny hinne. Gjûn blikskea. Mar alle fjouwer bannen binne trochstutsen. Hy sjocht op syn horloazje. De hele aksje hat net mear as in minút duorre. Hy hat op de ferkearde tiid op it ferkearde plak west.

■ M1 Dynte set foet oan wâl op Flylân, it meast westlike eilân fan de Fryske argipel. Se is bliid dat se wer fêste grûn ûnder har fielt. It hat in rûzige oertocht west. De boat stampte en slingere dat it sawat die. Se hat de hele reis yn de kajút sitten, lyk as de oaren fan it selskip. Earst tichtby de oanlissteiger binne se oan dek gien. Doe duorre it noch in skoft foar't de lûngong útlein waard. Ien fan de ploeg mist noch. Krekt foar't se út Ljouwert ôfsetten, hiene se sizzen krigen dat Rommelfanger fanwegen driuwende saken

in boat letter komme soe. Se hoegden net op him te wachtsjen, syn freon Dinant Dunant wist derfan.

Op de kade stiet in aparte lytse bus foar it selskip ree. De sjauffeur hat in jonge by him, om mei de bagaazje te helpen. Se stappe yn. Dynte sjocht troch in rût. Hoe lang is it lyn, dat se hjir yn in simmerfakânsje west hat? Se kin net mear foar har krije hoe't it hjir eartiids útseach. Mar as se troch de haadstrjitte fan it doarp mei oan wjerskanten in rige beammen rydt, komt dat byld har toch tige bekend foar. Is it echt in libben oantinken, of hat se it lêsten op in foto sjoen? Wurdt har ferline wat langer wat mear in samling deade printsjes, oantinkens sûnder lûd, rook, smaak en taastberens? Ferbjusterje har net, se hat al genôch holbrekkens.

In bocht en ynienen binne se bûten de buorren. Trije, fjouwer minuten giet it oer de Postwei. Dan slaan se rjochts ôf en ride it Paad fan Tweintich del. De dyk bochtet loom by in boskrâne lâns. Links lizze yn it wyldlân lege binnendunen, in lânskip as in knûkelige lape. De wyn hat de loft skjinfage, de sinne kipet noch krekt boppe in blinker út. Gjin beammen mear, inkeld wat keal en krûm leechhout. De bus swaait in reed op.

Yn it grús hawwe autobannen robbelspoaren achterlitten. De reed slingert om in tropke skodkopjende dinnen en dêrachter, heech op in dún, ferriist It Hûs Healwei.

It stiet ôftekene tsjin de bleke jûnsloft, in grut hûs, mei in soad útbousels en nissen. Under in ôfdak tsjustert in djip portyk. Hege smelle finsters, troch T-foarmich ramtwurk ferdielt, dêrfoar blinen fan skeane latsjes. In fiifkantige erker ûnder it izeren krolhek fan in balkon. Achter de dûbele doarren tichte gerdinen. Op ien nei ha alle finsters fan de earste ferdjipping luken foar. Hegerop in fier oerstekkende goate en harkenieltsjes mei in netwurk fan fjouwer-

kante rútsjes. It dak hat laaien healrûne pannen, as de skobben fan in fisk. Yn it tsjinljocht binne de plastere muorren pearzich fan kleur en it houtwurk is fergifgrien. De wynkapen op de skoarstienen rydboskje.

De reed wynt om it dún en wurdt steiler. De bus ronket op in flakke stripe ta. Dêr steane al in persoanewein en in bestelauto. De reed giet noch fierder de hichte yn, mar se stappe út en rinne it lêste eintsje by in draaitreppen fan spoarbylzen op. Se komme rjocht foar it portyk út.

Dynte eaget om har hinne. It hûs stiet midden yn 'e wrâld. Under har hultet en bultet it wyldlân nei it Paad fan Tweintich. De swarte flaggen fan de bosken lizze ferspraat oer it ljochte sân. Dêrtusken troch kin se de Postwei en de seedyk befierkje. It Waad is griis as stopferve mei wite rachels derop. De Noardsee hat se hjirwei gjin sicht op, hegere dunen ferhinderje dat. Yn it westen is de sinne mei bloed bekleemd.

De doar yn it portyk hat in grutte koperen knop mei in lûdsprekkerke dêr boppen. Multiple Joyce drukt op 'e knop. 'Tatatataa!' It begjin fan Tsjaikovsky's Earste Pianokonsert davert troch it gebou. Yn de stilte dêrnei klinkt it: 'Ik kom deroan'.

De doar swaait even letter wiidiepen en in lange man mei in kerwich gesicht en leaden pûden ûnder de eagen lit har deryn. Oer syn slûke skouders hinget in koskitengrien tweedjaske, hy hat in kútbroek oan en rute knibbelhoazzen om 'e tinne krûme skonken. It is Dinant Dunant sels. Hy ferwolkomt mei in noazige stim de gasten. Nei it hantsjeaan, it ynbringen fan de koffers, it útstrûpen fan mantels en jassen, giet er foar troch in brede gong, befluorre mei swarte en wite tegels. Se stappe by in steande klok en in aairûne spiegel omkrolle fan houtfykwurk lâns. Hy fiert in doar iepen. Yn in royale keamer wurdt it selskip troch fjouwer persoanen op-

wachte. Twa mannen en twa froulju. 'Freonen fan my dy't ek graach mei jim yn 'e kunde komme woene,' grânzet Dunant. Hy makket se bekend, mar om Dynte hoecht dat net mear. Foar har binne it gjin frjenden. It bekrûpt har, as se tinkt oan wat se earder fan dizze lju ûnderfûn hat. Mei wjirms yn 'e mage giet se it rychje by lâns en se docht har bêst om in fêste hân te jaan.

'Wy hawwe inoar in skoft net sjoen,' begroetet mefrou Münster har fluensk. 'Hoe lang is dat wol lyn?' Har rûn gesicht is bluisterich opmakke. De smelle lippen binne in gleonreade sneed tusken oardel noas en dûbeld kin. Har tontsjefiguer sit yn de bekisting fan in te krap korset en se hat in tulen jurk oan, dêr't de hûd trochhinne skynt.

'Hast fyftjin jier, tink,' andert Dynte. De gedachten oan de sadistiese lusten dy't dit minske op har lichem bod jûn hat, hâldt se foar har. Se skoot troch nei Keulen, de oarehelte fan Münster.

Noch altyd in skrielfiter mei in tipnoas yn it perkaminten gesicht en in hûd as de skyl fan in sinesappel. Hy hat it der foar top by stean. It wyt om, in swarte swelle-sturt en in streekjesbroek oan.

'Tige yn 't skik, dat ik jo wersjoch,' seit er mei it wanlûd fan in barsten amer, wylst er in bonkige blaubeiere hân útstekt.

'Ek sa,' huchelt se. Dit is de man dy't har yn datselde ferline in harsensspieling jaan soe. Se swijt dêroer en skeuvelt op de folgjende ta. Motz Antares. De gefaarlikste fan it stel. Twa kear hat er har de dea oansein en op it kantsje ôf is it safier net kommen. As altyd opsichtich klaaid yn klean foar in tredderangs revu. Hy kreupelt op syn klompfoet, steunt op in ebbenhouten stok. Mar hy is better op 'e gong as foar tsien jier, doe't er noch yn in rôlstoel siet. Syn fine swarte kroltsjes binne no mei wite piper bestruid en syn gesicht hat de kleur fan skimmelige figen. Ien each ljochtet har oan, it oare is alheel fertroebele troch staar. Syn mûtele hân fielt switterich en hat



tige koarte fingers. 'Jo binne net folle feroare,' skrabbet syn sunich mûltsje ûnder de rynske rammenoa's.

'Jo ek net,' seit se lakswiet.

Njonken him syn ûnôfskiedlik trolpoeske Miz. In eksotys frommeske, dof dûnkerbrún, mei in blauwige glâns yn de tropenacht fan it hier. Gleone ljochtjaande eagen, earhingers omtrint sa grut as rekstokken en in pear striidfeardige puntboarsten. Ut de lange spitse fingers stekke turkôaizen neils. 'Hoe stiet jo it libben, ja? Hjirrhinne wylde rreiss hân?' De sinbou doocht wer net en har rrr's rôlje noch like fier as earst.

Nei it sûnfreegjen it boarreljen, nûtsjegnabbeljen en pypfolle prate. Dynte stallet har wat tebek, se is net selskipswiet. It fleurige gearwêzen fljocht har oan. Wie se mar noait meigien. Sil se útwine? As se ris nei it doarp rûn. De boat werom hellet se net mear. Mar se hat jild by har om yn in hotel te oernachtsjen. Dat docht se helte leaver as tusken dy misdiedigers fan eartiids te oernachtsjen. Fansels, sokke lju kinne har oanpasse, lyk as Chick Anus, dy't him no by de FOKTA yn syn byrol skikt. En har kollega's fan de telefyzje binne toch ek minsken dy't har net mei de ûnderwrâld ynjouwe. As dy har bedrige fielden, soene se wol oars dwaan. Sjoch, se sitte der ommers ûntspand by en petearje dat it in leafhawwerij is. Dynte lûkt in swiere sike.

Net weromtinke oan wat west hat, dat is foarby. Mar it is likegoed seldsum, dat se hjir fjouwer âld-kriminelen tagelyk treft.

Gasthear Dunant ûntwynt him oan Multiple Joyce en komt nei har ta. 'Steane jo bûtenspul, of is it efkes bekoar?'

'Ik liet myn gedachten ris gean. Jo wenje hjir op it moaiste punt fan Flylân, tink!'

'As it waar net sa min wie, hiene wy foar iten in slach om kinnen. By jûntiid is de natoer ek prachtich. Mar as jo wolle, meitsje wy in

omgong troch it hûs.’

‘Dat liket my goed ta. Miskien binne der mear dy’t dêr nocht oan hawwe.’ Dynte stjit Pascal oan. Se wit, dat dy net fan slokjepraat hâldt. ‘Giest mei, om it hûs te besjen?’

Dat docht Pascal. Ek Babby, Kwi Tan Sje, Minus en Manje slute oan. Mei har seizen folgje se Dunant troch de fertrekken. Dy binne smaakleas ynrjochte. In gearmjuksel fan opsichtich modern en kysjerich âld. It is in griis.

Earst wurde se heal ûnder de begeane grûn nei in sauna, solarium en swimbad fierd. As se dy bewûndere ha, giet it in etaazje heger en dan komt de earste ferdjipping oan beurt. Dêr is elke keamer mei in bepaalde samling ynrjochte. Meast meubels, mar ek muorreleden en skipskisten. It stiet smoarfol mei moai en rommel, geef en wrak, de healwizens fan in samler, dy’t fan gjin ophâlden wit.

Ien keamer blinke en rustkje âlde wapens yn, rûnom hingje en lizze swurden, sabels, degens, dolken en krissen. Neist de doar rigelje spearen.

In oar fertrek, fan plafond oan de flier ta beset mei diggelguod. Leppelfaaskes by de rûs, regiminten romers, hânbeskildere petiellen, plankfolle stiennen ûltsjes mei fosforesearjende eagen, porseinen byldsjes yn suertsjekleuren. In doar fierder in ferskaat oan sulverwurk en dêrnei in studearkeamer dêr’t de muorren alheel troch kasten mei âlde boeken ôfskerme wurde.

Dunant bliuwt oan de ein fan de oerloop foar in doar stean. ‘Ik leau, dat hjir folk is, mar dat jout neat.’

Se stappe in sealtsje yn dêr’t it spul minder ticht opinoar delset is. In lytse jachtweide mei oan de fierste kant in taap en midden oer de flier in kafeebiljert. It wurdt bespile. In lange jonge frou leit foardel oer it griene lekken. Ien skonk stiet heaks op it horizontale lichem en rikt de grûn. Se hat in sportyf broekpak oan, har trekken binne

hoekich, in switbân hâldt it ponyhier byinoar en se smookt in tin sigaarke.

Trije biljerters sjogge nei har, de keu yn 'e hân. In moai jongkeardel mei in iepen ynnimlik gesicht en maklike, gewoan klean oan. Neist him in frou fan om-ende-by de fjirtich, net ûnsjoch, mar wat bot fan uterlik troch de grille eagen, dy't fier útinoar steane. It readbrune hier flammert te wielderich om echt te wêzen en se hat in mouleaze jurk oan fan tapske parten, krekt in steapel lampekappen. De tredde frou liket suver noch in famke. Yn it wite gesicht mannelike eagen ûnder swiere lidden mei blauwe ierkes. It lange hier sa sljocht as reinwetter. In ernstich madonna-kopke. De ranke lea yn in rjemmekleurich jûpke.

De frou op it biljert makket de karamboal, komt oerein en stekt in hân út. 'Jil Heasied.'

It flintergewicht makket har oan Dynte bekend. 'Doremy Fasolla.' 'Ik haw jo earder op Spitsbergen sjoen,' seit de lampekap. 'Mar jo kenne my net mear, tink. Stoffer Biezembjinder.'

Dynte kriget it wer krap. Dit hûs stjonkt fan de âlde kunden. Nier hat alle war dien om dizze frou mei de manljusnamme benei te kommen. No stiet se foar har.

De jongkeardel jout in stevige hân. Syn lûd is manlik en helder. 'Burcht Sliting. Ik ken jo better as jo my.'

'Fan de telefyzje?'

'Dat ek. Mar lang dêrfoar hawwe wy oer inoar stien. De lêste kear yn 1975.'

'It heucht my net mear.'

'Gjin wonder. Doe seach ik der heel oars út. Ik wie nûmer 80 fan dy iishockeyploech. Letter waard ik nûmer 3.'

In nije oanslach op Dynte. No wit se it wer.

It misdie-syndikaat, dat har en Nier mei in tiidbom oplaze woe.

En dizze moaie knaap wie de perfekte koelbloedige plattelân-terrorist.

‘Dy tiden hawwe wy hân,’ seit er. ‘Op sa’n foet hoecht it net mear. Wy dogge it no wat kalmer oan.’ As dat bedoeld is om har gerêst te stellen mist it syn útwurking. Dynte soarget. Se hat har werris yn it gefaar bejûn.

‘Jim moatte it beslist wolle,’ seit Dunant, ‘oars hoege wy net heger. Op de boppeste ferdjipping binne inkeld de keamers foar myn gasten. Allegear krekt-en-gelyk ynrjochte, mar dat sjogge jim noch wol. Ik stel út om nei ûnderen te gean. Dêr woe ik mei jim, om it sa mar ris te sizzen, even it draaiboek trochnimme.’ Elkenien folget him, ek de biljerters sette de keus yn de stander.

‘Wêr kin ik belje?’ freget Dynte, wylst se by de treppen del rinne. Dunant glimket. ‘It muoit my om jo, mar ik haw hjir gjin telefoan. Ik bin in sakeman, minsken seure my al geduerich oan ‘e kop. Dit is myn ûntwyk nei it wurk, ik wol frij wêze. Gjûn telefoan dus. Dat kin foar in kear ferfelend wêze, faker is it in segen. As jo opbelje moatte, ryd ik jo hinne-en-wer nei it doarp, lytse muoite. It postkantoar is al ticht, mar der binne iepenbiere telefoansellen.’

‘Hoecht net. Ik lit it oergean. It is de muoite net wurdich.’

‘Sa’t jo wolle.’

Yn de keamer sprekt Dunant alle oanwêzigen ta. ‘Al misse noch in pear, ik wachtsje net langer mei myn wurd fan wolkom. Noch noait haw ik in selskip as dit, dat út twa skiften bestiet, ûnder myn dak hân. Oan de iene kant is dêr de ploech fan de telefyzje, oan de oare dy fan myn freonen út it bedriuwslibben. Twa utersten, dat wol. It artistike en it saaklike. Mar wêrom soene dy it net mei-inoar finne kinne? Ik rekkenje derop dat soks slagget. En no in fersyk. Healwei achten begjint it easters miel. Dat sil yn de sêre optsjinne wurde. Om yn styl te bliuwen, soe it aardich wêze as jim bypassende klean

oanstrûpten. Dy hawwe jim net meinommen, want jim wisten fan neat. Dêrom haw ik derfoar ret. Yn de garderobe neist de hal fine jim toanielklaaiïng. Jim dogge oan wat jim wolle. En past, fansels. Ik hoopje, dat iderien him omstrûpt. Dan sil ik de telefyzjelju even har keamer wize. De oaren kinne alfêst mei de ferklaaierij begjinne. Wy sjogge inoar allegear wer oan 'e dis.'

Guon hantsjeklappe meistimmend en dan barst in oer-allich praten los. Krekt in stel bern op in jierdeifeestje. Dynthe hellet har bagaazje út de hal en giet mei nei boppen.

'Der is foar elk in keamer, al binne se net grut,' seit Dunant.

Dynthe stapt de oan har tawiisde yn. It fertrek liket in hotelkeamer. Unpersoanlik en praktys yn'rjochte. In bêd mei in kastje, twa stuelen, in taffeltsje en in ynboude kast. Achter in matglêzen skodoar in bad mei telefoandûs, in wastafel, in grutte spegel en in toilet.

Se sjocht troch de fjouwerkante rútsjes fan de dakkapel. It is roettsjuster bûten. Skean ûnder har swypkje dinnetûfen yn it slûge skynsel fan in lantearne. De wyn boazet om it hûs, dat kreunt. Se heart it kreakjen fan de flier yn it keammerke neist har. En se fielt har iensumer as in read stopljocht oan in godferlitten dyk.

- L8 Foar waar en wyn rint Nier him te fergriemen. Hy hat syn miny yn 'e stiik litten en is geandefoet ûnderweis nei Frjentsjer. It stiet noch te besjen at er dêr op 'e tiid komme sil foar de bus nei de boat. Oars moat er in taksy nimme, as er dat teminsten betelje kin. It is al tweintich oer seizen. By no en by dan set er it op in drafke, mar dat duorret noait lang. Syn úthâlden is net mear wat it west hat. Hy moat in tas meitôgje en ek noch tsjin de heale stoarm op. As de boattsjinst mar net staakt fanwegen it waar.

In oangleonjend skynsel wurdt foar him út smiten. Hy sjocht oer it skouder. Grille koplampen fan in neier kommende auto. It sil wol

neat wurde, mar hy stiet stil, stekt de tomme omheech en swaait. De auto strûst tichterby, hy docht in stap achterút. Hy moat suver yn 'e sleatswâl springe as de persoanewein him foarby skûlet. Nier segent de bestjoerder út. De auto hâldt giizjend, skoddet even en rydt tebek. In BMW. It portier oan syn kant swaait iepen. 'Stap yn.' In frou fan tritich simmers leunt nei de doarsiepening oer. Se hat stielblauwe eagen mei in koele glâns. It net al te lange jiskeljochte hier falt in bytsje bol ûnder de brede râne fan in baret wei, dy't aventoerlik skean stiet. In brede tûfe hinget djip oer de foarholle, ien wynbrau reitsjend en dan wer oprinnend. Se hat in marineblau mantelpakje oan. Under it iepen jaske in wyt bloeske, om de bleate hals in kettinkje. Befezen sjampanje, stelt er fêst. Sa'n frou dy't er wolris earder sjoen hat, mar inkeld yn in film en net yn de omkri-ten fan Frjentsjer.

'Wolst meiride of net?' Even ferbrekt de strakkens fan har lippen, dêr't koartby de mûlshoeke in lytse groede oer streket. Se wachtet op syn reaksje 'Oar jier, ôfpraat?' Har hân giet nei it portier. Nier skuort de kop derby.

'Ik moat mei de boat fan Harns.'

'Fansels. Elkenien dy't hjir frjemd is, moat mei de boat fan Harns. Ik ek.' Se hat in fêste stim, wat twingerich.

Hy stapt yn. De tas set er foar him del. Hy makket de feilichheids-riem fêst en sy lûkt harres oan, skean oer it strakke bloeskefol. Se pakt it stjoer boppe-oan beet en jout gas. De BMW spat foarút.

'Wêrom soe ik hjir in frjemd wêze?' freget er, nei't se wer skeakele hat.

'It skynt dy ta de eagen út.'

'By dy noch botter.'

Se glimket rjocht foar har út.

'En do pikst dy frjemden op,' seit er nei in stilte. 'Soms. Alle manlju

dy't ik tsjinkaam, wiene earst in frjemd foar my.'

Se sjocht oerside. Har eagen moetsje sines. Dan jout se wer omtinken oan de dyk. Se is in dryste rydster. Se hâldt net yn as in traktor mei oanhingwein har temjitte skuilet. In foarlizzende auto skept se hast op 'e bumper en se giselt deromhinne, noch foar't it sicht frij is.

Nier ferskeukt. 'Ik moat nei Flylân.'

'Ik ek.'

'Hoe is 't mooglik. Flylân is it iennichste fan de eilannen dêr't ik noch noait west haw,' fertrout er har ta.

'Wês bliid.'

'Is it dêr sa bar?'

'It rêdt him as men freonen hat.'

'En dy hasto net?'

'Gjint dy't ik op dit stuit sjen wol.' Har blik gliert by him del. Se lit mei ien hân it stjoer los en rjochtet de fingers, sadat tearkes yn har autowanten komme. 'Hasto faak op Flylân west?' begjint er wer.

'Ik hâld dêr al in fearnsjier ta.' Hy giet rjochter sitten.

'Kensto in Dinant Dunant? Dy wennet yn It Hûs Healwei, in ein bûten it doarp.'

Se tinkt even nei. 'De man ken ik net, mar ik haw syn namme earder heard. Ik wit, wêr't it hûs stiet.' Se leit de hân wer op it stjoer.

'Ik bin Brigitte Jansen. Wa bisto?'

'Nier Hinnebruijer.'

'En do moatst nei It Hûs Healwei ta?'

'Dat is de bedoeling.'

'Jûn noch?'

'Jawis, jûn noch.'

Har eagen heakje yn sines.

'Miskien rêde wy dat tegearre.'

Ryklik op 'e tiid swaie se Harns yn. As se by it parkearterrein lâns

ride, seit er: 'Ik sil even in kaartsje foar de boat keapje.

'Doch dat,' knikt se.

By it restaurant mei de loketten stapt er út, sy bliuwt sitten.

'Wylsto in kaartsje keapest, ryd ik myn auto op it dek. Dêr wachtsje ik op dy.'

'Op Flylân meist him net brûke.'

'Ik wol. Dêr haw ik permisje foar.'

Hy stapt út. De wyn fluitet troch him hinne. Hy giet nei it ien-

nichste loket dat iepen is en slút him by it rychje passazjiers oan.

Mei in kaartsje yn 'e bûse rint er by de stiennen treppen del nei de

kade. De boaten fan Flylân en Skylge skeuke tsjin de mierpeallen.

De BMW stiet al op it autodek.

Krekt foar't er by de wein is, swait it portier iepen. Brigitte Jansen hâldt it fêst. 'Kom yn myn boedwaar,' seit se. 'Dan prate wy fierder.'

Nier dûkt en set him foaryn del. Op de achterbank sitte trije plysjemannen.

- M2 Dynte stapt it keammerke út. Se hat har hântaske by har, de oare bagaazje lit se achter. Dy sjocht se moarn by it opnimmen fan it slútstik foar de telefyzje wol wer. Se is fan plan om de nacht net yn dit hûs mei al dy ûnderwrâldfigueren ta te bringen. Sûnder dat ien har merkt, berint se kapstok yn 'e hal. Se stiet op it punt om de mantel oan te strûpen, as Dunant út de garderobe komt. 'Ik socht jo krekt. Komme jo even mei? In goefreon fan my is arrivearre. Hy wol graach foar iten in pear wurden mei jo prate.' It fersyk misfalt har, mar se doar net te wegerjen. Wa soe it wêze? Rommelfanger? Dat kin net, de lette boat is noch ûnderweis. Dunant konfoait har nei it achterhûs. Dêr docht er in doar iepen, lit har foar gean en jout him ôf. Se wurdt kjel. Achter in skriuwtafel sit Sipma, de minste hont fan al har kriminele âldkunden.



Noch itselde skylpodachtige gesicht mei de swiere eachlidden, dy't healwei de irissen hingje. En de gielgriene hûd, de flabberige fellen om 'e hals, de skronfelige hannen. Mar de tiid is net alheel oan him foarbygien. Hy waakst troch it hier hinne. Starich komt er oerein en beweecht in earm nei har ta. 'Hoe is 't mei jo?' begroetet syn brede toskleaze mûle.

'Wakker op 't skik,' liicht se, sûnder him in hân te jaan.

Traach lûkt er de earm werom en giet sitten. 'Fal del of bliuw stean, krekt hoe't it jo útkomt,' set er fiis glimkjend fan ein. 'It is ek sa, gjin omballingen, wy kenne inoar langer as hjoed. Doe't ik jo foar it earst seach, dat wie yn '69, haw ik daliks tocht: wie se mar ien fan ús. It is him noait wurden. Nei '75 hawwe wy inoar út it each ferlern. Us ploech is doe foar it grutte wurk nei it westen gien. Dêr hawwe wy ús yn de Rânestêd mear as wier makke. No keare wy, wat tryster en wizer, nei de provinsje werom. Mar net om de moedfearren hingje te litten. Wy pakke nije projekten oan. Dêrby geane wy folslein oars te wurk as foarhinne. Gjinn Amerikaanse rûchhouwerij mear. Wy dogge it no op de hearachtige Ingelse wize. Sûnder uterlik machtsfertoan, mar dêrom like wolberet. Earst ûnderhannelje. Wy hawwe fernommen dat jo kontrakt by de telefyzje ôfrint en dat jo dermei ophâlde. Foar ús projekten soene wy jo goed brûke kinne. Lit my noch dúdliker wêze: jo moatte mei ús gearwurkje.'

'Om wat te dwaan?'

'It saaklike part bliuwe jo folslein bûten. Jo moatte ús publike relaasjes ûnderhâlde. En dêrfan inkeld de wichtichste kontakten. Allinnich op it yntime mêd. Jo witte, wat ik bedoel.'

'Dus ik moat ferdivedaasjefamke foar jim klanten spylje?'

'As jo it sa neame wolle. It is fansels dat de fertsjinsten navenant jo kundichheden binne. Dat wol sizze in topsalaris.'

'Ik doch it net.'

Hy lûkt de mûle noch breder. ‘Goed begripe, dit is gjin útstel, mar in opdracht. As jo net om lyk wolle, sille wy oare maatregels nimme.’

‘Ik lit my net presse, al slaan jo my dea.’

Sipma glimket meilydsum. ‘Ik sei toch, wy binne gjin rûchhouwers mear. Wy soene wat opikkerje kinne, dêr’t jo gjin praat fan hawwe wolle. Ik tink oan in lyk op ’e fljirring. Jo hiene belang by de dea fan Lyn Pin, om’t jo har haadrol krigen.’

Se hâldt har goed en docht him dapper te witten: ‘Dat sille myn kollega’s fan de telefyzje nooit leauwe!’

Sipma kâldgniist. ‘O nee? Lit my jo sizze, it hele ûnthaal hjir yn dit hûs past yn ús opset. Jo saneamde kollega’s binne ús meispiilers. Wy nimme skielk de FOKTA oer. De wurknimmers dêrfan wolle har takomstige breahear net ôffalle.’

‘Pascal Mirage lit har nooit omkeapje.’

‘Pascal Mirage is bliid, dat se jo in loer draaie kin. Jo hawwe by de telefyzje mear súkses as har. Jalousie de métier.’

Dy klap komt hurd oan. Se slokt. ‘Mei ik der noch even oer neitinke?’

‘Ik wol it hjoed witte. Dat betsjut foar fannacht tolf oere. Ja of nee, gjin heale antwurden dêrtusken. En ik warskôgje jo om net te besykjen hjirwei te slagjen, dat soe jo raar opbrekke.’

‘Ik lit my net sjantearje.’

‘Jo sille fersteld stean wat wy dan noch foar jo yn it fet hawwe.’  
Se ferlit it fertrek en giet nei de garderobe. Sûnder niget siket se klean foar de ferklaaierij út.

- M3 Dynthe stapt de sêre yn. In lange tafel is oanset. By de finsters lâns steane potpalmen. Dêrtusken wachtsje kelners fan in hotel yn it doarp om te betsjinjen. Ut lûdsprekkers klinkt paslike

easterse muzyk. Scheherazade fan Rimsky-Korsakoff.

De gearspanners sitte njoggentjin man sterk oan de dis. Sipma, Pascal Mirage, Dinant Dunant, Multiple Joyce, Manje fan der Hummes, Doremy Fasolla, Eelko Beunhazze, Jil Heasied, Minus Richels, Münster en Keulen, Ozzy Ozifant, Stoffer Biezembjinder, Sjef Vandenoudenmeulemakerbroecke, Miz, Motz Antares, Babby Dudave, Burcht Sliting, Kwi Tan Sje. De froulju ha haremklean oan. In himdsje mei dêroer in los koart jakje en in pofbroek fan tin guod. De sluier dy't derby heart, is foarweidien en bongelt neist it gesicht. Oan de fuotten toffeltsjes dêr't de punten fan krolje as de izers fan âlderwetse redens. De manlju pronkje yn lange wite gewanten mei in kleurige sjerp om 'e mul. Se ha op 'e holle in tulbân, dêr't in bylkerige fonkelstien oan fêstspjelde is. Allegear sjeiks, noch net yn 'e oalje, mar dat komt wol.

Dynte is de lêste. Op ien nei binne alle plakken beset. Tusken Keulen en Ozzy stiet in lege stoel. Se skikt by. Ozzy, har tafelhear, sjocht har happich oan.

It miel begjint. Petielfollen meukt kofleis, yn blokjes snien, mei stip fan kerry, gember, knyflok, rezinen, kokosmoal en boejon deroer en opseane mangels derby. Foar taspizen drûge rys, nuten, fruchten en grienten. Boppedat sjutny fan prommen, appels, sipels, abrikoazen en brune sûker.

Dunant haldt mei syn noazige stim in tafeltaspraakje. Dynte is ôfwêzich en heart der suver neat fan. Hy lêst in telegram fan Rommelfanger foar, dy't te witten docht dat er ferhindere is en hjoed helendal net mear komme kin.

Der sit gjin praat by Dynte. Har gedachten dwale geduerich ôf. By no en by dan heint se in pear yndrukken op fan wat him om har hinne ôfspilet. Multiple Joyce wit net hoe't se har tjirgje moat.

Finaal fan de kompjûter losslein. Har blikken lûd geit oer de was-emjende skûtels. Babby Dudave sit ferhearlike te sjen, as sweve se op in kleedsje troch tûzen-en-ien-nacht. En Ozzy Ozifant kin de hannen wer net by him hâlde. Under de tafel strykt er Dynte oer it bil. Se hat net iens de puf om him in snútslach te jaan. Inkeld de muzyk is har tadien.

- M4 It tafeljen is dien en it neipizeljen ek. Wylst de kelners de smoarge prûzerij opklauwe en de brot bûtendoarren nei in bestelwein bringe, ferspriede de gasten har troch it hûs. Se hawwe ôfpraat dat se de easterse ferklaaiïng oanhâlde sille. Kropsêd ploffe de grutste lekkerbekken op de dikke kessens fan de banken yn de keamer del.
- Dynte docht de sluier foar. Net dat se nocht oan dizze fertoaning hat, mar it jout har it gefoel dat se har sa in bytsje fan de oaren ôfslút. En dêr is se al oan ta. ‘Ik moat even fuort,’ seit se tsjin Ozzy. As in ûnwillige stikker fan in glêsrút skuort dy him fan har los. Boppe, yn har keammerke, giet se op ’e râne fan it bêd sitten. Hoe moat se har foar dwaan? Moai foar de hân wêze, al brant it har noch sa bot yn. Net skine litte wat allegear yn har omgiet. As se dêroan tajout, is se finaal ferlern. Miskien kin se aanst ien fan de mannen op ’e lije side oankrûpe. Ja, se sil oppasse, dat se it moaie fanke bliuwt. Mei dit fêste foarnimmen giet se nei ûnderen. It hele selskip sit yn de keamer. Doremy Fasolla, dy’t foar dizze gelegenheid apart útnûge is, sil op har fioele licht-klassike meldijen foarspylje. In bytsje skruten kriget se it ynstrumint út de kiste, stimt de snaren op en set har yn postuer. As se ien kear spilet, falt alle bleuëns fan har ôf. Se giet folslein yn de muzyk op. Chant Hindou fan Rimsky-Korsakoff.
- Sa’n stik dat suver alle minsken kenne, sûnder dat se it witte.

Dynte ferjit even har bekommernissen. En se freget har ôf wêrom't muzyk dy't har oansprekt altyd in swym fan mankelikens yn hat. Doremy giet fierder mei har repertoire. Humoresque fan Dvorak, Valse Sentimentale fan Tsjaikovsky, Tango fan Albéniz, Le Cygne fan Saint-Saëns, Plaisir d' amour fan Martini, Barcarolle fan Offenbach, Poème fan Fibich en de Etude fan Chopin.

In dreamerige stemming sakket oer de harkers. Stoffer knibbelt neist Dinant, leit it wang tsjin syn knibbel en prevelt lûdleas, Manje sakket heelyd djipper yn in stoel, de holle achteroer as sit er by in skearbaas, Ozzy slokt in brok yn 'e kiel wei, Miz har eagen glinsterje net fan glyserine, Keulen lûkt geduerich de hoeken fan syn gearprange mûle del en Mûnster pinket in biggeljende trien fan har make-up.

Nei Doremy har útfiering is it in setsje deastil. Dan fertolket Sjef de fielings fan alle oanwêzigen. 'Mon coeur, est un violon,' seit er. 'Dat giet yn it herteke del.'

Nei in tafefte, Valste Triste fan Sibelius, berget Doremy wer like mijen as earst har ynstrumint op. En de gasten begjinne súntsjes mei har rûchkâlt en ôfwaaid praat.

- M5 Kertier foar alven. Dynte is noch net ta in beslút kaam. Se mjit de neite fan Sipma, sjocht him net iens oan. Mar se hat it gefoel dat er har op hakken en teannen neigiet. En se doar net heal út te knipen. Se selskipje yn lytse groepkes, ferspraat oer de keamer. Iisblokjes tinkelje yn de glêzen mei longdrinks. De koarte slokjes binne noch koppiger. De drank set nei de hollen. Alle froulju hawwe de sluier foarweidien en de jakjes útstrûpt. Sels Kwi Tan Sje is oanstutsen. Har wangen binne readich en de brune eagen fonkelje as daudrippen op in bûkeblêd. Babby Dudave wol

neat misse. Se flittert fan it iene ploechje nei it oare, sa winich as in losrinnende hûn op 'e merke. Mei de graniten boarsten skermesearjend, britst Miz geduerich by Motz Antares om. Pascal Mirage, op hege fôleskonken, stiet wat fansiden en speaket har de lea.

De manlju hawwe gjin tulban mear op en de measten binne sûnder sjerp. Minus Richels meurt fan truffels, Ozzy Ozifant lit de besleine timmermanseagen oer de moaiste froulju weidzje, Manje fan der Hummes foddet mei Multiple Joyce om. Dy is sa maartsk dat se miauket deroer. Eelko Beunhazze en Jil Heasied dûnsje wyld, de switkringen ûnder de earms sakje sjendereach djipper. De oaren dogge it in bytsje kalmer oan.

Tusken twa muzyknûmers yn ropt Dunant: 'Leafhawwers foar in spultsje? Keulen wit wat moais.'

'Kleanferbeurje,' seit Stoffer Biezembjinder.

'Dat hawwe wy al sa faak dien,' ornearret Mûnster.

'Strippoker,' slacht Ozzy foar.

Dynte en Sjef litte inoar los en stappe fan de dûnsflie. Se binne beide net sa útskroeven.

De hele kloft giet om Keulen hinne stean. Hy fertelt wat de rigels fan it spul binne. Nei in soad fiven en seizen wit elkenien hoe't it yn syn wurken giet.

- M6 It moardnersspul. Likefolle spylkaarten nimme as der spilers meidogge. By de kaarten binne mar ien kening en twa boeren. De kening is de moardner, de boeren binne speurders. Allinnich de speurders meitsje har bekend. As it lotsjen dien is, geane de measte ljochten út. De spilers ferspriede har troch it hûs. De speurders strune elk mei in bûslampe yn de fertrekken om. Underwilens siket de moardner in slachtoffer út en makket dat dea. Dêrta hâldt er it even de hannen om 'e hals. It slachtoffer gjalpt en bliuwt deastil lizzen.

As de speurders dat hearre, geane se fluch nei de skakelaar fan it ljocht. Sadree't de lampen wer brâne, mei gjinien mear bewege, behalven de speurders. Nei't dy elkenien en foaral it lyk sjoen hawwe, komme alle spilers yn de keamer byinoar. Dêr besykje de speurders, mei wat se witte en troch ûnderfreegjen, de moardner te ûntmaskeren. Ek it lyk kin yn 't ferhoar nommen wurde oer wat dy fernommen hat. De speurders wize oan wa't se tinke dat de moardner is en ider lit syn kaart sjen.

■ M7 **CLOSE-UP.** In hân dy't tweintich útsprate spylkaarten, mei de achterkant boppe fêsthâldt. Dêrûnder is in part fan in boekomslach te sjen. BANG stiet derop. Ien foar ien lûke njoggentjin ferskillende tommen en wiisfingers in kaart út de waaier. Dan sakket de hân. No is it hele boek mei de titel BANGKOK sichtber.

■ M8 'Kom mar mei, dan sil ik jim de meterkast wize,' seit Dunant tsjin Doremy en Dynte. Sy ha de boeren lutsen en sille dus foar speurders spylje. Búslampen binne se al fan foarsjoen. De meterkast is yn de hal neist de foardoar. Hy wiist, wat knop se omdraaie moatte. 'Ik doch oan it begjin fan 't spul it ljocht wol út. Jim moatte it nei de moard oandwaan, fansels.' Trijeresom sette se wer op de keamer ta. 'Minsken,' ropt er, 'noch even oandacht. It ûnderhûs haw ik ofsletten. De doarren foar de treppen nei de boppeste ferdjipping sitte ek op slot. Oars soe it foar de speurders gjin dwaan wêze. En no allegear weikrûpe, want de moardner waret om!' In pear spilers pakke njoch gau in sûpke mei. Dan strûpt de keamer leech. Inkeld Doremy en Dynte bliuwe achter. 'Ten fan ús kin by de meterkast stean gean, klear om it ljocht oan te dwaan, as it slachtoffer raast,' stelt Doremy út. 'Dan hat de moardner gjin gelegenheid om fier fan it lyk ôf te gean.' Se byt op de

knokkel fan de wiisfinger. ‘Mei ik by de meterkast bliuwe?’  
‘Ik wit net at de moardner him sa presiiis oan de spulrigels hâlde sil,’  
mient Dynte. ‘En ien fan ús moat dan heelyd allinnich yn it tsjus-  
ter omstrune. De kâns om him te pakken te krijen is folle lytser.’  
Se hat gjin yllúzjes. Dit heale spultsje is mar in part fan de opmakke  
mouwe. Dat sy en Doremy, ek in bûtensteanster, krekt de boeren  
lutsen en speurders wêze moatte, is fansels trochstutsen kaart. Sa  
wurde se isolearre. Mar it spilet toch moai foar wat se fan doel is.  
‘Ast de skreau hearst, giesto daliks nei de meterkast. Ik strún dan  
noch even troch en kin miskien wat wiis wurde, ôfpraat?’  
Doremy slokt en knikt. Dynte is ek senuwachtich, mar om oare  
reden.  
De ljochten yn de keamer floepe út. Dinant Dunant hat syn wurk  
dien.

- M9 Dynte waret troch de hal. Se hat de bûslampe net oandien.  
Gjinien hoecht te merken wat se fan plan is. Se taast nei de foar-  
doar. Dêr fielt se de ribbels fan it houten paniel, de metalen hâlder  
foar de ketting, de fjouwerkante plaat fan it slot. Yn it midden  
in rûne ferheging. Se beweecht de neil dêroer. In smelle sigesage  
skreef. Gjin kaai sit dêryn. Rjochts fan de slotplaat stekt in heak  
út. Dy triuwt se fierder fansiden. Dat giet maklik genôch, mar as se  
him nei har ta lûkt gebeurt der neat. De doar sit op slot.  
Bûten boldert de stoarm. Tusken it duveljen troch heart se klapper-  
jen, kreakjen, knersen. De wyn snijt har messkerp ûnder de doar  
troch by de ankels lâns. It siicht troch it kaaisgat. Wat soe se graach  
oan de oare kant wêze. By stoarm en neare nacht in hinnekommen  
sykje yn it doarp. Se riskearret dat ien it sjocht, mar se knipt de  
bûslampe oan en skynt oer de muorre. Nerges kaaien te bespeuren.  
Gau docht se it ljocht út. Se suchtet en giet werom, fierder it hûs



yn. De oare bûtendoarren sille ek wol op slot wêze, mar se kin it prebearje.

In earm slacht om har hinne. Se stiet yn it gat beneile.

‘No haw ik dy,’ seit in heldere stim.

‘Burcht, do?’ flústert se.

‘Wa oars?’ Mei ien earm omklampet er stiif har mul en triuwt har tsjin him oan.

‘Wat dochst no?’ freget se ûnnoazel.

‘De stekproef nimme.’

‘Mar ik bin speurder,’ protestearret se.

‘Dat hindert neat.’

Se knypt de knibbels byinoar.

Hy tilt har op en twingt har achteroer op in sofa. Se ferset har net mear en jouwt har oer.

Hy docht it oant it lêst ta mei kalme evenredige slaggen. As it safier is, komt er fan har ôf, lûkt har oerein en lit har los. Hy leit tomme en wiisfinger ûnder har kin en strykt mei de binnenkant fan de oare hân har in kear oer it wang.

‘Ik haw myn sin hân,’ seit er. ‘En do ek, tink.’

Hy jout him ôf. Syn stappen ferstomje.

De harembroek wynt om in foet, it himdsje sit mei it jakje yn ’e tiis. Se taast nei de bûslampe. Dy fielt se net op ’e sofa. Se knibbelt en krûpt oer de flier, siket. Dêr har se him. Ek de pantoffeltsjes. De sluier sjocht se sa gau net.

Se bringt hastich de klean yn fatsoen, knipt de lampe út en slûpt fierder.

Bûten spûkgûlt de stoarm. Skoffeljende fuotstappen. Se stiet stil, fernimt gjin lûd mear. Teantet nei it plak dêr’t it weikaam, knipt fluch de bûslampe oan. In skimp strûpt om ’e hoeke fan in muorre, boppe-oan de trap. Fan links dûnset har in skynsel temjitte. Se

skermt mei de hân har eigen ljocht ôf en wachtet. It skynsel komt tichterby, se heart hymjen, ynienen folslein tsjuster. Se lit har eigen lampe skine. De ljochtbondel fangt it gesicht fan Doremy.

‘Hasto al wat fertochts sjoen?’

‘Kom mei nei boppen,’ seit Dynte.

Tegearre strike se op de oerloop ta.

‘Tatatataa!’ davert it troch de stilte. En noch in kear. ‘Tatatataa!’

Wer in stilte. Ynienen is alles yn rep en roer. Mar de ljochten gean net oan. Se hearre stimmen, sjitten, rinnen. Tinne blauwe ljochtsrielen prymkje troch it tsjuster, skimen strike trep op, trep ôf by har lâns, gjalpen fan alle kanten. Dan wurde se stiif by de polzen pakt en nei boppen ta sleept. Noch fierder omheech, wer by in trep op. Dêr is it skimerich. Slûch ljocht fan lytse spotsjes boppe de doarren fan de gastkeammerkes.

Dynte sjocht dat Burcht Sliting en har en Doremy yn ’e greep hat.

Hy lit Doremy even los.

‘Bliuw stean en gjin kik,’ seit er tsjin har. Mei syn frije hân makket er in doar iepen, triuwet har it keammerke yn. Dan skuort er Dynte deryn en draait de doar op slot, knipt it bêdlampke oan. Hy wiist. ‘Stil sitte, dêr.’ Se sette har beide op ’e bêdsrâne del. Sels giet er op in stoel tsjin har oer sitten. Hy lûkt in revolver ûnder syn sjerp wei en leit dy op it nachtkastje neist him. ‘Gjin wurd en wachtsje,’ jout er te ferstean.

Dynte en Doremy sitte ticht neist inoar, de hannen om ’e bêdsrâne klampe, de teannen krûm. Under har stilte, no en dan ferskuord troch it rikketikjen fan in salvo. Gerin, gekreun, gerop. Dan roffeljen dat dochterby komt. Tichtslaan fan doarren.

Burcht sjit oerein, grypt de revolver, draait de doar fan ’t slot en rint de oerloop op. Hy lit de doar iepen. ‘Hjir bliuwe,’ seit er noch. Fluch jout er him ôf.

Se hâlde har stil en wachtsje sûnder te ferroeren. Se hearre inkeld wat skowen. Nei in skoftsje begjint trêdzjen by de treppen op. Even letter stean fjouwer plysjemannen foar de doar, de foarsten mei it gewear rjochte. De beide achtersten stappe op Dynte en Doremy ta, krije har stevich beet en fiere beide sûnder in wurd te sizzen it keammerke út. Op de oerloop stean alle doarren iepen. Pascal, Babby en Manje komme ûnder. Plysjebegelieding ek út ferskillende fertrekken. Se geane nei ûnderen en wurde yn de grutte sitkeamer byinoar brocht.

Dêr binne ek de oaren fan it tv-selskip, op Kwi Tan Sje en Multiple Joyce nei. En in ploech fan wol fyftjin plysjes.

Ynspekteur M.I. Sliksma sit neist syn kollega A.A. Kliksma yn pe-tear mei in wapene agint. Kliksma giet stean en sil it wurd nimme. De oare stimmen ferstomje. Op dat momint komt Multiple Joyce tusken twa plysjes yn troch de doar en wurdt by de tv-ploech set. Kliksma begjint.

‘Ik sil in koarte ferklearring ôflizze. Wy ha in súksesfolle bliksem-aksje dien. In perfekte oerfal mei mear as santich man. De binde fan Sipma en hantlangers is ôffierd, jim wurde net fertocht fanh meiplichtich te wêzen en kinne frijút gean. Miskien dat jim nochris opproppen wurde foar in ûnderfreegjen. Dêrfoar moatte jim beskikber bliuwe. Dan kinne jim no gean. Der stiet in bus ree om jim nei it doarp te riden, wêr’t jim yn it hotel oernachtsje kinne. Allinjnich Dynte Planteit en Doremy Fasolla moatte moarnier om alve oere by my op it buro Hofplein yn Ljouwert komme.’ Kliksma knikt. ‘Dat wie it.’

De keamer rint leech. Guon geane nei boppen om har bagaazje te heljen. Dynte sil ek, mar in plysje man sjit op har ta. ‘Wolle jo even meikomme?’ Se kriget wer in skrik en folget him nei in hoekje fan de keamer. Hy seit: ‘Alle froulju hjir hiene haremklean oan. Mei in

sluierke. Wêr is dat fan jo?’

Dynte fielt neist har wangen. Nee, it hinget der net mear. Dan komt it har yn ’t sin. Se koe it ommers net fine, nei’t Burcht har nommen hie. By de sofa.

‘Ik haw it ferlern by it moardnersspul,’ seit se.

De plysjeman skuort grutte eagen op.

‘Wêr dan?’

Se moat even goed neitinke. Stiet mei opkrolle hannen. ‘Kom,’ seit se.

Hastich giet se nei de grutte hal. De man folget har op ’e foet. Yn de hal binne de spoaren fan in fjoergefecht noch te sjen. Kûgelynslaggen, fersplintere hout en diggels. Mar dêr hat se no gjin each foar. Hjir stie de sofa net. Even stiet se stil yn gedachten, rint dan nei rjochts troch in iepensteande doar en komt yn in lyts tuskenfertrek. Dêr is de sofa. Op de sitting gjin sluierke, ek net tusken en ûnder de kessens. De plysjeman stiet neist har.

Se knibbelt djip, leit de holle plat oer de flier, sjocht ûnder de sofa. Dêr leit it sluierke. Se komt oerein en hâldt it him foar de noas.

‘Sjoch, hjir is it,’ seit se.

Hy pakt it fan har oer en fergeliket de raffelige tippe derfan mei it útskuorde gatsje yn de holledoek fan Dynte. ‘Oké,’ seit er. ‘Noch even oan de ynspekteur sjen litte.’

Se gean itselde paad werom. Kliksma besjocht it sluierke sekuer, hâldt it tsjin it ljocht.

‘Yn oarder, brigadier,’ seit er. En tsjin Dynte: ‘Jo kinne gean. Moarntemoarn sjoch ik jo wer. Goenacht.’

De brigadier bringt Dynte bûtendoar en nei de bus. De oaren fan de tv-ploech sitte al te wachtsjen. Se set har mei in sucht neist Doremy del. De bus rydt nei it hotel.

■ N1 Dynte en Doremy gean de oare moarns tegearre nei it plysburo Hofplein te Ljouwert. In agint bringt har nei in keammerke. Dêr sit it ûnkomise duo ynspekteurs A.A. Kliksma en M.I. Sliksma al te wachtsjen. Mei in kreaze jonge frou, dy't har as brigadier Brigitte Jansen bekend makket. En mei Nier dy't Dynte folle minder formeel begroetet.

Kliksma fan de Fryske Geheime Plysje hat it wurd en Sliksma fan de Unreplike Saken falt him no en dan by. It komt derop del dat se troch djipgeand spoarenûndersyk, grutskipske tarieding en slachfeardich optreden yn ien klap in hele drugsbinde oprolle ha, dy't him yn it Fryske tv-sirkwy nestele hie. 'Mei Rommelfanger as distributeur. Yn de goudkleurige dopkes fan syn strikken siet herôine. Wat de saak op gong brocht hie, wie troch Mans Koopmans, de hiermoardner fan de binde, kaam. Doe't er it it lyk fan Lyn Pin op 'e fljirring fan Dynte en Nier har hûs lei, seach er it jildkistje. Dat hat er him ta-eigene, sûnder it fierder te fertellen. Chick Anus, in âlde bekende fan ús, hie him yn syn hoedanichheid as Jute Kei, wurdfierder fan de Kreative Kreakers Kommune, deryn litten. Wy hawwe Mans Koop Koopmans en Chick Anus beide ynrekkenje kinnen.'

'De bedoeling fan de hearen wie om Dynte en Nier sels foar de moard opdraaie te litten. Dêrom dat sjaaltsje mei bloed by it lyk. En it mes fûnen wy juster by Mans Koop Koopmans sels.'

'Hy hie ek in moard op Flylân yn It Hûs Healwei bedriuwe moatten. Safier is it net kommen. Omdat wy him al fêst hienen. Doe hat in oar lid fan de binde it dien, wa, dat moatte wy noch útfine. It wie de bedoeling fan Sipma om Dynte op dy manier ta meiwurking te pressen. In mes en in bluodderich sluijerke lei al ree. By it lyk fan Kwi Tan Sje. Want dy is fermoarde. It sil tagelyk fan de binde in soart fan ôfrekken west ha, want sy hie ús al ris wat oer de jildsaken

fan Rommelfanger ynformearre.

Wêr't wy it meast oan hân ha, binne de ynljochtings fan Doremy, dy't ik by dizzen dêrfoar tank sizze wol. En foar it feit, dat se it oandoarde om as foeliste foar de binde te spyljen. Doremy hat in absolút gehoar: se herkent lûden en stimmen, by wa of wat dy hearre. Dat hat ús tige holpen.'

'Gelokkich hat de binde gjinien as gizeler brûkt. Dan hie de oerfal folle langer duorre en wiene der grif mear slachtoffers fallen. Mar mei-inoar binne toch twa froulju as ûnbelangrike piontsjes offere, omdat se net yn de plannen fan de grutte kriminele hearen pasten. Dat is wat se yn skakerstermen in gambyt neame.'

'Dynte en Nier hawwe ús wer in soad wurk besoege, mar ek mei-wurke oan ús plysjewurk. Allinnich wat fermogen betrefte kriget de saak foar har noch wol in sturtsje. It ferbergjen fan in oansjenlik jildbedrach yn in trommelsje op 'e fljirring sûnder bybehearrende papieren is ferbean. Dêr hearre se noch fan. De miny stiet opkalefattere op it plein. Dy ha wy hjirhinne bringe litten. As der gjin fragen mear binne, kinne jim gean.'

Se nimme ôfskie. Nier hâldt de hân fan Brigitte Jansen wat langer fêst.

'Hast my deryn luze,' seit er. 'Mar dêr bin ik wol bliid om. Hast dyn rol moai spile.'

'Do ek,' seit se.

■ N2 Mei har trijen ride se fan Ljouwert nei Drachten. Dêr moat Doremy wêze. Nier nimt noait lifters mei, mar dizze foeliste en har bagaazje wol. Elk sit der fleurich by.

'Doe't ik yn dyn keammerke kaam, wiest net ferklaaid,' seit Nier.

'Hiest gewoane klean oan.'

Doremy glimket. 'As wy op ús eigen wiene, net yn groepsferbân,

hoegden wy gjin kommuneklean oan.’

‘Wêrom hasto my doe net ferret?’ freget er. ‘Do moastst heard ha, dat ik net ien fan de kommune wie.’

‘Do hâldst fan it foelkonsert fan Max Bruch,’ andert Doremy.

‘Dêrom.’

Dynte en Nier binne der even stil fan. Dan freget Dynte: ‘Soest in kear by ús spylje wolle? Allinnich foar ús twaën.’

‘Graach. Hjir is myn kaartsje.’ Doremy lûkt in kaartsje út it fekje fan har foelkiste en jout dat oan har.

Yn in bûtenwyk fan Drachten stapt se út. ‘Oant sjen,’ seit se en foar’t se it portier ticht docht: ‘Mei gauwens.’

Dan ride Dynte en Nier op nei hûs ta.

■ N3 In oprydleane by jûntiid. Tusken de beammen troch hobbelt in miny frontaal op de foarkant fan it hearehûs ta. Under de bumper skimert wat giels. As it weintsje sa nei is, dat fan it nûmerboerd inkeld de letters NJUE it sicht folgje, stiet it triljend stil.

■ N4 In ljochte frou en in dûnkere man stappe út. Se reppe har, hân yn hân, by de treppen fan it bordes op nei de doar. As dy iepen is, geane se troch de hal nei de húskeamer. Foar in fiifsitsbank bliuwe se stean. Hy slacht de earms om har hinne.

‘Moaie mannen meie mear mei moaie mokkels,’ mient Nier.

‘Fraaie fammen ferlokje folle faker fraaie finten,’ ferbettert Dynte.

En dan bestiet it wer byinoar wêzen net mear út wurden, mar út dieden.

Hy flijt har yn de hâldgreep del.









